

FRYSK RYMSNOER

BONDEL FOARDRACHTEN
GEARBROCHT TROCH
Dr. G. A. WUMKES



A. J. OSINGA — BOALSERT — 1925

Handwritten text, possibly a date or reference number, appearing as "17-18 1800".

7A6254


BIBLIOTHEEK RU GRONINGEN



0598 1242



VERPLAATST
NAAR U.S.



FRYSK RYMSNOER


BONDEL FOARDRACHTEN

GEARBROCHT TROCH

Dr. G. A. WUMKES



A. J. OSINGA — BOALSERT — 1925



Y N H A L D

	Blêdside
O. S. Akkerman, In wize hoanne	9
" Toalfte Maeije	12
Barend, Dy't de bal keatst	14
P. J. Bonnema, Hongersneed, En dan sa wreed . . .	17
J. v. d. Burg, Hwerom Sjûrdtmoei âldfaem wier . . .	20
C. C., Rykdom	25
G. Colmjon, Gale Iges Galema	28
J. van Donia, Better as 't earmhûs	33
W. Dijkstra, It sâlt is heilich	35
" De âlde en de nije dominy	40
" Twa klokjes	46
" It wonderdoaske	51
" It klokje fen ontank	55
" Gjirgens en kloekens	58
" Hobbe en Klaerke	62
G. Elgersma, It Ald Fortriet	70
" Memme Slotsje	72
" Dy Iene	74
" De Skelk	75
E. Halbertsma, It Mantsje mei sân	77
H. V. H. K. de Jong, Op 'e rin	79
S. de Jong, De earne rike en de rike earne	81
F. Koksma, De wûnderklok	87
J. Laskewitz, Kinne wy hjir ek bliuwe	89
Madzy, De Flok fen de Sjonger	96
T. G. v. d. Meulen, In Snjeon-to-joun	98
M. Miedema, Myn âlders hûs	102
R. Posthumus, Genevra	108
J. B. Schepers, Trou	111
A. J. Smeding, Memme Each	116

<i>A. J. Smeding</i> , De tsjerkgong	120
<i>M. G. Stienstra</i> , It húske oan 'e Sédyk	123
„ Ald Ruerd-om	125
„ Okke	131
<i>Tine</i> , Oan 'e Sédyk	134
<i>In Trynwâldster</i> , De ûnwennige boer	138
<i>W. P. de Vries</i> , De Sultan en de Dreamútlizzers	141
<i>Wiersma</i> , Krústocht tsjin de Friezen	142
<i>Tabo Wiger</i> , Hwet Trynmoai tochte	147
<i>A. M. Wybenga</i> , Simsonne útein	149
„ Daniël by de liuwen	154
„ De Hamiltons ef de hierlokke fen	
„ Maria Stuart	158
„ Johannes de Doper	161
„ De Sékobben	165
<i>D. Wijma</i> , It wieren mar Terhernsters	167
<i>R. Zijlstra</i> , De Turfkeapman	170

IN WIZE HOANNE.

O. S. AKKERMAN.

Yn ús Eigen Tael, 1914.

In hiel bihindich kroechje wie't
Dat efter 'e bûrren stie,
Mar de eigner hie 't er skoan nei 't sin.
Ho drok dy man it hie,
Dat stiek bytiden neat net nau,
't Roun altyd sa mar oan en ou.

It kroechje stie sa moai tomûk
En hwa't dêrhinne teach,
Dy koe dat ûngemirken dwaen,
Hast nimmen dy't it seach;
En mannich stûr fen wiif en bern
Gyng yn dat kroechje oan drank forlern.

Twa famkes hien' de kroechjeljue
Dy boartten dei oan dei
Yn 'n túntsje, dat yn 't beammeskaed,
Bisiden 't kroechje laei;
Fen alles hien' dy bern by de ein
En brochten sa de tiid oan ein.

Dy tún waerd skaet fen bûrmans tún
Troch 'n stek sa heech as 't koe,
Sadet fen bûrmans folk net ien
Der oait oer komme scoe,
Allinne bûrmans hoanne kaem
Sa gau as hy de bern fornaem.

Mei gâns bombaerje wie 'r in kear
Op 't hege stekwûrk flein,
Hy hie syn heechste liet do kraeid
En mei de wjukken slein.
Dat stie de famkes danich oan,
Dy lokken bokke do mei koarn.

En klapperwjukkend wie er komd,
 Seach do forheard yn 't roun,
 En skrúten pikte er do fen 't koarn
 Dêr op 'e frjemde groun.
 Mar 't miel wier bokke oars wol nei't sin,
 De famkes struiden net to min.

En bokke wier mei beide bern
 Al ridlik gau op trie,
 Sa gau as hy hjar lûd fornaem
 Den wier er út 'e rie,
 Den fleach er by syn hintsjes wei
 En nei de bern ta, dei oan dei.

De famkes soargen altyd trou
 For bûrmans bokkeman,
 En hwet hja hienen, dat stie fêst:
 Hy krige er sines fen,
 't Wier koeke, bôle ef brea en sa,
 Der moast hjar frjeon syn diel fen ha.

Mar ienkear hien' se ris beiëgûd,
 Fen drank, in potsje fol,
 En dêr moast bokke do oer gean,
 En ja, hy mocht it wol.
 Hy friet him suver tsjok en roun,
 Mar och, do trûz'le'r tsjin 'e groun.

Hy hie in gnap stik yn 'e kraech
 En 't draeide 'm allegear,
 Sims stoep er wol in eintsje foart,
 Mar dalik lei er wer.
 En mâl en núver as er die,
 Krekt as 't deselde hoanne net wie.

Hy woe ek kraeije, it earme dier,
 Mar dat gyng rjucht forkeard,
 Hy bâlte as ef 'r in hokling wie.

Op kraeijen like it neat:
 Kaô! Kaô! sa rôp er fier yn 't roun,
 En dan lei er ek wer tsjin 'e groun.

Dan seach er dwyl de wrâld yn 't roun,
 't Wier sikerwier in griis,
 De famkes seinen tsjin elkoar:
 „De hoanne is lang net wiis,”
 Hy fleach yn 't rounte om as in gek,
 Hy koe sa net oer 't hege stek.

Sadwaende bleau er der't er wie,
 En de oare moarns bitiid
 Do wie'r wer by syn sûpe en stút,
 Och, och, hwet wier er bliid.
 Gau fleach er nei syn hintsjes ta
 En kraeide do de moarns foar twa.

En sont dy tiid hat bokke noait
 Wer by de famkes wêst,
 Hja rôpen wol, mar om 'e nocht,
 Hy foun, it wier mar bêst
 Dat plak to mijen as de brân,
 Sa hie men him to fiter hawn.

Ho folle minsken hiene net
 Tofolle, foar en nei.
 Mar och, hja bleaune dêrom net
 Fen 't lytse kroechje wei.
 Ef 't ek in wize hoanne wie,
 Dy't wizer as de minsken die!!



TOALFTE MAEIJE.

O. S. AKKERMAN.

Yn ús Eigen Tael, 1919.

It wier wer toalfte Maeije
 Elk wier yn rep en roer,
 Dy dei binn' alle jierren,
 De minsken glêd oerstjûr.

Dan moatte der wer safolle
 In oare wente ha,
 En dy forhuzerije,
 Jowt droktme fen komsa.

De moarns foar dei en dauwe
 Wier mannichien al ré,
 De drokke dei wier kommen
 It húsrie moast fen 't sté.

De tafel, kast en stoellen,
 De widze en bernewein,
 De kachels en de bêdden,
 En koerren mei porslein.

Waerd út 'e hûs weitôge
 En op in karre brocht,
 En njunkelytsen waerd dan
 De nije wente opsocht.

Hwet wier 't dêr earst ûnwennich,
 It wier sa leech en hol,
 En hwet men binnen sjoude,
 Stie allegear' oeral.

Hwet wier 't in dei fen skreppen,
 Elk holp in hantsje nou,
 In wyfke hie in geitsje,
 De bern in skiep oan 't tou.

Motorren, skippen, boaten
Foeren elk-in-oar foarby,
It húsrie boppe, en ûnder
Dêr wierne skiep en kij.

En boerefammen fytsten
Mei pakken gûd oan 't stjûr,
In nacht nei heit en mem ta,
En dan nei 'n oare boer.

Hwet jowt sa'n dei in droktme,
Elk skrept en skoert syn bêst,
En al dat skreppen seit ús
Hjir fynt men noait de rêst.

Ienkear moatt' we allegearre
Forhúzje ier ef let,
Dan moat we ús sté forlitte,
Hwent bliuwe kinn' we net.

De Maeije-dei wiist jimmer
Us nei dy Maeije ta
En seit ús, det we op ierde
Gjin bliuwend wenplak ha.

En dat wy faeks mei gauwens
Forlitte it âlde sté.
Wêz dêrom, minsken, altiid
For dat forhúzjen ré.



DY'T DE BAL KEATST.....

BAREND.

Sljucht en Rjucht, 1917.

Ruerd skipper hie 't ris yn 'e wyn
 En waerd hwet wirch fen 't skouwen,
 Hy sei tsjin it wiif: „Ik tink er oer
 Hjir joun mar stil to bliuwen.

'k Haw nou de hiele dei al skrept,
 My tinkt, 't kin nou wol lije;
 De wyn krimpt hwet, faeks dat we 't moarn
 Wol flak foar 't lapke krije."

It wyfke sei: „'t Is ek sa, Ruerd,
 Dan scil 'k hwet kofje meitsje."
 Hja doek do efkes efteryn
 En krige Ruerd syn baitsje.

„Hjir ju, sjuch dou dan by dy boer
 Om mólke, in heal kanne,
 Dan haw 'k moarn ek yet hwet for brij,
 'k Haw neat mear yn 'e panne."

De skipper lei der neat tsjin yn,
 Graech die er hwet for syn Teatske,
 Hy stoep mei 't putske yn 'e hân,
 De greiden troch nei 't pleatske.

Der kaem er by de milhûsdoar
 En sei: „Goejoun boerinne,
 Myn wiif woe graech hwet mólke ha,
 Scoe 'k ek hwet krije kinne?"

„Jawis wol skipper", sei de frou,
 „Kom, lit jy 't spil mar lizze?"
 — „Ja," sei er, „sjuch, 'k moat oan 'e kloet,
 Dat 's swier wirk, kin 'k jo sizze."

— „Ja mar,” sei 't minske, „elts fak hat hwet,
't Is hjir ek skreppe en fleanen
Fen moarns bytiid oan't bêdtiid ta,
Tsjinwirdich foaral mei 't meanen.

Mar 'k wol net kleije, as ik tink
Oan 'e Amelânske boeren,
Dy ha hwet mei de mûlkerij:
Dêr melke se alle ûren!”

„Alle ûren, nou dêr kin 'k net by,
Dat neam ik 'n frjemde stoarje,
As ik dêr boer wier, nou den scoe 'k
Dat handich wol foroarje.

— „Nou 'k leau dochs,” sei de frou, „as jy
Ris boer op it Aemlân wiennen,
Det jy neat wizer as in oar,
Ek krekt allyk sa dienen.”

— „Dat leau ik net, mar ik moat nou foart,
Nou navend mar, boerinne,
't Wiif scil wol sizze, hwer bist bleaun?
Hja is der mar allinne.”

Teats praette nearne oer, hja hie
Krekt dien mei kofjemeallen
Ruerd sei: „De frou hâldd' m' oan 'e praet,
Hja hie hwet to fortellen.

Hja sei, en 'k hearde 'r mâl fen op,
De Amelânske boeren,
Nou moast ris goed bigripe ju,
Dy melke alle ûren!”

— „Ha, ha! o Ruerd nou sitst er yn,
Soks woe 'k fen dy net hearre,
Alle ûren melke, sok dyst' biste,
Dat dogge se allegearre!”

Ruerd klaude 'm efter 't ear en sei:
 „Dy bizige boerinne!
 Dêr wol 'k hjar dalik wer for ha,
 Ik scil der foart wer hinne.”

Hy sette op slach de stap er yn
 Hy liet er it net by sitte
 Hy sei: „Nou frou, 't is mar sa 't is,
 Mar 'k krige niis net de m j i t t e.”

De frou seach mâl en bearde raer:
 „Dat 's my noch nea forwiten,
 'k Haw om in dripke môle, man,
 Noch nea in oar biskiten!”

Ruerd sei: „'t kin hiel wol wêze frou,
 Mar hwet j' ek sizze wolle,
 Jy joegen my de m j i t t e net.
 Dat 's nou mar like folle.

— „Mar man, jy lige 't! sei hja wer,
 Ik joech noch romme mjitte,
 Troch jou skandael'ge ligerij,
 Scoe ik in dief noch hjitte?

Bring my de molke mar werom
 Ik scil it jild wer helje,
 Ik wol bislist net ha, det jy
 Tofolle my bitelje!”

Do boarstte Ruerd yn laitsjen út:
 „Nou binn' we lyk boerinne
 De m j i t t e stiet der ommers noch
 Ho scoene j'm my jaen kinne?

Lit d' Amelânske boeren nou
 Mar melke sa't hja wolle,
 Jy jow' de mjitte der op ta
 Soks heart men ek net folle.

Mar 't kaem nou, tinkt my, net topas
 My hjir sa út to fegen,
 Ik joech jo liende broadtsjes wer
 Noch sûnder dat jo't fregen."

't Wyfke loek do gau bakseil,
 De boi wier hommels sakke.
 Hja sei: „He, foi, hwet fyn 'k dat sneu,
 Det 'k my sa nidich makke.

Mar ik wit rie, wy moatte 't joun
 Foart wer yn oarder meitsje,
 Kom mei jou wiif aenst om hwet thé,
 Dan kinn' w' ris hertlik laitsje."

Ut is it teltsje, mar my tinkt
 't Kin ús op nij wer leare,
 Det wy, as wy in bal útslaen,
 Stees tinke: hy kin keare!



HONGERSNEED, EN DAN SA WREED.

Ao. 1126

F. J. BONNEMA.

Sljucht en Rjucht, 1899

By âlds foel 't libben ek wol swier,
 Ja, 't spande soms omraek,
 Troch oarloch, pest of misgewier
 Stoar it folk by tûznen faek.

Fier hinne achthondert jier forlyn,
 Stie 't ek er sober foar:
 De hjerstmis wiet, de froast mei wyn,
 De maityds kâld en goar.

Dêrtroch bleau fjild en skûrre leech,
 En 't nôt waerd djûr en krap.
 Sa kleau de need fen de earmen heech:
 Fij, sa'n gehongerlap!

Yn Flaendren stie do 'n greve oan 't haed,
 De Goede hiet men him
 Dy Karel hie 'n meilydsum aerd
 En dêr wier 't do krekt slim.

De greef holp 't folk safolle er koe,
 Joech brea en klaijing hjar.
 Howol er graech yet mear jaen woe.
 Fen alles skafte er mar.

Gjin bier mocht langer der mear broud,
 Dat nôt moast brûkt for brea.
 De hounen, as onnut biskoud,
 Dy moasten do mar dea.

De skippen moasten mei in rep,
 Om nôt nei d' Eastsé fearn.
 En sa wie'r altyd yn 'e skrep.
 Om 't folk mar by to stean.

Mar faken fynt men dan gûds yet,
 Dy, blyn for oarmans leed,
 Hjar kâns op winst net farre litt'
 Al nypt ek near de need.

Twa broerren wiern' dêr, ljue mei jild,
 Dy koften, foar en nei,
 Al 't nôt út 'e Eastsé en fen it fjild,
 En birgen 't út 'e wei.

Men riedt, hwêrom 't hjar wier to dwaen:
 Hwennear 't yet krappier woar,
 Dan koen' se dêr in slach mei slaen,
 Wyls 't folk fen hunger stoar,

In bytsje bleau fensels sa oer
 For d' earme minsken do,
 Elk klage lûd, hwent hear noch boer
 Wist mear ho't komme scoe.

De greef dielded altyd dei oan dei
 It brea by tûznen roun,
 Mar joech de man himsels hast wei,
 Yet waard er hunger foun.

Fen dy twa broers kaem dôchs gegrút,
 't Waerd ek greef Karel sein.
 Do kaem al gau hjar smouzjen út,
 En naem de krapte in ein.

Hjar nôt waard weijown 't greatste part,
 't Oar for dy broers forkocht,
 Sa waerden hjar de wjukken koart'
 En d' earmen fiks bitocht.

Wol twa jier lang koe in greate stêd
 Rom libje fen dat graen,
 De minsken ieten wer hjar sêd.
 Elk koe syn wirk wer dwaen.

Mar Karel dy't it bisljuchtsje mast
 Hie 't by dy broers bidoarn,
 En fen hjar skaei seach ider hast
 Him skean oer 't skouder oan.

Dy knoffel yn hjar eare en jild
 Stiek slim dy broers yn 't krop,
 Hja fierden neat gjin goeds yn 't skild:
 Wraek húsmanne yn hjar kop.

Do't letter op in Sneintomoarn
 De greef nei tsjerke scoe,
 Spriek ûnderweis in man him oan,
 Dy't graech in jefte woe.

Mar wylst er yn 'e bûse socht,
 Stiek him dy bidler dea
 De broerren hien' de man bikoft
 Ut wrake fen hjar skea!

Earm en forspein stoar 't broerrepear,
 Hwaens namme ik mar forswei,
 Mar Karel hjit, as greeflik hear,
 De Goede oant hjoed de dei.



HWEROM SJURDTMOEI ALDFAEM WIER.

J. v. d. BURG.

Forjit my net, 1896.

Earne yn 'e Drachtster wâlden,
 Heal biskûl yn 't sparregrien,
 Hat alear in boerespiltsje,
 'n Fredich, frjeonlik húske stien.

En der boerke in âlde frijster,
 Mei in feintsje, in sistersbern;
 Nuver sa't hja mei 'noar koene,
 Nearne scil men 't ienser sjen.

't Koe bikind stean, det dy moeike
 Lang nin sûre Baeije wier.
 En de feint wol hwet parmantich
 Mar fen aerd oars gol en blier.

Wier der yn 'e winterdagen
 Altomets in toarntsje oer,
 Húslík siet hy dan by moeike,
 Hja by 't glês en hy by 't fjûr.

Sa wier 't ek ris op in middei,
Op in stuit siet 't praet hwet fêst,
Jean, dy digre aloan yn 't fjûrke,
Sjûrdtmoei spoun mar sûnder rêst.

Der ynienen seit it feintsje:
„Hea, mei'k moeike in frage dwaen,
En wol moeike my den dêrop
Wol rjuchtút it andert jaen?”

„Jean, dou witst wol, frij is 't freegjen
Mar it andrjen wol ris min.
'k Wit dochs sa foarút, sei Sjûrdtmoei,
Net eft 'k andrje mei ef kin.

Lit den hearre!” 't Feintsje skoarre,
—'k Jow dy frij, haw mar gjin noed!”
't Baeske pofte ris mei syn pypke,
Dêrop frege er koart en goed:

„'k Woe graech witte, hwêrom moeike
Nea gjin omke nommen hat:
'k Haw der sa oer mymre, 'k wit net
Ho'k my dat bigripe moat.

Jamk haw'k heard, âldfaem to wurden
Is for in froumink wol hwet hird,
'k Scoe ornearje, 'k doar wol wedzje,
Det i k gjin âld Jean-om wird.

Moeike krige oars folle oansiik
Yn hjar fleur, hja wier sa kein,
Kreas en tsjep as de alderbêste;
Hat ús mem wol faken sein.

Gol en frjeonlik, lyk as nou yet,
Kreas en skjin en by-der-hân
En — ek lang net to forjitten,
Fen wolstelde boerestân!”

—„Ja, dat 's siker sa, myn jonge,
Wier it earnestich nei in hoart;
Folle hied ik grif ta bate,
Hwet yn 'n minske-each wearde hat.

En de feinten, ek de flinksten,
Wisten 't wol, dat 's stellich wier,
Hwent hja kamen.... mar hja krigen....
Hou, nou gean ik hast to fier.

'k Scil dy wol ris mear forhelje,
'n Oarkear dy goed antwird jaen.
Licht kinstou, astû 't ris wiste,
Dêrmei dan dy foardiel dwaen.

Alderearst moast my in deugd dwaen,
't Is for 'n bûst as dou, gjin bean;
Kom ris harren by dit finster
Sjochst dy elzenwâl wol, Jean?"

„Ja, dy beamwâl, nou dy ken ik,
Nearne is 't hout sâ glêd en rjucht,
Dêr steane, op dit ein binammen,
Elzen sûnder knoarre ef bocht."

„Krekt," sei hja, „ik ken him ek wol,
't Komt er neat op oan hwêrta:
Mar i e n fen dy gnapste beammen
Wol 'k hjir foar de gevel ha.

Tsjoch nou dalik mei de bile
Om in tige moaije beam,
„Glêd en rjucht" seistou, nou sa'n ien
Siikje en kapje 'm út dy seam.

Fen dit ein ôf moast bigjinne
Mar tobek slaen meistou net;
Astou lâns bist, moast 'm hawwe;
Wostou? Wêz dan wol bired."

—„Nou, lit dat mar stil oan my oer
Moeike, ik tel it net in krom,
Sa'n kerweike haw 'k gau ôfdien;
'k Bin mei in grou ketier werom.

En ús maetsje gyng nei eftren,
Helle in bile en kaem wer foar.
„Tink mar om de wizers, moeike!”
Dermei strúsde er bûtendoar.

Mei de greate bile op 't skouder
Gyng er foart, hwet stoep er prûs!
Sneu, pas mei in foech ûre kaem er,
Sûnder beam yet, wer foar hûs.

„Bist nou earst werom?” sei moeike,
„Neamstou det in goed ketier!
En wer bliuwt myn krudich beamke,
Wier de stamme dy to swier?

Ef wierne faeks dyn moaije elzen
Nou net mear sa rjucht en glêd,
Ef miskearre it oan 'e bile?
To dok op, ek mar ris rêd!”

„Moeike,” utre nou ús baeske,
Gânsk biteutre, „Ja, dat scil ik
Krekt de wierheit wol 'k forhelje,
Ien bitingst earst, wird net lik.

Al dy beammen koe 'k wol int'rje,
Dêr lei 't siker wier net oan,
Net ien fiersto swieren stiet der,
En ús bile kappet skoan.

'k Seach ek ridlik gau wol rjuchte
Stammen, och sa glêd en skjin,
Mar ik tocht, der stean yet moaijer,
Amper bin 'k mar oan 't bigjin.

't Is in aerdich ein, dy beamwâl,
 En ik wol in púken ha,
 Fierder roun ik sûnder soargen
 'k Mien, ik seach oars tige ta.

Njunken sims in briken, rouwen,
 Twisken gûdden krom en skean,
 Seach ik faker tige feard'ge,
 Kante en kreaze beammen stean.

Ien derfen scoe 'k sims hast nimme,
 Mar dan tocht ik wer, hawar,
 Dizze is dit oan, dy hat dat tsjin,
 By de rûs haw 'k yet for kar.

Fierderop scil ik him fine,
 Dy dêr jinsen lykt my ta,
 Is forsiker folle better,
 'k Moat nou d' aldermoaiste ha.

Mar dan wier 't wer itselde deuntsje,
 'k Bin al fierder, fierder tein.
 Einlings, ear 't ik sels hast leaude,
 Stie ik sûnder beam op 't ein.

'k Roun op 't lêst, leau'k, ek hwet hirder,
 Swietsjes wirdt it hout dêr tin,
 Toar en stramplich er trochhinne,
 'k Seach der lang net ien nei't sin.

Nou, der stie 'k mei al myn wysheit,
 Heal grimitich, heal forslein;
 'k Mast werom lyk as ik komd wier,
 Fij, de kâns wier my ûntflein!

Hie 'k mar net to sinnich wêzen,
 'k Hie in beam en nocht der by;
 Mar nou neat as spyt... en noed ek,
 Det ik sa gjin andert krij."

Moeike, as gong it hjar oan't herte,
 Seach hwet mear as earnstich ta;
 Mar nei in hoartsje wier 't wer oergien
 En hiel frjeonlik útre hja:

„Lilk bin 'k suver neat, myn jonge,
 Mar fensels, nou andrje ik net" —
 As Jean neitocht oer dizz' stoarje,
 Do hie hy it h w e r o m ret.



RYKDOM.

C. C.

De Bijekoer, 1862.

'k Wenne yn 'e stêd en 'k wier in banjerhear;
 Myn hûs dat stie yn de aldermoaiste strjitte,
 'k Hie sealen, lytse en greate keamers, en hwet mear
 Yn 'n hearehûs mei nedich wêze ef hjitte.
 It mûrwirk wier fen moai bikappe stien,
 Mei glêzen dy as greate spegels blonken
 Mei 'n doar, hwerfoar oan eltse side ien,
 Twa bylden, krekt as 't libb'ne wierne, pronken.

Dêr boppe wier 't balkon, en dêrop foun
 Ik, as de dei forroun wier, yn 'e simmer
 De loft sa fris, en 't joech my elke joun
 Hwet nijs to sjen; hwent nijs dat is er jimmer
 Yn it stêdskrioel; dan heart men moai mezyk
 Den kuierje er onfoech moaije frouljue.
 'k Seach fen omheech ho dat hjir earm en ryk
 Op 't wrâldtoaniel al nuver troch'noar rôlje.

Ik klaeide my nei de aldernijste swier,
 Myn skroar wist my wol by de tiid to hâlden;
 Mei eltse moanne, al nei de moade wier
 Krige ik wer nije klaijing for myn âlde.
 'k Hie swarte en brune en skiere en wite klean,
 Elts jiertiid brocht alwer syn nijichheden,
 Soms rom, soms nau, soms koe't mar justjes gean,
 En 'k suchte faek oer tiden en oer seden.

Ik hie earst klaid: oerdeftich yn it swart,
 Dat wier it pak for skouboarch en for tsjerke;
 Wier hoed ef rok hwet lyts, binypt ef koart:
 It moast krekt sa, en 'k glom den as in earke.
 Ik kiemde sels myn eigen hier net út,
 Wel né, det die in kapper, ja, dy karde
 De boel moarns troch'noar hinne, en 'k wit gjin sprút
 Mei ho'n bult soart fen oaljes en pommade.

Dy salve en oalje wier, sa't hjitte, skoan,
 En koste dêrom ek hwa wit hofolle;
 Mar 't hier dat woechs wol helte minder oan,
 En mei de tiid hie'k neat mear op 'e holle.
 Do moast ik hawwe in prûk fen polkehier,
 En faek in nijen, 't moast mar nei de moade;
 Gjinien koe't sjen, det dat gjin eigen wier.
 Sa wirdt in rykling faek forgulde en kroade.

En waard myn holl'wirk moarns yn oarder brocht,
 Troch 'n oarmans hannen skeard en kiemd en wosken,
 Ik waard ek yet wyks trijekar bisocht
 Fen immen, dy hie't tasicht op myn toskien.
 Dy loerde, wylst ik gappe wit ho wiid,
 Myn biters nei, en dêr't hwet oan miskearre
 Dy makke er skien, en 'k leau it yet altyd,
 Dy kerel hat myn mûlwirk raer skansearre.

Myn keamerfeint moast my, scoe'k yn 'e klean,
 Wol helpe, oars koe my't spil net eptich sitte.
 'k Moast altiid heech, itsij 'k ride woe ef gean;
 En hwa my seach, gjinien koe 't bûgjen litte.
 'k Moast kostlik klæid mei in swarte ef brune jas,
 Mei sulverwite iisboerden stiif by 't kin op;
 Dêroer in sjael ef fine siden das,
 't Wier moai! mar stiif! ik hie't er sels mar min op.

En jage 'k mei 'n pear hynsders foar myn wein
 De stêd yn 't roun, it dindere oer 'e strjitte;
 En mannichien dy't it seach hat licht wol sein:
 „Sa'n kostlik reau kin siker foarstlik hjitte.”
 Ho glommen dan dy gudzen modderfet
 As 't sulver, dat gereid en haedstal sierde;
 'k Hie sjeas en wein, men foun se moaijer net
 't Wier 'n lust ho'k mei myn bleskes jage en swierde.

Wier fen 't gejei de holle me yn 'e sûs
 Den nei de soasiteit, en 'k dronk champagne
 Ef port ef oare wyn, en krige 'k soms in rûs,
 En waerd de holle my op 't lêst alhiel oranje,
 Den sei kastlein: „Minhear de koets is foar!”
 En 'k liet my troch him nei it rydtúch liede;
 Hja brochten my den dronken foar myn doar;
 Myn tsjinstfolk hie't dan rom; myn pong moast bliede.

Sa libbe 'k. Mannich sei 't, hwet hiest in nocht!
 Hwet hieste 't rom yn allerhande wille
 O sei, as dat ús ek ris barre mocht,
 Ho nochlik scoe 't ús dan wol wêze scille!
 Och, jow my yet jim oandacht hwet to lien,
 En lear ho't nocht faek neat as bleate skyn is:
 Ik siz, al is myn banjerskip forgien,
 Heil him dy't ryk, mar dan net sjende blyn is!

GALE IGES GALEMA.

Ao. 1112.

G. COLMJON.

Swanneblommen, 1863.

„Gjin rjucht?.. Ik haw gjin rjucht op 't bosk?
 Net like goed as hy?”
 Sa wier, ik lear him dat wol oars,
 Ef 'k bin gjin Fries, net frij!”

Dat wird spriek d' ed'le Galema,
 Mei eagen gleon fen fjûr,
 Do hy syn feint forhael fornaem,
 De gâlde roun him oer.

Noardwest fen Starum, dêr't nou 't ear
 Net heart as't weachgebrûs,
 Dêr klonk alear 't fûgelliet,
 En 't ljeaflik blêdgesûs.

Dêr stie it âlde Kreiler bosk,
 Fen 't eabelst wyld biroun,
 Dêr galme al faken 't jachthoarns lûd
 Fen d' ed'le Fries yn 't roun.

Doch net allinne Galema
 Ek Hollâns greve, dy
 Ek hear do fen West-Fryslân wier,
 Hie dêr to jeijen frij.

Nou barde 't ris, dat Floris wer
 To jeijen 't bosk ynteach,
 In stoet fen ed'len folge him
 As selden m'n earne seach.

De blom fen Hollâns ridderskip
 Hie 'r noege ta de jacht;
 West-Fryslân scoe, dit wier hjir 't doel,
 Him sjên yn al syn pracht.

It wâld wirdt kjel fen 't freeslik heir
 It wyld krûpt eangstich wei,
 En ho't m'n 't oanleit, hwet men docht,
 Men komt gjin djier hast nei.

Sa giet de hiele dei tonein,
 It skimert al yn 't roun,
 En och, de fangst is yet sa lyts,
 Unwirdich it edel boun.

It giet de greve net nei 't sin,
 Hy kin 't alhiel net op,
 Det sa syn jachtfeest einje scil,
 Det stekt him yn 'e krop.

Dêr stúnt er oer en loaits en wird
 Forret syn bitter moed
 Hwet immen docht, itsij ed'le ef feint
 Gjin spier is by him goed.

En wylst er yn himsels sa wrokt
 Met him in jagerpear.
 Twa feinten wieren 't fen Galama
 Op wyld út for hjar hear.

Pas hat er dizze twa yn 't each
 Dy'n dracht fen wyld elts ha,
 Eft mei 'n fen nydgens fûnk'ljend each
 Flucht er op hjar beiden ta.

„Hwa binn' Jimme" is syn earste wird,
 Hwa stjûrt jimme yn dit wâld,
 Dêr't jachtrjucht my allinne heart?"
 En ien fen hjar, al âld

En griis, syn 's hearen trouste feint
 Naem 't wird op tsjin 'e graef:
 „Hear! 't Is Gale Iges Galema,
 Dy Fries, sa eal as braef,

Dy't hjir ús stjûrt en as edeling
 En Fries dêr't rjucht ta hat
 En dy't ek grif net dildzje scil
 Det er ien him tsjin forset.

Mar heal fornimt de greve 't wird
 Fen d' earlike, âlde man.
 Ef greatskens mei de nyd yn boun
 Set him it moed yn brân.

Hwet praetstû, âlde my fen rjucht
 Dat hjir dyn heare hat,
 My heart dit bosk mei al syn wyld
 En oars oan nimmen net.

Hjir mei dyn wyld en hounen, gau!
 Sa sprekt er rimpen, en
 Bifoar yet de âlde in inkeld wird
 Ta antwird sizze kin,

Falt glûpsk in heap fen 's greve folk
 Oer beide Friezen gear,
 Untnimmend wyld en hounen hjar
 As bût for Hollâns hear.

It bloed dat kôke de eale Fries
 Fen woede, do 'r fornaem,
 Ho det dy stoute Hollânsman
 Him yn syn rjuchten kaem.

„Gjin rjucht” — sa ropt er — „haw ik op 't bosk?...
 Net like goed as hy?...
 Sa wier, ik lear him dat wol oars,
 Ef 'k bin gjin Fries, net frij!”

Hy springt op 't hors mei 'n hert fol wraek
 Mei 'n each dat bliksems sjit
 En stoarmt it wâld yn, fljucht al foart
 Hwer him it hynzer lit.

Hy fjouwert foart oer hek en stek,
 Neat keart him op syn wei
 Hy wol en scil de greve sjen
 Is 't ek syn lêste dei.

Yn 't ein dêr sjucht er Floris-greef,
 En hirder slacht him 't hert,
 En daelk — in pylk, sa't er fen 'n bôg'
 Offljucht is net sa red,

Daelk hat er 't ein ek efter him
 Dat fen 'e greve him skaet,
 En stiet er foar him mei in loaits
 Fol fijânskip en haet.

„Hear greef! 'k bin Gale Galema,
 As edeling en Fries
 Bin 'k hjir komd om rjucht, en om
 Forgoeding fen 't forlies,

Troch jou by iepentlike roof
 My oandien yn dit wâld,
 Wylst ik sa goed as Hollâns hear
 Hjir 't jachtrjucht haw en hâld.”

Sa seit er, en dat op in toan
 Sa as in ed'ling past,
 Doch dy de greef, sa'n tael net wend
 Hwet rou yn 'e earen krast.

„Dou bist hjir komd om rjucht fen my
 Forgoeding fen 't forlies,
 Dat ik troch roof dy oandien haw?...
 Rin hinne, greatske Fries!

Leauw det ik, Floris, Hollâns greef,
 Neat fen dyn rjuchten wit,
 Ik bin hjir hear en nimmen oars,
 Krekt 't selde ho 't er hjit.

Der seach hja de stoel fen hjar man noch,
 't Wier pynlik opnij for hjar hert;
 Der laei yn 'e hoeke de Bibel,
 Hjar treastboek yn kommer en smert;
 Der hongen de twa skilderijen,
 It iene fen Jezus oan't krûs,
 It oare liet sjen, ho de soan wer,
 Torêch gyng nei 't âlderlik thús.

Der stiene foar 't finster hjar blommen,
 Yn 't blinkende sinljocht oer dei;
 Der hong oan 'e murre de klok noch,
 Dy joegen hjar âlders hjar mei,
 Sy hearde sa graech nei hjar „tiktak,”
 It wekke hjar idere moarn;
 Der stiene de spine en 'e stoellen,
 't Wier âld mar hjar hert hong er oan!

To mimerjen siet it âld wyfke,
 To mimerjen oer ien en oar,
 Hwet moast hja, âld sloof nou bigjinne?
 De winter dy stie foar 'e doar.
 Woe God dan net mear for hjar soargje?
 Op Him hie hja altyd bitroud.
 Scoe hja noch nei't earmhûs moatte?
 Yn 't keamerke siet hja sa smout.

Mar sjuch! wylst it wyfke sa soarge,
 Dêr kamen de boaden al oan,
 Dy woene it âldtsje nou helje,
 Hja mienden it mei hjar sa skoan.
 Hja kamen net fen 'e diakens,
 God sels stjûrde dy nei hjar ta:
 De boaden des Deads for it wyfke,
 Dy rôpen en wonken hjar sa!

Hwent de oare moarns laei it âld wyfke
 Al siik en forklomme op hjar bēd,
 De dokter waerd do mar gau helle,
 Hjar siken dy gongen sa rêd;
 It dûrre lykwols mar in hoartsje,
 Do sleat hja de eagen al ticht;
 Hjar dochter dy skriemde by 't omskot,
 Mar frede laei op it gesicht.

Hjir hie nou de Heare sels spritsen,
 Hy helle dat wyfke nei hûs.
 Hja hie 't yn 'e Himelske sealen,
 Wis! better as hjir yn hjar klûs.
 Sa wier hja nei Boppen forhûze,
 Mei 't earmhûs in danich forskil!
 Yn 't keamerke stoar hja by 't húsrie,
 En âld wyfke klok stie nou stil.



IT SALT IS HEILICH.

W. DIJKSTRA.

Swanneblommen 1876.

In mearke.

Der wier alear in kening, dy't trije dochters hie.
 Mar hwa't nou fen dy trije him ljeafst en dierberst wier,
 Dat koed er sels net sizze. De man wier māl mei hjar,
 Mei de iene krekt as de oare; hy naem gjinien for kar,
 Dat laei ek yn 'e reden, hwent jonges hied er net,
 Ien fen syn trije dochters koe nei lânsweze en wet
 Yn 't lânsregear him folgje. De keuze laei oan him
 Oan hwa 'r dat foarrjucht ginde; mar dêrtroch waerd it slim
 Hwent de âldste fen de fammen hie neat gjin oanspraek mear
 Dêrop as de oare beide. Dat brocht de man yn 't near;
 Krekt om 't er se alle trije allike tadien wier,
 Sa wist er mei syn kar net to kommen út de rie.

Mar lang om let bitocht er der doch hwet op. Hy sei:
 „Nou mei in greate wike dan ha wy wer de dei
 Fen myn forjierjen; 'k hoopje det ik dat bilibje scil,
 Dan is der, bern, for jimme hwet fen bilang op til.
 Dy't dan fen alle trije my't moaist presintsje jowt
 Dy set ik op 'e troane, hwent dy is 't tabitroud.
 It moat hwet sûnders wêze, dêr't elk oan blike lit,
 Ho'n heldertinkend oardiel yn jimme holle sit.
 En dy't my dan bisoarget hwet meast ûnmisber is,
 Dy is fen jimme trije, de knapste dat is wis,
 Dy't dêr de priis mei hellet wirdt stellich keningin
 To sizzen as ik 't oerjow ef as ik hjir net mear bin.

Tink, hwet dat for dy fammen in hollebrekken joech,
 Hja wierne alle trije net nochtren en net slûch.
 En do't mei oardel wike de kening jierrich waerd,
 Brocht him syn âldste dochter in kostber poarpren klaed.
 Hja sei dêrby: „In minske komt neaken yn 'e wrâld;
 It Paradys forlear er; dêr bûten is 't sa kâld.
 Nou is foar him ûnmisber de klaijing, dat is wis;
 En dêrom hoopje 'k, kening, det dit jo wolkom is.”

In moaije gouden biker fol wyn, en dêrop laei
 In fine wite bôle: dêr kaem de twade mei.
 „De minske is stof en yeske”, sei dat oannimlik bern,
 En ite en drinke moat er, oars is er gau forlern.
 En dêrom, heit scoe'k sizze, haw ik it lang net mis,
 Dat spize en drank op ierde it meast ûnmisber is.”

Do kaem de jongste dochter, pas fyftjin winters âld,
 Dy brocht in houten pânne en dêrop in heapke sâlt.
 „Hwent hout en sâlt”, sa sei se, „dêr kin 't net bûten gean,
 't Is allebeide ûnmisber for elk yn syn bistean.
 't Aldnoardske folk hie earbied for 't hout yn 't heilich wâld,
 En alle folken earden as heilich ek it sâlt.”

De kening wier forbûke. Hy tocht der lang op nei,
 Hy seach fen de iene op 'e oare, tadet er einlings sei:

„Unmisber for in kening is wis in poarpren klaed;
 Eltse oare rang en greatheid wirdt dertroch set yn 't skaed.
 It jowt him eare en oansjen boppe alle minskebern.
 Hwent dêrtroch is er kening. En hat er dat forlern,
 Hy is mei alle minsken allyk en algemien.
 Dêrom myn âldste dochter, dou hast my goed forstien,
 Dy scil it keningspoarper forsierje, bern, nei my.
 Ik bin oer dy tofreden, ik jaen myn segen dy.”

Do sei er tsjin de twade: „Dou bist just ek net mis;
 Hwent spize en drank is nedich for minsken, dat is wis,
 Mar 't bringt ús allegearre 't gemiene fiersto nei,
 Hwerom gjin treftich minske dat 't heechste achtsje mei.
 De greate, rouwe kliber, earm, ûnbiskave en dom
 Dy libbet meast om 't iten en wrot en wraemt der om;
 Mar wy stean fier der boppe troch berte, rang en ear.
 For ús is iten, drinken in bysaek en neat mear.
 Dou mienste it goed, ik wol dy net foar de holle slaen;
 Al wirdst gjin keninginne, myn segen kin 'k dy jaen.”

Do draeide er nei de trêdde prinsesse 'm om. Dy hie
 De moed al sakje litten; hja hearde wol ho't it stie.
 „Dou sleau, ûnnoazel fanke,” sei de âlde stûf en kâld,
 Dêr op dy houten panne, der hast in heapke sâlt;
 Mar 'k merk, det yn dyn holle gjin inkeld kerltsje sit.
 Dos kin in minske er bûten; dou ommers libbest yet.
 Né, 't sâlt is net ûnmisber, hwet skeelt dy sljuchte blei?
 Licht wol for 't folk, dat altyd gjin fetpot barre mei.
 Dyn hout en sâlt biwiist my dyn lompe boeresin,
 Sa'n houterige lompens stiet my tofolle tsjin,
 Sa'n bern kin ik myn segen net jaen; gean by my wei!
 Gean nei dat domme soarte fen folk, dat hout en sâlt
 Forearet as ûnmisber ef sels for heilich hâldt.”

De keningsdochter skriemde, do't hja hjar heit forliet,
 Dy't sokke hirde wurden hjar nei de holle smiet.
 Hja moast it hôf forlitte en ek de stêd, hja koe
 Dêr net mear wêze, al wist se net hwer't se hinne scoe,

Mar dôch mei moed en hope bijoech se hjar op wei.
 Sa kaem se njunkelytsen ris op in goede dei
 Tolânne by in weardshûs, dat folle drokte hie,
 Dêr't altyd for bitsjinnens hast plak to finen wier.
 Dêr waerd dy keningsdochter do tsjinstfaem. Mar de frou
 Wier frjeonlik en ynskiklik, en dy fornaem it gau,
 Dat famke wier hwet skerper as mannich oare faem,
 Hwerom hja hjar bysûnder yn hjar biskerming naem.
 Hja sett' hjar yn 'e koken en joech hjar rie en die
 Yn 't sieden en yn 't brieden fen al hwet hearlik wier,
 Dat slagge tige, omdet se wol leare koe en woe;
 Hja koe de kinst gau better sels as de frou it koe.
 De hearen, dy't er kamen, dy priizgen hjar dan swiid,
 It iten smakke better, sei elk, as foar dy tiid,
 En as se hjar dan seagen, sa needrich, stil en froed,
 Sa frjeonlik en oannimlik, mei 'n kleur as mólke en bloed,
 Dan mocht elkien hjar lije. It nijs klonk fier yn 't roun,
 Sa kamen er nije mingers al jimmerwei op ta;
 Hwent elk oansjenlik hearskip woe dêr de proef fen ha.

Nou barde 't, det de kening syn âldste dochter kaem
 To boaskjen en scoe trouwe. In brilloft sa fornaem
 En kostber en ûnbidich as 't op 'e wrâld mar koe,
 Scoe dêrby hâlden wirde; 't moast kostje hwet it woe.
 Nou waerd it nedich achte, det de earste kokenfaem
 Ut dat forneamde weardshûs oan 't hôf to sieden kaem,
 Hwent, sjuch, de keamerhearen, baronnen, greven en
 Stal- en seremoanjemasters, dy hâlden heel wol fen
 Hwet extra fjins en lekkers, Nei 't oars de kening sei,
 Dan brocht dat sokke hearen 't gemiene fiersto nei.
 Hwent for biskaefde minsken fen hege rang en ear
 Wier ommers iten, drinken in bysaek en neat mear.
 Fensels, hja joegen Sire dêryn ek great gelyk:
 Mar, as se oan tafel sieten, dan seach men mannich blyk,
 Det hja der oars oer tochten. Goed iten, fine wyn.
 Dêr founen fier de measten fen hjarren alles yn.

De brilloft waerd dan hâlden. It miel wier tige bêst.
 Ho'n danich boel gerjuchten der kamen op 'e dis,

Neat foel derop to sizzen, wier mar it tsjûgenis.
 Der waerd ien kokkeraesje apart for Sire bret,
 Dat woe er altyd ite, al iet er oars ek net.
 Dêr mocht gjin byt oan skele, oars wier de kaert forjown,
 Syn oppertafelsnijer hie dêr 't recept for jown.
 Nou, dat kaem op 'e tafel; 't waerd alderearst mei swier
 De kening presentearre, dy't al nysgjirrich wier,
 Ho't him dat frjemde famke syn krouske gearbakt hie.
 Hy naem in gnappe mûlfol sa gau as 't foar him stie.
 Hy priuwke al en hy priuwke; do seach er fiis en mâl,
 It stie forkeard, dat seagen de keamerhearen al.
 Jan stie der ûnderdanich lyk efter Sire stoel,
 Dêr sei er tsjin; „Dat iten is mis! bring wei de boel;
 Ynienen nei de koken, en siz dan ek mei-ien:
 Dy faem moat hjir ris komme, dy hat hjar plicht net dien.

De kokenfaem forskynde dêr yn dy moaije seal,
 Do sei de kening gnoarrich: „Dou kinst dyn wirk net heal.
 Myn alderhearlikst iten hastou my glêd bidoarn,
 En sa de hele brilloft; ik haw der neat mear oan.
 Myn wille hast forpykle. Myn kost, dy't 'k altyd yt,
 Hast sûnder sâlt klear makke; nou krij ik hjoed gjin byt.”

Do foel se foar syn foetten dêr op 'e knibbels del.
 „Forjow it my, hear kening, en kibje net sa fel.
 Ik haw 't opsetlik litten, omdat 'k net weagje doarst
 Sok sljuchtwei gûd to sieden yn jins útsochte kost.
 Hwent ommers fen to foaren hie 'k út Jins mûle heard:
 It sâlt is net ûnmisber, it doocht sahwet ta neat,
 Licht wol for 't folk dat altyd gjin fetpot barre mei.
 Mar ljue fen rang en oansjen dy tale dêr net nei;
 It teikent boerelompens, gjin echte keningssin.
 Dos tocht ik, sâlt yn 't iten is Sire fiersto min.”

Do waerd de kening wekker. Dat kokenfamke wier
 Syn eigen jongste dochter, dy't it hof forlitten hie
 Omdat er hjar forgraude. Nou sei er: „Kom oerein,
 'k Haw dy forkeard bihandle en fiersto folle sein.”

Do moast se neist him sitte, en do forhelle hy
 Hwet fen to foaren bard wier, en dêr forklearre er by:
 Syn dochter wier ûnskildich; hy hie ûnbinlik west.
 Dat woed er wer forgoedzje, dat stie nou by him fêst.
 Do waerd it feest yet fleurich, mear as 't tofoaren wier,
 Hy sei: „It salt is heilich, haw 'k fen myn dochter leard,
 En dy't it sâlt forachtet, dy docht alhiel forkeard.”

Ja wis! It sâlt is heilich. Mar as 't ûnsmaeklik wirdt,
 Dan is 't om wei to smiten en nearne mear ta nut.
 „Jimm' binne it sâlt der ierde,” sa spriek ús Ljeaven Hear,
 Lit ús godfruchtich wêze en libje ta Syn ear.



DE ALDE EN DE NIJE DOMINY.

W. DYKSTRA.

De Friske Hûsfrjeun, 1852

Op 'n doarpke yn 'e Wâlden
 Stie'n bijierre dominij
 Dy yn alles wier foar 't âlde
 From en nedrich ek derby.

Klear, ienfâldich wier syn learing,
 Dy de boeren wol bifoel,
 En yn omgong en forkearing
 Wier 'r deselde as op 'e stoel.

Snjeuntomiddeis yn 'e simmer
 Naem er it stokje yn 'e hân,
 En dan kujukere 'r, 't miste nimmer
 As 't moai waer wier troch it lân.

Dy der oan hjar wirk dan wierne
 Spriek er núvre frjeonlik ta
 Frege 's ho de fruchten stiene
 En ho 't gyng mei 't fé en sa.

Nou, it kleijen hat in minske
 Altyd wakker eigen wêst
 Gyng 't yn 't ien soms wol nei winske
 't Oare gyng wer lang net bêst.

Dan hie me al to folle wiette,
 Dan wier 't deis to kâld en goar;
 Dan wer droechte ef folle hjiette
 Altyd wie 'r it ien ef oar.

Wier me yn 't Godshús Sneins forgearre,
 Dan forgeat ek doomny net,
 't Waer, sa as men 't ljeafst bigearre
 To forsiikjen yn 't gebed.

De gemeente wier tofreden
 Oer sok dwaen fen dominy
 Hwent it greatste part der leden
 Libbe fen 'e boerkerij.

Mar de man waerd heech fen dagen,
 En syn krêft naem ôf op 't lêst,
 Nei in siikte, dildich dragen,
 Gyng er oer yn d' iiv'ge rêst.

Hwa scoe do gjin rouwe fiele?
 Hwent hwersanne in doomny socht
 Dy't by soarge for de siele
 Om hjar ierdsk bilang ek tocht?

't Wier nei 'n hele bulte drokte,
 Folle rieden ôf en oan,
 Det de stimming einlings lokte:
 Men birôp in boeresoan.

Dy scoe wis syn plicht bitrachtsje
 Krekt allyk as d' âlde 't die;
 Dat doarst elk fen him forwachtsje,
 Om 't hy wist hwet boerkjen wier.

Mar hja seagen hjar bidragen,
 Hwent, al preke 'r just net min,
 Hy kaem Snjeons ef oare dagen
 't Fjild net troch; dat wier tsjin 't sin.

En dan Sneins neat oan to roeren
 Fen it waer yn 't neigebed:
 't Wier nei 't oardiel fen 'e boeren,
 Al to slim, it roaide net.

Ringen twong men d' âlderlingen
 Om sa frjeonlik as it koe,
 Dominy onder 't each to bringen,
 Det men graech dat oars ha woe.

Al ho Dominy do ek praette,
 Det dy eask onbillik wier,
 't Mocht him net in gewel bate,
 Om't men der mar sterk op stie.

Wier de tsjerkerie forgearre,
 Dan moast Dominy elke kear
 Oer dy saek al wer hwet hearre:
 Nou, sa woe er ek net mear.

Einlings sei er: „'k Merk det jimme
 Kinn' my dat mar net forjaen:
 'k Wol oan dy gemeintestimme,
 Mits op ien bitingst foldwaen.

Sneins moat elk my tiding bringe,
 Ear 't er yn 'e tsjerke giet,
 As 't mei 't waer en d' oare dingen
 Ginstich ef neidêlich stiet.

't Sprekt, elk tinkt dan net allinne
 Om himsels, ek om in oar!
 As wy dan yn tsjerke binne
 Draech ik yn 't gebed dat foar."

Nou, dat foarstel foun bihagen,
 Gauwer as yn oard'heal dei
 Waerd dat nijs it gea trochdragen:
 Elk wier tige yn 't skik dêrmei.

't Wier yn 't midden fen 'e simmer,
 d' Alderdrokste tiid fen 't jier,
 Det er oan it waer hast nimmen
 Mear as do gelegen wier.

d' Earste Snein skraechwirk acht ûre
 Waerd er al by Doomny skeld;
 Ringen hied er 't hûs fol boeren,
 Skoan it reinde mei geweld.

Do dy mei elkoarren wierne
 Yn in keamer, gyng it gau
 Oer it waer al op in tsjieren,
 Goed for greide en kwea for bou.

Dominy kaem wiles binnen
 — „Hwet is 't" — sei er, „dat ik hear?
 Binn' jimm' sa fordeeld fen sinnen?
 Is dat wol nei Christus' lear?"

Nou der moast ien mei him komme;
 d' Alderling waerd earst forsocht,
 En dy folge 'm hwet biskromme;
 Sa hien' hja der net oer tocht.

— 'k Woe wol, det Jy my nou seinen,
 Ho't it waer Jo is nei 't sin."
 — „Doomny, dat oanhâldend reinen,
 Dat bigryp Je, past ús min.

As wy net hwet droechte krije,
 Moat by 't winter wis ús fé
 Gâns in bytsje krapte lije,
 Hwent it hea leit meast oan swé."

Hy koe gean. In oar waerd roppen:
 — „Frjeon, ho stiet it waer Jo oan?"
 — 'k Hâld it for in ginst fen boppen
 Det it reint; 't is o sa skoan.

'k Hope allang yet op hwet wetter:
 Troch de droechte wier it nôt
 Bjustre skrael; nou wirdt it better;
 Lykwols, 't is soms âl to kâld."

Dêrop folge nûmer trije;
 Doomny frege, en dizze spriek:
 „'t Kin mar lang gjin sizzen lije;
 Ik bin sikerwier hast siik;

For sok reinen bin 'k biskromme,
 Hwent it slacht de boekweit plat;
 Mei er net hwet droechte komme,
 Wy forlieze in greate skat."

Yet in fjirde moast forskine;
 — „Ho is 't waer?" sei Dominy
 — „Nou, ik kin gjin reden fine
 Om to kleijen" andre hy;

„Ik bin mei dit reintsje tsjinne
 Hwent dat is for 't nijgjêrs goed;
 't Measte hea is nou al binnen;
 Ik alteast bin út 'e noed."

Doomny liet ek him wer rinne,
 En gyng sels him efternei:
 „Dwaze minsken, dy't Jimm' binne!"
 Wier it, dat hy suchtsjend sei.

Hy woe mar net ien mear hearre;
 Gûdden wierne al op 'e tean;
 Dochs hja koenen allegearre
 Ongetreast wer hinne gean.

't Waerd nou tsjerktiid. Elk woe witte
 Hwet er bidden wurde scoe;
 Wel! hja koene hast net sitte
 Nea wier 't oars sa fol as do.

Mar for 't waer ef 't ginstich winnen
 Fen it nôt, bea doomny net;
 Wol, det nimmen hjir syn sinnen
 Al to folle op 't ierdske set.

Yet dy wyks hat hy de leden
 Noege fen 'e tsjerkerie,
 Do hy, nei folle oare reden
 Op 't lêst dizze oanspraek die:

„Broeders! tink by jimme winsken
 Om jimsels allinne net;
 Tink ek om jimm' evenminsk
 En foaral ek yn 't gebed.

Bid en smeeke net om folle.
 Hwet wy nedich ha, wit God.
 Net sa 't wy, sa 't Jou it wolle
 Moatt' Jou 't meitse, Hear!' — bid dat.

„Minske! doch" — sa lêz ik earne —
 Hwet dyn hân hjir fynt to dwaen
 En ho't dan de dingen geane.
 Wy moatte op de Heare 't jaen."

Doomny's handelwize en reden
 Hawwe nut dien, is my sein.
 Elk wier do mei him tofreden;
 Tige folk hie 'r, Snein op Snein.

TWA KLOKJES.

W. DYKSTRA.

De Friske Hûsfrjeon, 1852.

Der hingje binnen yn ús hert
 Twa klokjes nêst elkoar,
 Dy stimme mei elkoarren net,
 Mar 't iene flokt tsjin 't oar.
 It iene hat in súvre toan,
 Dochs stiet ús faek syn lûd net oan;
 Mar 't oar, ho falsk it spylje mei,
 Dêr heart men trochgeans ljeaver nei.

En dêrtroch wirdt mar al to faek
 It ien' fen 't oare oerbromd.
 Wirdt soms in net to pluse saek
 Fen immen ûndernemd,
 Hy heart ho 't iene klokje let:
 „Dat is net rjucht! Dat kin sa net!”
 Mar lûd ropt ek him 't oare yn 't ear:
 „It bart wol mear! It bart wol mear!”

„Dat is net rjucht! Dat kin sa net!”
 Dat slacht men net folle acht;
 En as me er somtyds lêst fen hat,
 As 't al to finnich slacht,
 Dan wynt me er gau hwet doekjes om,
 En makket sa dat klokje stom;
 En skoan 't dan yette tikje mei,
 't Wirdt by 't gebrom fen 't oare wei.

„It bart wol mear! It bart wol mear!”
 Dat set er alles troch;
 Dat is ús plaster op it sear,
 By al ús kwea gedoch.
 Sels wirdt dat lieden: „'t Bart wol mear!”
 Troch 't fake hearren: „'t Moat om de ear!”
 't Moat om 't bilang fen 't húsgezin:
 Kin 't net sa 't moat, it moat sa 't kin.”

Baes timmerman hat syn krewel
 Moedwillich fiers-to-min.
 Hy wit, det hy net flappe mei,
 Doch docht er 't as er kin.
 Mar as hy handelt tsjin 't bistek
 Seit jimmerwei syn klokje ek:
 „Dat is net rjucht!” Mar elke kear
 Is 't ek wer: „Och, it bart wol mear!”

Baes slachter kocht in longsiik rier,
 It waerd by nacht him brocht.
 It flêsk wier blank allyk in spier:
 It waerd for goed forkocht.
 Al hearde er wol it stil gelied:
 „Dat is net rjucht!” — De winst is swiet
 Dy't immen krijt op sa'n menear,
 En boppedat: „It bart wol mear!”

Baes bakker hat op 't reglemint:
 „Gjin simmels meije yn 't brea.”
 Baes tinkt: as 't net yn 't botte rint,
 In bytsje mei gjin kwea;
 En seit, howol syn klokje let:
 „Dat is net rjucht! Dat kin sa net!”
 It bart wol mear, en ik doch 't ek
 En — leech is baes syn simmelsek.

Boer Gjalt hat for in heal deihier
 In slatter yn 'e sleat,
 Trochdet de man forlegen wier,
 Hwent oars fortsjinne er neat.
 Det Gjalt de man forgees yn 't swit
 Fen 't oansicht wrotte en bodzje lit,
 Dat is net rjucht! dat wit er klear:
 Mar och, hwet 's dat? — 't Bart wol mear!”

Roel keapman kocht mar alles djûr;
 Hy hie by elk kredyt,
 Sadwaende snapte er mannich boer;
 Hwent nou is hy felyt.

Nou wirdt 'r kibbe, tsjierd en twist,
 Mar hy hat de aep al yn 'e kist,
 Is dat gjin echte skelmerij?
 O ja, mar: 't Bart wol mear!" tinkt hy.

Hans Wolf bistjûrt de tsjerkfâdij
 Men giet him heel net nei;
 't Jild det by kas is, dêr docht hy
 Syn foardeel stiltsjes mei.
 En nearne wol er hwet oan dwaen,
 Sa bang is hy fen jild-útjaen.
 Hy wit wol, 't giet net hân foar foet,
 Mar: 't Bart wol mear! — sa krijt er 't goed.

Lânhearre wit wol, Ruerdboer hat
 De pleats to heech yn hier.
 Al skrept de man ek ier en let,
 't Giet earsling jier op jier.
 Howol minhear syn klokje seit:
 „Dat 's bloedjild!" — op 'e sositeit
 Dêr klinkt it him wer lûd yn 't ear:
 „It bart wol mear! It bart wol mear!"

Jan freget by notaris rie:
 Syn saken binne oerstjûr.
 Minhear dy seit: As ik dy wier,
 'k Skreau alles op dyn broer.
 Skoan 't net rjucht troch de mesken kin,
 It sprekt, ik haw er mines fen.
 't Is ek nin byt; it bart wol mear."
 Dat rint as lije mólke yn 't ear.

Baes Sierd syn soan dy lottet oan,
 Baes giet nei dokter Spin;
 „Minhear, sjuch dêr in pong! Myn soan
 Syn boarst is bare min."
 — „Ja" tinkt minhear, mar nei de wet
 Bifrijt it him fen tsjinjen net.
 Mar dêrom net: it bart wol mear!
 Dy ponge is goed; ik spylje 't klear."

As master giet om syn plezier
 Dan binn' de berntsjes frij.
 Mar komt de rekken fen 't fearnsjier
 Dêr is dy dei wol by.
 Skoan nimmen lean ea foardrje mocht
 Hwerfor hy net in gewel docht,
 De minsken litte 't oer hjar gean,
 En: 't Bart wol mear! -- dus kin 't bistean.

Hear Dominy flammet op 't birop
 Fen tûzen goune yn 't jier;
 Hy rint yn stilte stimmen op,
 Hwent syn partij is swier.
 Doch seit er: ik haw 't einlings klear,
 It is de ropstim fen de Hear."
 Skoan 't rjuchtlik klokje 't him forwyt —
 't Bart wol mear! — dus is 't nin byt.

Grimmitus seit: „Hear Recensent!
 Op dichter Pilekaen
 Haw ik in pik, jy moatt' dy fent
 In tige roffel jaen."
 Hwerop de tolk der wysheid seit:
 „Minhear, hwet twisken jimme leit
 Giet my net oan: mar 't bart wol mear,
 Ut frjeonskip scil 'k it dwaen, minhear!"

En mannich wees wirdt wreed en hird
 Forgraud, forskopt, fortreaun,
 En mannich swakke widdou wirdt
 Ut hjar bisit fordreaun,
 Ut skraepsjucht, skoan it klokje let:
 „Dat is net rjucht! Dat kin sa net!"
 Men hâldt yen doof en draeit it ear
 Nei 't nochlik lûd: 't Bart wol mear!"

Hwa wit ho mannichien forflaut
 Yn 't passen op syn plicht?
 Ho mannichien d'r winst ynklaut
 Mei falske miette en wicht?

Ho mannichris in feint al net
 De sedewet oertrêdden hat?
 Ho mannich faem hjar ear forlear,
 Troch 't flaeijend wird: „It bart wol mear?”

Mar ek, hwa wit ho mannichien
 Yn stiltme sit en sucht?
 En lit der mannich wanhoops-trien
 Fen kwea bidriuw de frucht,
 Trochdet hy jimmerwei 't gelied:
 „It kin sa net!” it swijen hiet;
 En op 't gebingel: „'t Bart wol mear!”
 It paed forliet fen deugd en ear.

Mar minsken! as it selsforwyt
 Jimme ienkear, ier ef let
 Yn jimme binnenst knaut en byt,
 Dan helpt it jimme net.
 Al liedt it klokje: „Er binne mear
 Dy kwealk gean oan 't selde sear!”
 Elk tôget dan syn eigen lêst,
 En elk fielt eigen lijen bêst.

O frjeonen, hear dan nei 't gerop
 Fen 't falske klokje net!
 Mar set for 't oare de earen op,
 Dat sa formoanjend ledt!
 En is dat somtyds net to klear,
 Nou, stim it op nei Christus' lear!
 Dan wirdt it wis aloan en oan
 Mear suver yn syn klank en toan.

God meitse ús earen muzikael,
 Opdet dy sulverstim
 Us wêze mei as himeltael
 Dy ús forbynt oan Him;
 Hwertroch it dissonant-gebear
 Fen 't oare klokje mear en mear
 Us onfordraechlik wurde moat,
 For 't geastlik trommelflues fen it hart.

IT WONDERDOASKE.

W. DYKSTRA.

De Friske Hûsfrieun, 1861.

Yn Brabân op in doarpke stie
Alear in knap en braef pastoar,
Dy't mear forstân allinne hie
As al syn boeren mei elkoar,
Dy't ek oan him in liedsman hiene,
Hwermei se bêst tofreden wierne

Om't elk wol nei him hearre woe,
Stie hy mei ried en died hjar by,
As 't nedich wier, safolle er koe;
Gjin frjemdling yn 'e boerkerij,
Wist faek minhear yn folle dingen
Forbettering ta stân to bringen.

Sa kaem er ek ris op in kear
In koaterbaeske mei syn wiif
Om rie to freegjen by minhear.
Hja sieten al in wike ef fiif
Yn 't onleech mei hjar boerkerije,
Hja koene er gjin bigryp oer krije.

't Wier tsjoenderij, dat miste net,
De kweade minsken pleagen hjar;
Gjin bûter krigen se yn 't fet,
De hele boel wier yn 'e war,
De keallen en de baergen stoaren,
Hja waerden earm, as 't net foroare.

Ek wier 't net suver mei de kij,
Hja freesden, as 't yet fierder roun,
Hja rekken sels net iens foarbij,
Hwent sjuch, hja hiene nou bifoun,
Dêr sieten knoarren yn 'e bêdden
Dus dêr wier ek al hwet to rêdden.

Minhear pastoar tocht sines al;
 Hy frege hjir en dêr ris nei,
 En dêrtroch kaem safolle oeral,
 Dat him de rjuchte wierheid sei:
 Dy tsjoenderij wier ta to skriuwen
 Allinne oan sloffens fen de ljuwe.

Hja leinen moarns to lang yn 't nêst,
 Hja pasten lang net goed op 't fé;
 It wirk dat wier hjar beide in lêst,
 Hja wierne nea net better ré,
 As dat se by de tafel sieten,
 En kofje slabren en pankoek ieten.

De boel forsmoarge troch en troch,
 Minhear pastoar bigriep dat ek,
 Mar tocht, as 'k hjar forwiten doch,
 En wiis hjar op hjar lek en brek,
 Dan woll' se mooglik my net leauwe,
 En 't spil scil wer by 't âlde bliuwe.

Do naem er út in kaske wei,
 In houten doaske glêd en fyn,
 Dat joech er hjarren oer en sei:
 „Dêr sit in hillich bonkje yn,
 Dat haw ik sels út Rome helle,
 Dus mei men dêr wol priis op stelle.

'k Bitrou dit graech oan jimme ta,
 Mar pas er op en bring 't net wei,
 De frou dy moat it by hjar ha,
 Hwersanne se is by nacht ef dei,
 Pas op! nou scil ik yette sizze,
 Ho jimme 't fierder ûnderlizze.

It hele hûs moat moarn de dei
 Uthimle wurde tige wiet,
 En aden, tobbe en tsjerngerei

Broei dat mei wetter, siedend hjit,
Der moat nin ding forgetten bliuwe,
Dat moat de tsjoenderij fordriuwe."

Hja moasten ek de kouwestâl
Utklinzgje en 't fé skjin struijen jaen,
De hele boel dy moast oeral,
Scoe 't bonkje goed fortuten dwaen.
Dan moasten se de bêdden yette
Deis yn 'e sinne wierje litte.

Do lei er hjar yet fierder op
Hwet elk yn acht to nimmen hie,
Hja moasten moarns foar fiven op,
En dan by alles hwet men die,
Hjar oan in fêste regel wenne,
Dat scoe gjin tsjoenster tsjingeane kenne.

Hja moasten hjar in roun fearnsjier
Dêr trou oan hâlde, en diene se 't net,
Dan kaem 't yet slimmer as 't al wier.
En dan wier 't for altyd to let;
Dan waerd it kwea net wer forballe,
Hja scoene yn earremoed forfalle.

It pearke gyng mei moed werom,
En fol fortrouwen op de krêft
Fen 't heilich bonkje, leauwend from,
Teach elk fen hjar oan 't wirk, net sêft,
Krekt sa't minhear hjar hie bifellen,
't Wier bjuster ho't se skoerden, hellen.

Hja makken hûs en hōf en reau
Trochskjin, en soargen do foartoan
Dat alles kreas yn oarder bleau,
En dat foldie hjar tige skoan,
Sadet se gau forbettring seagen
Yn alle kwalen, dy't hjar pleagen.

Dat dûrre in roun fearnsjier oanien,
 Do brocht it pearke by minhear
 It doaske wer mei 't hillich bien.
 Hja tanken him wol tûzen kear,
 Omdat hja, troch dat stik to dragen,
 De tsjoenderij alhiel forjagen.

It fé wier soun en dijde bêst
 It tsjernen gyng sa flot as 't koe,
 Hja hiene in libben sûnder lêst,
 Ho dwars as 't fen to foaren stoe.
 Dat doaske, koen' se dúdlik witte,
 Dêr moast in wondre krêft yn sitte.

Minhear sei: „Jimme scille 't sjen
 Hwet binnen yn dat doaske sit,
 Howol it sa net iepen ken,
 'k Leau dat ik dêr wol rie op wit,
 'k Wol dêrtroch jimme yet hwet leare,
 Foardet jimm' wer nei hûs ta keare.”

Mei 'n hammer en in beitel hie
 Hy gau dat doaske yn fjouwren spoud,
 En sjuch, do blykte 't det it wier
 Nin byt oars as in blokjen hout,
 En 't sprekt fensels, dêr wier fen binnen
 Gjin hillich bonkje to bikennen.

Hwet seagen do dy ljue forheard!
 — „Nou harkris frjeonen” sei minhear,
 Gyng jimme boerkerij forkeard,
 't Wier eigen skild, dat blykt nou klear,
 Hwet jimme tsjoenderije neamden
 Kaem fen jimsels en net fen frjeamden.”

Do brocht er hjar yet ûnder 't each,
 Dat troch hjar eigen sloffichheid
 Hjar wolfeart ta de doar útfleach,

En dat troch iver, sindlikheid
 En oarder yn in boerkerije
 It measte foardiel wier to krijen.

Hja wierne beide fen 'e set,
 Mar twiiv'len dochs, it wier sa 't wier,
 Yet oan de krêft fen 't doaske net;
 Hja tanken hear-om for syn rie,
 En fregen, ear't se gongen, de âlde:
 „Och, mei' we er yet in stik fen hâlde?"



IT KLOKJE FEN ONTANK.

W. DYKSTRA.

De Friske Hûsfrieun, 1863.

Der wier alear in lânstreek earne,
 Der hien' se 'n aerdich ding bitocht:
 Waerd immen der mei ontank leane,
 Dy dat foar 't rjucht to bringen socht,

Dan koed er mar in klokje liede,
 Dat earne by de wegen stie;
 Dan liet de Rie de man ûntbiede,
 Dy't goed mei kwea bitelle hie.

En koen' se him syn skild biwiizje
 Dan moast er for syn skandlik dwaen
 Yn 't iepenbier de kleijer priizje,
 As 't frege waerd forgoeding jaen.

Do wier dêr ek yn dy lânsdouwe
 In boer, dy hie sa'n âlde knol,
 Dy koe net langer slepe en sjouwe,
 Mar ite koed er yette wol.

— „Mar der is 't hjir net mei to winnen,”
 Sei 't boerke en jage 't hynzer wei.
 Hy liet it beest de wrâld ynrinne
 En smiet it yet mei stiennen nei.

Sa moast dat dier in swerv'ling wirde,
 En stjerre licht de hungerdea.
 Ho koe dy straffe boer dat hirde?
 Och ja, de man wier bang fen skea,

Sa swalke 't beest do lâns de wegen,
 Heal blyn en stram, it iten krap;
 Soms krige er mei in kneppel fegen,
 Ef mei de swipe in wrede klap.

Sa kaem er by in âld kapelle,
 In ding fen peallen en fen reid;
 En boppe 'r yn dêr hinge in belle,
 Sa'n klokje fen ûntankberheid.

De bern, dy't faken by 'n oar hokje
 En strune by de wegen roun,
 Hiene oan de touwen fen dat klokje
 In stik twa griene twigen boun.

De âld knol, dy dêr ris binnen loerke,
 As socht er om in nachtketier,
 Foun oan dat griene gud in foerke,
 Dat him op 't heechlikst wolkom wier.

Hy skoerde er oan mei fûle hoarten
 't Wier net sa bros as hea ef strie,
 Sadet dy âlde knol mei koarten
 Dat klokje moai oan 't lieden hie.

Dat klonk de minsken gau yn 'e earen
 Elk sei: „Hwet scill' wy nou wer ha?”
 In tsjinner fen de hege hearen
 Dy kaem er ridlik gau op ta.

Hy koe mei 't hynzer neat bigjinne,
 Mar deelde dôch de Rie it mei.
 Dy sei: „De saek kin sa net rinne,
 Wy hâlde sitting moarn oerdei.”

Hja wisten handich út to finen
 Hwa de eigner fen dat hynzer wier:
 De boer krige oarders to forskinen
 Om fjouwer ûre foar de Rie.

Do doarst de man it net ontkenne,
 Det d' âlde happe sines wier,
 En det er fen dat beest foarhinne
 In bulte goede tsjinsten hie.

Mar nou to'n ein en âld fen dagen
 Wier 't beest him for de kost to djûr,
 Do hie 'r it fen 'e pôle jage.
 — „Ik pas op lytskes” sei de boer.

Do waerd dy wreedaerd hird bikibbe,
 Syn founis riede jimme licht:
 Hy moast it dier, sa lang it libbe
 De kost jaen: 't wier net mear as plicht.

Nou binn' sont mear as tûzen jierren
 Dy ontank-klokjes út 'e wei.
 Mar ik leau, as se yette wierne,
 Hja binglen wis by nacht en dei.

Hwent hwer wy komme ef hwer wy geane,
 Oeral is 't sprekward yn 'e swang,
 Dat goeddwaen wirdt mei ontank leane:
 Mar 't jowt nou net safolle klang.



GJIRGENS EN KLOEKENS.

W. DYKSTRA.

De Friske Hûsfrieun, 1860.

Der hearske foar in mannich jierren
 Yn 't Legelân in wetterfloed.
 Hwertroch 'r tûz'nen minsken wierne
 Dy rekken sûnder went en goed;
 En om dy yn hjar bitter lijen
 Wer hwet forgoeding ta to krijen,
 Tocht elk, men moast in omgang dwaen,
 Elk dy dan woe, dy koe hwet jaen.

Yn alle doarpen gyngen mannen
 Mei bekkens by de huzen roun;
 Der waerd mei romme ef skriele hannen
 Hwet for de wetterfloed yn jown.
 En gyng 't net altyd sa 't se winsken,
 En troffen se ûngelike minsken,
 Hja dienen meast by alle lie
 Hwet op, ho'n bytsje 't soms ek wier.

Twa mannen, mei dat wirk bilêstge,
 Dy staptten op boer Nolke ta.
 Dêr waerd op 't hiem hjar oandacht fêstge
 Op eat, dat dalik by dy twa
 De hoop fordreau hwet op to rinnen.
 't Untbriek dy boer oars net oan 't kinnen,
 Mar det er wol fen hâlden wier,
 Wier 'n ding, dat gauris bliken die.

Hja kamen troch de hikke rinnen,
 Do kibbe Nolke op Jan, syn feint:
 „'t Wirdt tiid om dat ris ôf to wennen,
 Dat ha'k dy wit ho faek al seind.

Ik kin sa'n sloffe boel net hirde,
 Dat topke hea moat birgen wirde,
 Oars is dat sa forgees wer wei;
 Dou witst, det 'k soks net lije mei.

Dat hea, forwaeid oer gêrs en stiennen,
 En dat de boer bihâlde woe,
 Wier 'n boskje dat in man ynienen
 Wol yn 'e bûse bergje koe.
 In oar hie 't op 'e dongbult fage
 Ef foar de wyn de sleat út jage,
 Sadet men tinke scoe, de boer
 Hat dêr tofolle praetsjes oer.

Sa tochten ek dy beide hearen,
 Dy man syn gjirgens roun to fier;
 Sadet mar stil werom to kearen
 For hjar miskien it bêste wier;
 Hja scoene dôchs nin byt der krije.
 Dy oer sa'n ding fen gjin weardiye
 Sa'n boel gejeuzel meitse koe,
 Wier dat ien, dy hwet weijaen scoe?

Hja kamen dochs by Nolke binnen,
 Dy ek al fen hjar komste wist.
 Hja joegen him hjar doel to kennen
 En beane him in lange list
 Fen ljue, dy dêrop teik'ne hiene,
 En, al nei 't hja formogend wierne,
 In somme skreaun' om dy to jaen;
 Hy waerd forsocht, dat ek to dwaen.

Hja tochten hast fen him to krijen
 Dit antwird, licht net frij fen spyt:
 „'k Leau graech, dy minsken sitte yn 't lijen,
 Mar 'k reitsje oars safolle al kwyt,

En om't er bûten my wol binne
 Dy't ûnforhindre helpe kinne,
 Dêrom tinkt my, ik kin wol frij
 Dus kom om sok spil net by my."

Mar né, hy joech de beide ljue
 Gjin dwars biskie oer 't ien ef oar.
 Hy naem de pinne en gyng oan 't skriuwen,
 En lei hjar do de list wer foar.
 Mar do hja, hwet hy skreau, biseagen,
 Bitrouden hja mar just hjar eagen,
 Om't hy de heechste skriuwer wier,
 Dy op de hele rige stie.

Dat kaem hjar foar hast as in wonder.
 Al wier 't wol tige nei hjar sin,
 Hja founen 't dochs alheel bisonder,
 En hien' er gjin rjucht hichte fen.
 Op 't lêst koe de iene n't langer swije,
 Hy sei: „Wy kinn' 't ús net binije,
 Det jy sa woltomoed en rom,
 Ynskriuwe for sa'n hege som."

— „Det jimme dêr binijd oer binne”
 Sei Nolke, „dat bigryp ik net,
 'k Tink, det se ús jild wol brûke kinne
 Dêr jinsen is genôch fortriet.”
 — „Nou ja, mar do't wy niis hjir kamen,
 Do wier 't dat wy in ding fornamen,
 Dat ús ynienen tinken die,
 Det hjir ús wirk ûnfruchtber wier.”

— „Wel ei? en scoe 'k ek witte meije
 Hwet jimme dêr de groun ta joech?”
 — „Ja, dat jy tsjin jins feint niis seijen
 Det hy op 't spil gjin oandacht sloech.

In topke hea, dat neat bitsjutte,
 Dat wier 't, dat jo sa fel bigreatte;
 Wy seijen, nou dy hat it slim,
 Wy krije fêst gjin byt fen him!

— Soa," sei de boer, „nou moat ik sizze
 Det jimme 't ding forkeard bisjen,
 Liet ik dy neatichheden lizze,
 Der gyng mear as men mient forlern.
 Ja, koe 'k mei dat bidriuw allinne
 Ien inkle goune yn 't jier mar winne,
 Dan leau ik, as ik dat net die,
 Det 'k yn myn plicht neilittich wier.

En woe 'k dy goune dan bistelle
 Ta nut en foardiel fen in oar,
 Hwa wit hwet 'k dêr wol mei bihelle;
 Licht kaem ik greate rampen foar.
 Hwent dat mei skynber lytse dingen
 Hwet greats wol is ta stân to bringen,
 Untgiet in man fen trochsicht net,
 Dy goed syn eagen iepen het.

As wy mei rykdom seeg'ne binne,
 En 't leit ús oan 'e bytsjes net,
 Dôchs libje er follen om ús hinne
 Dy ha dêrfen genôch forlet.
 My tinkt, wy kinne ús net bifrije,
 Det wy, towile er oaren lije,
 Gjin acht op lytse dingen slaen,
 Om oaren dêrmei nut to dwaen.

Ik wier ta 't jaen fen dizze somme,
 Dy 'k teikene ha, wis net yn steat,
 Liet ik de lytskes my ontkomme;
 Hwent sjuch myn rykdom is net great.

Wier 't eachwyt fen myn ivich sparjen
 Oars neat as jild byien to garjen,
 Dan wier it gjirgens, dat is wis:
 Nou mien ik, det it kloekens is."

De mannen moasten gol bikenne,
 Det Nolke 't wol by 't rjuchte hie;
 Hja gyngen woltofreden hinne,
 En seijen do: „As elk sa die,
 Hofollen scoenen helpe kinne,
 Dy't nou d'r ûnbikwaem ta binne."
 Ho'n bytsje in ding ek wêze mei,
 't Is altyd hast to goed om wei.



HOBBE EN KLAERKE.

W. DYKSTRA.
 Nei 't Hollânsk fen
 B. ter Haar.

N. Friesche Volksalmanak, 1855.

In eintsje fen de stiennen wei
 Stie, op in tún dat eptich lei
 In húske mei
 In flearhaech der omhinne,
 Dêr Hobbe Pielder op in joun
 Mei lodde en skeppe binnenroun,
 Hy wier it dy dêr wenne.

Hy wier fen earm mar earlik bloed,
 Syn Klaerke, as hy, net ryk yn goed,
 Mar from en froed.
 Yn hjar, sa sêft fen seden,
 Wist hy syn greatste skat to sjen,
 En hja wier mei hjar man en bern
 Gelokkich en tofreden.

Dit pear seach, sont it boaske wier,
 De bakerkoer mei ider jier
 Wer oer 'e flier.
 Sadwaende waard dy ljue
 Hjar keppel great, dy siker al
 Oanwoechsen wier ta 'n njuggental.
 En — 't scoe der net by bliuwe!

Dêr siet it wyfke woltomoed,
 In skouwing hie se as mólke en bloed,
 Hwent soun en goed,
 Bleau se ûnder al hjar tobjen.
 Hja seach sa loddrich en sa swiet
 Nei 't bern dat op hjar skerte siet
 Oan memme tit to sobjen.

Ien kraeide lûd en de oare lei
 To skriemen en sloech 't widskleed wei,
 Dat oer him lei,
 En skôp mei 't bleate skonkje.
 In trêdde, ek yet lyts en jong,
 Fen „sûse, nane, poppe” song,
 En roeike 't lytse jongkje.

Ien gyng er by de spinwiel stean
 En draeide en seach nei mem sa skean
 Dy hie 't forbean;
 Mar 't gyng sa moai, dat snorjen!
 Ien hollebolle er oer de groun,
 En loek oan de earen fen 'e houn,
 Dy sliepend lei to gnorjen.

Twa sieten op 'e hoek by 't fjûr
 En hâldden dêr it tasicht oer,
 Hja hienen in koer
 Mei prikken en mei spoenen
 En smieten dêrfen jimmer by
 Omdat se nei de sûpenbrij
 Hast net mear wachtsje koenen.

Ien tocht: Hwet bliuwt ús heit wer lang,
 En gyng nei mem en lei syn wang
 By sisters wang,
 Yn memme waerme skerte,
 Dy sêft him yn syn kintsje kniep,
 En oan syn ljuentsjen wol bigriep,
 Hy wachtte heit mei smerte.

Hwa is 't dy dêr de doar op docht?
 — 't Is heit! 't is heit!" — Elk rint en flucht.
 't Jowt mem sa'n nocht,
 Hja moat 'r wol om laitsje.
 Hja pakk' 'm oan mei lûd gerop,
 En kluwe 'm by syn knibbels op,
 En hingje 'm oan syn baitsje.

Mar Hobbe wol net nei hjar sjen,
 En ontofreden seit er: „Bern,
 Lit my bitsjen!"
 Hy smyt syn ark 'r hinne
 En seit: „It wirk foel my net swier,
 Mar hwa scil mei sa'n skrael deihier
 For sok in keppel 't winne?"

— „Fij" seit syn wiif, „dat giet forkeard!
 Dou witst wol hwet de Bibel leart,
 'k Haw 't fen dy heard:
 Bern binne 'n skat des Hearen." —
 — „Ja, mar dy skat, hwet haw 'k er fen,
 As ik se net forsoargje ken,
 Mei kloekens, deugd en eare?"

— Och Hobbe, 't hat wol slimmer stien,
 En 't is doch altyd yet al gien! —
 „Kom," seit se grien,
 Gean hjir hwet by my sitten!"
 Mar ho't hja streakt en flaeit en docht,
 De wolk, dy't m' op syn wêzen sjocht,
 Dy wol him net forlitte.

Hja gean for 't earst mei drôfenis,
 Neidet de brijpanne opset is
 Nou oan 'e dis.
 De jonges ite as mannen,
 Mar mem krijt triennen op hjar klean,
 Hwent heit dy lit syn panne stean
 En waermt by 't fjûr syn hannen.

De houn laei op 'e plaet en seach
 De baes sa goedlik yn syn each,
 Mar iensklaps fleach
 Er op en loek oan de earen.
 En blaft. — „Hwet is der? Stil ris houn!”
 Der mient m' oan 't dreunen fen 'e groun
 In hynstestap to hearren.

Mei kaem de glêzen ien foarby,
 De bern forgeaten glêd de brij,
 En seagen nij.
 Dêr waerd oan 't finster tikke.
 Bidaerd gyng Hobbe nei de doar,
 Dêr stie in deftich hearskip foar
 Syn hors stie by de hikke.

Hy wier al reizge wit ho fier;
 Syn hâlding en syn sprekmanear,
 Syn klean fol swier
 Jaen fen syn ôfkomst bliken.
 Hy wier in edelman en koe
 Wol dwaen en litte hwet er woe,
 Sa goed as alle riken.

Mar hie 'r in stins en fjilden groun
 En hie 'r him oan in frou forboun,
 Dy fier yn 't roun
 Gyng for de moaiste frelle,
 Doch mocht er nea 't gelok yet sjen
 Fen heitefreugd: hy hie gjin bern.
 Moast dat sa'n man net kwelle?

— „Kom yn!” sei Hobbe, „stean der net!”
 Wyls hy de foardoar iepen set,
 „It is sa let,
 Minhear wol licht hwet rêste
 En bin jy flau, skik dan mar by!
 Wy ha de romt fen sûpenbrij,
 As jy sok iten lêste.”

— „Dat oanbod, frjeon, is tige rom”
 Sei do dy hear, „mar sjuch, ik kom
 Der heel net om;
 'k Haw oars hwet yn 'e holle.
 Jins keppel bern is great, nei 'k mien;
 Ik kom to freegjen as je ek ien
 Dêrfen forkeapje wolle.

In jonge ef fammensbern, 't is my
 Alheel itselde hwet ik krij;
 Ik lit jo frij
 Om ien d'r út to kippen.
 Dy nim ik as myn eigen soan
 Dy krijt it dan yn alles skoan;
 Hoeft nea for 't brea to skrippen.

'k Bin ryk en 'k bin in man fen ear;
 Dos, woll' jy dwaen hwet ik bigear,
 Dan ha je n't mear
 To dwaen mei earmoeds lêsten.
 Oan 't moarn ta jaen 'k it je op birie
 Dan kom ik hjir wer om biskie.
 Nacht frjeonen, wol to rêsten!”

En dêrmei teach de hear wer wei,
 Yet seach him Hobbe fierkjend nei,
 Yn oarder mei
 It goudstik dat er krige.
 Hy wreau him nochlik om syn kin,
 En sei tsjin 't wiif: „Hwet seist er fen,
 Stiet nou ús saek net tige?”

Ik tocht, er is gjin rie mear ta,
 En sjuch, nou skikt de Heare 't sa,
 'k Moast swige ha,
 Dat ma 'k mei skamte sizze,
 Hwent altyd wirket Hy ús bêst.
 Mar kom, dou sitst dêr sa bidêst;
 't Is tiid om oer to lizzen."

— „Ja Hobbe, 'k bin ek tige blij
 Nou reitse wy fen soargen frij,
 Mar 'k tink er by:
 'k Moat dochs in bern forlieze,
 Hja binne my allegearre nei,
 Dus bin 'k er hast forlegen mei
 Hwa nou d'r út to kiezen." —

— „Wel nim dan 't âldste famke mar;
 Dou hast net folle tsjinst fen hjar;
 Hja 's altyd mar
 Bitocht om 't wirk 't ontwinen,
 Oan tafel nimt se goed hjar part,
 Mar as se hwet tofolle mat,
 Dan leit se 't op in grinen."

— „Ho komst er by? Dat is sa net!
 Dat fanke is handich en geset
 En fiks biredt;
 Hja kin hast hwet mei winne.
 Hja helpt my tige troch in dei,
 En dêrom, stjûrden wy hjar wei,
 'k Hâlde alle drokte allinne.

— „Mar de âldste jonge dy is ús
 Mar skea; hy is ondogens thús
 'k Ha 'n danich krús,
 Ha 'k him hjir om to reagjen
 En as ik kibje, 't helpt my net;
 Hy s' altyd mar d'r mei toset
 Om de oare bern to pleagjen."

— „Ei, docht dy jonge dy sa'n lêst
 En kwelling oan? Dat hat dan fêst
 Net lang sa wêst.
 Hwet koeste er soms fen sprekke,
 Ho'n ferme jonge dat it wier;
 Ho'n snoade holle dat er hie:
 En dy wirdt nou sa lekke?

— „Ja 'k sjuch dou lûkst 'r al foar om.
 Mar Lammert dan; dy praet sa krom
 En fâlt hwet dom,
 To dom hast, scoe 'k wol tinke,
 Det hy in hantwîrk leare kin.
 Licht groeit er yet in jonker fen;
 'k Wol him dy hear mar skinke."

— „Wel fij! ho komst by sa'n bislút?
 Hwet sjucht er snoop ta de eagen út,
 Dy lytse gút!
 Né hear, lit him mar rinne!
 Hy ken al letters fen 't A-Bie,
 En as er fluch op skonken wier
 Scoe 'r wol nei skoalle kinne."

— „Stean dan ien fen de twieljen ou.
 Do't wy se krigen tocht ik: „Nou,
 Dat giet to grou!
 Wol twa! hwer scil dit hinne?"
 It jonkje neamde 'k nei myn heit;
 It fanke scoe 'k, as 't dêr oan leit,
 Dan 't bêste misse kinne."

— „Mar heit! dy berntsjes helle 'k swier;
 Hja lykje elkoarren as in hier,
 En by 't getsjier
 Nimt de iene 't op for de oare.
 Né, skaetten wy dat aerdich pear,
 Dan hien' se wis gjin wille mear;
 Hja hearre by elkoarren."

— „Nou Kike dan, dy folle kwynt,
 En dy de hannen danich bynt,
 Om't se altyd grynt:
 Lit dy dan ljeaver farre.
 Dy is sa bleek en swak en hean,
 En kost in bult oan dokterslean,
 Dat mei ús hast net barre.”

— „Fij, Hobbe, fij! dat suklich bern
 Scoe fier nei frjemde minsken tsjen?
 Dat koe 'k net sjen.
 Dat scoe se licht bistjerre.
 Né, dan hie 'k yn 'e hûs gjin rêst,
 En nachts op bêd, dat wit ik bêst,
 Scoe 'k faek hjar roppen hearre.

Né, ljeaver lijde ik earemoed
 As dat ik, for hjar flesk en bloed
 My jild en goed
 En hege steat binging.
 Né, moat hja jong de wrâld ontsjen,
 Dan wol ik sels hjar stjerren sjen,
 En mei nei 't tsjerkhōf bringe.”

— „Ja mem, ik leau 't scil moeite jaen
 Om hjir de rjuchte slach to slaen.
 Ik kin 't net dwaen;
 Dou matste mar bislisse.
 Ik jaen it hielendal op dy
 En dêrom, Klaerke, siz mar frij:
 Hwetfoaren woste misse?”

— Och, 'k wit net hwa't ik misse koe,
 Mar 'k fiel, ho swier 't my wêze scoe,
 As God it woe
 Det ien ús kaem 't ontfallen. —
 Hark, Hobbe, komt dy frjemde man
 Moarnier hjir wer, siz dou him dan:
 Hy krijt net ien fen allen!” —

IT „ALD FORTRIET.”

G. ELGERSMA.

Sljucht en Rjucht, 1919.

In mearke.

Foar ieuwen wenne yn in hutsje op 'e heide
 In stôkâld minske, dat yn wide krite
 By elts bikend stie as it „Ald Fortriet.”
 Fen jowne stikken moast de stimper ite,
 Gjin frjeon ef sibben hie hja op 'e wrâld,
 En dochs, ho tsjuster, skrousk en kâld
 It libben for hjar wier, hja hong der oan,
 Noch like folle, as do't de bliere libbensmoarn
 Hjar oanlake en ûnthjitte, hwet er nea folbringe scoe.
 En hwet hjar herte oan 't libben bine koe
 Dat wier de parrebeam, dy't foar hjar wentsje stie,
 In beam, as nearne yn 't gea to finen wier,
 Mei 'n brede kroan, dêr 't hutsje ûnder skûle,
 As 't pykje ûnder 'e wjukken fen 'e hin,
 En dy't yn lette hjerst rjue parren droech, dy't yn 'e mûle
 Yen raenden. Mar ho't 't lot in minske pleagje kin!
 Fen al dy fruchten krige 't „Ald Fortriet” gjinien:
 Noch foar it rispjen kamen, hjerst op hjerst,
 De kloften hôfkesjongers, en dy hien' gjin rêst,
 Foardet de lêste par opkôge wier, en kâld as stien
 Spytgnysken hja noch om 't gekjirm fen 't „Ald Fortriet,”
 Dat treastleas yn hjar earmtlik wentsje siet.

Dat gyng sa jier op jier; mar ienkear op in joun,
 't Wier tsjin 'e tiid, dat wer 't kweajongesboun
 De beam leechhelje scoe, — kaem by it „Ald Fortriet”
 In bidd'ler oan 'e doar, dy't frege om ûnderdak. Hja liet
 Him yn, joech him in moai waerm plakje by it fjûr,
 En waerme, al wier it iten tige krap en djûr,
 De brij en beane op, dy't hja yn 'e kas noch hie,
 Wylst hja him for dy nacht hjar ienichst bēd ôfstie.
 En d' oare moarns foar dage en foar dau

Stiek d' âlde baes fol tankberens wer ou,
 Wylst er tsiin 't minske sei: „Jy freegje om gjin lean;
 Mar easke ien ding, en kin it heal bistean,
 Jy krije it; dêrta haw ik de macht,
 Ik âlde reiziger, ik, hill'ge fen 'e nacht!”

Do frege hja: „Jow my, det ik myn parren hâld,
 It iennichste, dêr't ik oan hingje op 'e wrâld.”
 Hy sei 't hjar ta: Hwa it doar ûnderstean,
 Ien tûkje oan to reitsjen, kriget foart syn lean:
 De tûken scille him omfris'lje, sa wier as ik hjir bin,
 En hy is finzen, oan't jy sizze, dat er foartgean kin.”

Deselde jouns noch hearde it wyfke in lûd gebear
 Yn 'e âlde beam. Hja lake: „Gean nou mar to kear,
 Myn feint, ik lit dy sitte fêst de hiele nacht;
 Yt dou dy nou mar grou; 't is út mei jimm' gejacht.”
 Mar út 'e beam klonk do in stimme hol en swier,
 Sa as hja nea net hearde (wier 't fen in minske ef dier?):
 „Hwet helle 'k oan: 'k sit ûnforweechlik boun,
 Och, lit my los, ik haw 't sa drok noch joun!”
 Do kipe 't wyfke efkes 't rût út; mar och hea,
 Hwet waerd hja kjel: de finz'ne yn 'e beam, dat wier — de Dea!
 „O, 'k bin der efter man. Dou scoest my helje, fêst,
 En naemste earst noch yn myn parrebeam hwet rêst.
 Mar feintsje, nou is 't mei dyn narjen dien;
 Dou bliuwst nou hjir: gjin minske deiste mear, gjinien!

Dat bleau sa, en de Dea siet der to stinnen, wiken lang,
 En ho't er wraksele, 't joech him neat; gjinien wier nou mear

[bang

Fen 'e libbensgreate fijân: rêst hie de wylde jager fen syn jacht:
 En — elts hie 't nou nei 't sin? Och né, der kaem gau klacht,
 [op klacht,

By 't âlde wyfke yn, en faken klonk de bea:

„Och lit him los, ús greatste frjeon, de Dea!”
 It wierne siken, lijers, dy't útseagen nei it ein,
 It wierne libbenssêdden, dy't by âlde master Hein
 De útkomst seagen; minsken, dy't it libben drukte as in lêst,
 En lang al snakken nei it bett're: d' iivge rêst.

„Jy hearre it,” sei do de Dea tsjin 't „Ald Fortriet,”
 Dy't dei op dei hjar foar 'e ruten to formeitsen siet,
 Ik bin ûnmisber, sjoch dat langstme, lit my gean,
 Myn nôt is ryp, meits los dy tûken, dat ik 't mean!”
 — „Nou, ûnder ien bitingst,” sei 't wyfke, scil ik 't dwaen:
 Jy moatte 't my dan op in briefke jaen,
 Dat jy my libje litte, krekt sa lang as ik it wol,
 En dat myn beam mei fruchten pronket, altyd like fol!”

Dat naem de greate meaner oan, en nou — it ein fen 't liet, —
 Jimm' ken 't n't wier? Noch libbet it Fortriet.



MEMME SLOTSJE.

G. ELGERSMA.

Ut it Libben.

Utjefte: Telenga to Frjentsjer.

Heit stie by de kas to skom'ljen yn in doas;
 Sytske stie fensels foaroan mei 'r lytse noas.
 „Heit, in slot mei moaije kralen! — mei 'k it ha?”
 En 't bigearlik hantsje gyng der al op ta.

— „Bern, dat is it slotsje, dat 'k dyn mem ris joech;
 't Is it slotsje, dat hja Sneins nei tsjerke droech;
 Sjuch 'k dy moaije reade kralen mei dat slot,
 Dan bin 'k trije dagen hielendal kepot.

Bern, ik kin 't mei droege eagen nea net sjen,
 'k Haw yn mem myn great libbenslok forlern.
 Astou great bist, popke, dan krijt Syts it, hear,
 Mar nou lizz' wy 't slotsje gau yn 't doaske wer.”

'n Healjier letter helle 'r 't slotsje út 'e doas;
 Sytske hie 't fensels gau yn 'e lytse noas:
 „Heit, hwet scil heit nou mei memme moaije slot?
 Giet myn heitsje der nou net mear fen kepot?”

Heit waerd bleek, en seach syn lytse faem ris oan.
 'k Scil in oare memke for dy helje moarn.
 „As 't nou tige ljeaf bist, Sytske, meist ek mei:
 O, dat wirdt for Syts en heit sa'n blide dei!”

d' Oare deis wier 't nije memke al oer 'e flier;
 Heitsje seach fen dy tiid ôf sa wûnd're blier;
 Sytske net; dat famke mym're mar: „Wol stom:
 „Nou hat hja dat moaije slot mei kralen om!”

't Wier in hird gelach for 't earme, lytse bern;
 Hja scoe 't ha, en och, nou koe s' er mar op sjen;
 „Heit,” sei einling 't famke, „heit, ho sit dat nou?” —
 „Och, myn berntsje, hja wier earder great as dou!”

Do bitocht it lytse fanke in moai plan:
 „As hja deagiet, heitsje, krij 'k 't slotsje dan?
 Heit, den mei hja 't moaije slotsje sa lang ha:
 'k Bin der nou ek yn gjin jierren noch oan ta!”



DY IENE.

G. ELGERSMA.

Ut it Libben.

Utjefte: Telenga to Frjentsjer.

Hja sieten om 'e tafel,
 Mem, heit en berntsjes tsien;
 Mar leech bleau noch ien plakje:
 Der miste fêst noch ien.

Dêr stie wol 'n moaije panne,
 Lei 't itesark ek klear;
 In stoel stie by de tafel,
 Mar nimmen kaem der mear.

Mem hie it iten opskept,
 Heit sei: „De hannen gear!”
 't Wier stil, en berntsjes fregen:
 „Seeg'nje de spize, Hear!”

Do gyng mem nei 't kaske;
 Hja kryg' stil in petret
 Fen in moai krollekopke,
 Dat waerd op 't stoeltsje set.

En wylst hja dêr nei seagen,
 Sei dêr in stim ûnfêst:
 „Lit ús efkes oan hjar tinke:
 Hjoed hie hja trettjin wêst.”

Do trille in hill'ge stilte,
 In stilte frjemd en swier,
 En lyts en great, dy fielden 't
 Det do de deade 'r wier.

Heit sei: „Wêz tankber, wyfke
 For dizze soun tsjien”;
 „Och siker, 'k bin 't wol, jonge,
 Mar 'k mis dochs altyd ien.”

Hja ieten prom-en-bôle;
 Mar 't sakke net, dy kear:
 It moed wier fol: hja tochten
 Oan 't famke by de Hear. —



DE SKELK.

G. ELGERSMA.

Ut it Libben.

Utjefte: Telenga to Frjentsjer.

„Moarn is 't Klaske jierdei,”
 Sei Lyp tsjin hjar man;
 „'k Haw in skelk hjar makke,
 Bringste dy hjar dan?
 Dou moast dochs nei stêd ta:
 't Nimt dy dos neat ôf.” —
 — „Wis,” sei heit, „dat kin wol,
 'k Knap dat op, hear, frou!”

Fleurich gyng 't âldmantsje
 Mei de skelk nei stêd,
 Hie ynwindich wille,
 Tocht him mar net sêd.
 „Hwet scil 't fanke opsjen,
 Det hjar heit d'r is,
 En s' is út 'e skroeven
 Om dy skelk, — ja wis!”

Mar do't heit by Klaske
 Yn 'e koken stie,
 't Fanke fylsetearre
 En 't pakje iepen die,

Lûkte hja de noas op:
 't Wier hjar fiers to min.
 „Dat ding kin 'k net foar ha,
 Ho krijt mem 't yn 't sin!”

Sûnder 'n wird to sizzen,
 Pakte heit wer yn,
 Skriemde hast fen lilkens
 Om dat skytfenyn.
 Socht gau wer syn doarp op,
 Skoude op memke ta,
 En rôp al fen fierren:
 „'t Smjunt woe 't ding net ha!”

Mem lei 't skelkje stiltsjes
 Wer yn 't kammenet,
 Hat de griene earte
 Op 'e tafel set.
 Mar gjinien fen beiden
 Roerde it iten oan:
 „'t Wier hjar, as wier 't fanke
 For hjar beiden stoarn.

Rom in fearnsjier letter
 Kaem Klas sukklich thús;
 In skaed wier 't mar fen 't fanke,
 't Wier in heislik krús;
 Mem en heit dy griisde 't:
 't Wier net oan to sjen;
 Mar ien ding joech blydskip:
 Thús wier wer hjar bern.

En do't Klas nei wiken
 Wer opsitte koe,
 Sei hja: „Mem, dat skelkje,
 Dat 'k net hawwe woe,

Mem, mei 'k dat nou foar ha?
 Mem, 't wier min en dom!"
 — „Hâld dy stil!" sei d' âlde:
 „'k Haw myn bern werom."

Klas is al in pear jier
 Troud mei 'n bêste man,
 Hat in lytse Lysbet
 En in grouwe Jan.
 't Bûnte skelkje hinget
 Faek noch op it rak,
 Hwent de berntsjes meitsje
 Gauris in wiet plak.



IT MANTSJE MEI SÂN.

E. HALBERTSMA.

Rimen en Teltsjes.

Der wier alear in âld kening
 Dat wier in stûfen faer,
 En dy bispriek de geasten,
 It wier in towenaer.

En yn syn sulveren widze,
 Yn side en plumkes der lei
 Syn ljeaf reawangich soantsje,
 Dat kriet mar jimmerwei.

Dy batske kening forflokke
 Dat harderke fen in soan,
 Biswarde de kweade geasten
 En spriek it sânmantsje oan.

„O sânmanke! kom ris harren,
 Strui sân him yn 't gesicht.
 Toe, rôp dy âlde kening,
 Slút him syn eagen ticht.”

It mantsje mei sân kaem riden
 Mei mûskes foar 'e wein;
 Yn 't weintsje fen goud en side
 Dêr siet hy sa edel, sa kein,

En oan syn moai rea rokje
 Dêr hongen twa pûdtsjes oan:
 It iene wier swarter as ierde
 It oare sa wyt en sa skoan.

Hy naem út it wite pûdtsje
 Mar trije kerreltsjes sân,
 En struide it yn syn eachjes;
 Do gong er wer nei syn lân.

En 't berntsje wreau syn eagen,
 Syn earmkes waerden slop:
 De sliep bifong syn lidden,
 En 't kin foel yn it krop.

En yn sa'n sêften doeze
 Lei hy de hele nacht.
 Dêr lei de lytse koeze:
 Gods ingels hâldden de wacht.

Sa rôp hy nou alle jounen:
 „O sânmanke, sânmanke kom!”
 En as de berneklok lette
 Dan rekke dat bern yn 'e slom,

Mar 't boike waerd bâlstjurrich
 En gûlde en tiere him sa;
 Do gong dy wrede kening
 Sels nei de sânman ta.

„Och, sânmanke,” sei de kening,
Witst dou ek rie mei 't bern?
Och smyt him sân yn 'e eagen,
Al scil hy noait wer sjen.”

Do naem hy trije kerltsjes
Ut 't swarte pûdtsje wei,
En smiet it him yn de eachjes,
Dy der to grinen lei.

En 't boike slute syn eachjes,
De eachslidden foelen yn.
Hy die se noait wer iepen:
It keningsbern wier blyn.



OP 'E RIN.

H. N. H. K. DE JONG.

Yn ús eigen Tael, 1921.

It wier op sa'n fredige, ljochte dei,
In boer wier smûk mei syn hoppe op wei.

„Wy hawwe de tiid,” is tsjin 't hynsder 't wird,
It wier in âld fos mei in wite stirt.

Boer Durk hat gjin doel ta in swipeklap,
En 't foskebeest tsjottelt bidaerd fen stap.

Al jeije ek oaren oan wylden lyk
Hja twa mjitte stadich en stil de dyk.

Op — del, op en del giet de gudzekop,
De boer hâldt de slingrjende leije slop.

Mar hark, dêr raspt in jonge
Op 'n âld harmoanjeka;
De fos fornimt dat wyske
Sjit yn in draef, hoepla!
Al mei er tweintich wêze
Hy kin noch oer 'e wei;
Hy mjit der oer, sa redsum
De stiennen stouwe 'r nei.
De noasters snúvjend iepen
De kop omhegens tild;
't Giet der oer, det fen syn master
Hiel 't lichem skokt en trill't.

Klik klak, klik klak gean syn izers oer 't paed,
It beest hat bipaeld hwet yn 't sin.
Klik klak, klik klak, wer boppe is 't âlde aerd,
Hy 's daliks foarfêst op 'e rin.
Al hirder, al hirder, al hirder,
gleonwyld is sok rinnen.
Durk dindert, en dindert, en dindert,
mar bliuwt by syn sinnen.
De jonges stean krûm fen ûnbitinkliken nocht,
En balte sa mâl as 't mar kin;
En mei dat geâl en getjirg en gebalt
Is 't foske nou glêd op 'e rin.

En hy draeft mei geweld as in pylk út 'e bôge
 Mei it skûm op syn bek en syn boarst; en in lôge
 Twirjend stof draeit omheech; mei gesnuef en geblies
 Springt er troch, en hy wit net fen ho noch bilies.

Op en del, hinne en wer skoddet wakker it liif
Fen de baes, en syn pet docht in swaei yn 'e loft;
Mar ho raer ek de boer op syn hynsder omploft
Hy bliuwt dochts by syn sintrum, de lije bliuwt stiif.

Eat bidaerder wirdt nou wer de flecht fen de âld fos,
Ja, it sakket, it sakket, 't beest is net mear los,

En nou rint er yn draef wer, de boer fettet moed,
Hy 's hwet mindrjend, hwet mindrjend,
hwet mindrjend fen spoed,

Noch hwet minder,
't Wirdt wer gean.

Sa, ja, sa!
„ho!”

Fos bliuwt stean.
„Ho!”



DE EARME RIKE EN DE RIKE EARME.

S. DE JONG.

De Friske Hûsfrieun, 1857.

Ryk yn jild wier hear fen Santen,
En in man, dy't 't wrâldske swiet
Net allinne skatte en brûkte,
Mar deroan forslave siet.

Huzen hied er, lân en grounen,
En effecten net to min;
Dus koe 'r maklik alles krije,
Hwet him ienkear kaem yn 't sin.

Ite, drinke hwet him lêstte,
Ride en jeije dat 't hwet die,
't Jild forbruie oan gekke dingen
Krektlyk as 't gjin wearde hie.

Greate feesten, bals, concerten
Dêrop wier 'r sa hjit as fjûr;
Hwent hy moast forwidring hawwe
Yn 'e wrâld mei hjar rumoer.

Faken glûpte er ek yn 't stille
 Yet wol oare huzen yn,
 Huzen fen forbeane wille
 Fol fen ûnheil en fenyn.

Hwet oan de earmen mei to delen,
 Né, dêr tocht er nea net om:
 As hja fen him al hwet krigen
 Dan wier 't noartskens en gegrom.

Eare en oansjen by de minsken
 Jage er nei yn al syn dwaen
 Sonder ea der om to tinken,
 d' Allerheechste ear to jaen.

Bidden, tankjen koe 'r net wachtsje
 Yn 'e tsjerke kaem er net.
 Hwet scoe dat for in man dy't alles
 Mei syn jild to twingen hat.

Sa fleach hiel syn libben hinne
 Wylst er om syn sielesteat
 Him yn 't minste net bikomre
 Skoan 't er huvre for de dead.

Mar der scoe in ein oan komme
 Hwent in siikte wreed fen aerd
 Smiet him op it bêd, dat ringen
 Ek syn bitter stjêrbêd waerd.

Dokters en prefesters kamen
 Om oan him hjar bêst to dwaen;
 Om, wier 't mooglik, him de wille
 Mei de sounens wer to jaen.

Mar de kinst koe neat bigjinne
 Hwet men liet ef hwet men die,
 Net in middel wie 'r to finen,
 Der de bjastre kwael foar stie.

Hwent de man hie 'n krupsje skipe
 Op syn wylde libbenswei,
 Dêr gjin kinst him fen forloste;
 't Waerd mar slimmer dei by dei.

Einlings wier syn tiid bisletten,
 En de dead kaem om syn bút;
 Fol fen wroeging, pûr fen wanhoop
 Bloes de man syn asem út.

Unbikeard en mei in herte
 Fol fen ûnrêst en fortriet,
 Mei in treasteleas gewisse
 Dat him al syn kwea forwiet.

Sa moast hy syn eagen slute
 Om se dêr wer op to dwaen,
 Hwer de greate alwitne Rjuchter
 Elk nei wirken lean scil jaen.

Sà wier 't út-ein fen in minske
 Dy't syn skat yn 't ierdske socht,
 En om d' iiv'ge sielsbilangen
 Nimmer, as mei ôfkear tocht. —

* * *

Mei Japik Anes wier it hjir
 Yn alles oars gesteld;
 Dy man waerd heel syn libben troch
 Mei ramp en earmoed kweld.

In foege hut fen sjêdden boud,
 En mei in reiden tek,
 Dêr brocht er 't heukrich libben troch:
 Faek hie 'r fen alles brek.

Al wier er warber fen bistean,
 Hy koe syn wiif en bern,
 Fen alles hwet er nedich wier
 Net jimmeroan forsjen.

Binammen yn 'e wintertiid
 Wier faek syn lijen great;
 Dan hien' se 't somtyds tige krap,
 Hwent dan fortsjinne er neat.

Faek sieten hja den by elkoar,
 Neat om en yn 't liif,
 Mei 'n wiete rikskaarre op 'e hird.
 Fen kjeld en lijen stiif.

Om't hy nei lichum en nei siel
 Sa'n bult to lijen hie,
 Sa kaem it, det de man yet ek
 Wol gauris suklich wier.

Dan lei er dêr op 't hirde bēd
 Binaud wier dan syn steat,
 Hwent och, dan woech de swierichheid
 Him op it hert as lead.

Mar onder al dat libbens-sûr
 Bisiet dy man in skat,
 Net yn forgonklik idel goed,
 Mar yn de Hear syn God.

Yn Him dy ta ús eigen bêst
 Us foar- en tsjinspoed jowt.
 O sillich dy't yn wille en leed
 Allinne op Him fortrout!

As de earme man for wiif en bern
 Dan faek gjin iten hie;
 As kjeld en hunger hjar dan soms
 Binei biswiken die,

Ef as er mei fortriet en lêst
 Dêr op syn striebêd lei,
 En det syn kommerfolle steat
 Forslimme dei by dei:

Dan wier 't, det hy de Himmelheit
 Mei 'n nédrich herte bea,
 Om útkomst yn syn bitter lot,
 En om syn deistich brea.

— „Jow, Heare, my myn sounens wer
 Dat ik for wiif en bern
 Mei flyt en iver ier en let
 Wer warber wêze ken.”

Dan waerden al syn smerten wei
 En al syn triennen droech,
 Dan wier 't dat God him yn syn need
 Soms wondre útkomst joech.

En dat joech oan dy earme man
 Fortreasting elke dei,
 Omdat syn siikjen jimmer wier
 Nei de echte himelwei.

Mei fallen, opstean, wille en leed
 Gyng jier op jier to'n-ein.
 Do waerd hy ienris wer op nij
 Op 't bittre siikbêd lein.

Mar nou net om nei lange smert
 Dêr wer fen op to stean;
 Mar om mei 'n hert fol blide hoop
 Nei de ivichheid to gean.

Dat fiede er sels al ridlik gau,
 En do wier hy forbliid;
 It skieden fen syn wiif en bern
 Joech yet allinne him striid.

Mar do't syn lêste stoune kaem
 Wier hy bireid en klear
 Om nei dit ierdske lijen to
 Forskinen foar de Hear.

Hy bea yet for syn wiif en bern
 Mei 't each op syn gemis,
 Oan Him dy aller widdou man
 En heit der wezen is.

Do lei er sêft de holle del
 En nei in sike twa
 Hie hy syn lijen hjir folbrocht,
 En die syn eagen ta.

Sa woltomoed stoar dizze man
 Forlost fen droefenis
 En det er nei de himel gyng
 Dat leaude er wier en wis.

* * *

O dêr't ús skat is, is ús hert
 Dat ken men stellich leauwe,
 Mocht mar it byld fen d' earme man
 Us steeds foar eagen bliuwe!

Dan scille wy, howol wy hjir
 Net rom bijeft'ge binne
 Ek ienris ryk yn God, as hy
 De eagen slute kinne.



DE WÛNDERKLOK.

F. KOKSMA.

Yn ús eigen Tael.

In famke út 'e boerestân
 Gyng, do't de maityd kaem yn 't lân,
 Nei d' âld pastoar fen 't doarpke om rie:
 En frege, do 't hja foar him stie,
 Wylst det it hege gleone read,
 Hjar op 'e mût'le wangen skeat;
 Hjar by to stean, mei ried en died.
 „Hark,” sei hja, „do 't ik strakjes bûten
 Allinne troch de fjilden gyng
 Ried r's, hwa hommels foar my styng?
 't Wier Geale ús rike bûrmanssoan;
 Dy frege my op sêfte toan,
 En flúst're my sa swiet yn 't ear;
 As ik” hjir seach se foar hjar del,
 As hie se op iens gjin wurden mear.
 — „Nou” sei pastoar, dy 't skoan bigrypte,
 Hwer as de skoech it famke knypte;
 „Hwet sei do Geale, bûrmans soan,
 Ef freegje ik jo to stûf sims oan?”
 — Ei né det net minhear pastoar!
 Dy jonge woe my ha ta frou,
 En swarde my der ljeafde en trou;
 Hy sei det hy wol stjerre koe,
 As ik syn wiif net wirde woe.
 Tsjin 't lêst do joech hy my 'n patsje,
 En neamde my syn ljeafste hartsje
 Hy woe my yet mear patsjes jaen
 Siz Hear pastoar, hwet moat ik dwaen?!”
 — „Lit troch dyn eigen hert dy liede,”
 Sei laitsjend, d' âlde doarpspastoar;
 „Ik kin dy min hjir dochs yn riede,
 Jaen oan dy stimme mar gehoar”
 — „Myn hert wit net fen sokke dingen,”
 Sei 't famke, en frege do al ringen

Noch mear oan d' âlde goede hear.
 — „Nou!” sei hy, „mei as 't moarnier daget,
 Gean den, as 't waer dy ek hwet haget,
 Der jins' nei de kapelle, stil:
 Hear, as it klokje der den liedt
 Hwet as det dy fortelle scil,
 En nim, dêrneffens, dyn biried.
 Klinkt it yn dyn earen: nim him mar!
 Den hast' yn ienkear al dyn kar.
 Den wirdst' mei gauwens ek de breid.
 Mar!... as it klokje tsjin dy seit:
 Nim, nim dy rike jonge net!
 Den litste, sûnder 't dy fortret,
 Dy jonge mei it each op God,
 Mar hielendal oer oan syn lot!”
 Nei 't hja pastoar bitanke hie,
 For syn wolmienende, goede rie,
 Gyng hja op hûs yn wer op nij,
 En tocht oer hwet pastoar hjar sei.
 Hja kryg dy nacht gjin wink yn 't each.
 Do 't ljurkje, sjongend, moarns opfleach,
 Nei 't hege blauwe kûpeltek,
 Do wier dy ljeave faem der ek.
 It earste goud'ne sinneljocht
 Kroep noch net by ús ierde omhegens,
 Ef 't famke giet al nei omlegens,
 It dal yn nei it tsjerkje, stil,
 Hwer 't statich lûden fen de klok
 De takomst hjar dré oanjaen scil.
 Hjar takomst.... O! gau scoe hja 't witte,
 Sa'n gnappe feint!... Hja laket blier.
 Hja harket.... diig'rijend yn 'e fierte
 Nei d' âld kapelle mei syn toer:
 En?.... wûnder tinkt hja, wûnder, wûnder,
 Gjine klok'lûd komt de fjilden oer....
 Scoe koster sims de tiid ûntsjitte?....
 Of 't lieden, scoe hy det forjitte?....
 Hja sjucht fol eangstme om hjar hinne,

En kin hast net mear fjirder rinne.
 Ho lang ho bang fâlt hjar de tiid,
 It bringt hjar hielendal yn striid.
 Toe tsjerkeklokje! . . . 't minst geruchte
 Untlokket hjar 'n djippe suchte,
 Och lûde it mar! Wei sleauwe tinzen! —
 Hja stoaret nei d' âld toer, der jinsen
 Mar 't toerke wiist mar steil omhegens,
 Gjin lûdke komt der nei omlegens.
 En jimmer, jimmer swijt it stil,
 Krekt as it nea wer liede scil.
 Mar hark! hja wirdt op ien stuit kel
 Bom, Bam, sa klinkt it lûd en fel
 Oer 't fjild en dúdlik heart 's yn eltse toan:
 Nim, nim dyn rike bûrmanssoan!
 En ringen flucht hja nei Pastoar
 En ropt: it is al foar inoar!
 De klok dy rôp: och nim him mar!
 Det, nou hab ik yn iens myn kar.
 En d' âld pastoar, dy lake blier
 Do 't aerdich fanke foartgien wier.



KINNE WY HJIR EK BLIUWE?

J. LASKEWITZ.

De Bijekoer, 1870.

'k Wit net holang as 't is forlyn,
 Do stiene Jan en lytse Tryn,
 Twa bern fen earme ljuwe,
 Alhiel trochwiet, bynei forklomme,
 To ljuentsjen foar de doar by Homme:
 „Boer, kinn' wy hjir ek bliuwe?"

Dy Homme wier in rike boer,
 Mar joech oan de earmen ljeafst gjin stûr,
 Nei 't sizzen fen de ljuwe.
 Sa gierrich wier er, leau 'k, oars net,
 Mar bidders — sjuch dat wier syn wet,
 Dy koen' der nea net bliuwe.

Hy rôp dan Jan en Nynke ek ta:
 Ik wol gjin biddershûs hjir ha;
 Hwa scoe sok folk fortrouwe?
 Jimm' moatte gau mar fierder tsjen;
 't Is wier, jimm' binne foege bern,
 Mar kinn' hjir doch net bliuwe.

— „Och boer, wy binne wiet en kâld,
 Och skik it, det je ús dizz' kear hâld';
 Ho kin je ús nou fordriuwe?
 Liz op in boskje strie ús del;
 It waeit en reint aloan sa fel:
 Och, kinn' wy hjir net bliuwe?

— „Né, praet er mar net langer oer,
 Jimm' helje my der net ta oer,
 Dat moat jimm' nou mar leauwe.
 Gean nei myn bûrman Piter ta,
 Ef mooglik wol in oar jimm' ha,
 Mar hjir kin nimmen bliuwe.

— „Hwer scill' wy swalkje yet sa let?
 Och boer, och frou, forstjit ús net,
 Dat koe jimm' letter roue.
 Och, nim ús earne stimpers oan,
 Oars binn' wy lichtwol omkomd moarn;
 To, lit ús hjir mar bliuwe.

Ei, hâld ús mar, ús heit is dea,
 En mem hat for hjar bern gjin brea,
 Wy moatte goede ljuwe

Om bystân freegje, earm en bleat.
Foarhinne wiern' we yn better steat;
Och, mej' wy hjir net bliuwe?

— „Dat ha 'k jimm' nou sa faek al sein!
Jimm' hâlde oan as tichte rein,
En wolle 't mar net leauwe.
Ik siz it jimme yetris, bern!
Ik wol jim hjir net langer sjen:
Jim scille hjir net bliuwe.

„Men hat mar fen dy bidderij
Neat as in hopen gnobberij
Hwa wit hwet se ien ûntsjouwe?
Dêrom is 't nou myn fêst bislút,
Ik skied mei dat gebiddel út,
Gjinien scil hjir wer bliuwe.”

Do rôp de boer syn beide bern:
„Kom Klaes en Gryt, jimm' moatte sjen,
Det jimm' dy bern fordriuwe.
Hwet handich wiern' dy twa oerein,
En rôpen beide: „Heit hat sein
Jimm' kinne hjir net bliuwe.”

Mar och, do Klaes dy bern oanseach,
En al hjar lijen krige yn 't each,
Do koed er 't net fordouwe.
Hy tocht: „As wy dy berntsjes nou
Foartstjûre yn 't onwaer, — dat 's to grou!
Och heit! hja moatte hjir bliuwe.”

— „O ja, dat siz ek ik, sei Gryt,
Och heit! hwet binn' se kâld en wiet
Dat kinne jou sa net leauwe.
Jow hjar myn iten: brea en brij,
Ik wol for joun wol graech foarby,
As hja hjir dan mar bliuwe.”

— „Och, kin 't net oars, sei Jan, nim Tryn,
 Myn lytse sister dan mar yn
 En lit my bûten bliuwe.
 Ik flij my yn in striebult del,
 Al reint en waeit it noch sa fel
 Ik wit dan: Tryn kin bliuwe.

„Hat lytse Nynke, earme bloed,
 It binnen doar mar waerm en goed
 Dan scil ik kjeld fordouwe,
 Moarnier bytiid, al mei de dei
 Helje ik hjar wer by jimme wei
 Siz, kin se dan net bliuwe?

— „As ik hjir bliuwe scil,” sei Tryn,
 Dan moat broer Jan der ek mei yn,
 Och to mar, goede ljuwe,
 Gean dizze kear der mar ta oer,
 En hâld ús beide, hwent myn broer
 Wol ljeaver by my bliuwe.”

— Och heit,” sei Gryt, „dat kin sa net,
 Jy moatt' for dizz' kear yn jins wet
 In nij artikel skriuwe.
 Dy berntsjes binne stiif fen kjeld,
 Doch nou hjarsels gjin mear geweld,
 Mar lit se stil hjir bliuwe.

Bitink ris as jou Klaes en Gryt
 Dêr nou sa stiene kâld en wiet
 En dat by frjemde ljuwe,
 En as men hjar dan koartwei sei:
 Kom, gean hjir mar hwet handich wei,
 Jimm' kinne hjir net bliuwe.

Dan scoene jimme, heit en mem,
 Wis sizze, dat is al to slim!
 Fij, fij, hwet binn' dy ljuwe

Tsjin earme berntsjes wreed en hird.
 Jimm' scoene wis mei died en wird
 Us meihelpe om to bliuwen.

Help dêrom dizze stumpers ek,
 Hja hawwe klean en alles brek,
 Men moat er fen bisouwe.
 En wy hawwe alles rom en goed;
 Och, jow hjar hwet fen ús oerfloed
 En lit se hjir nou bliuwe.

Tink, det men Jezus' les forjit
 As me earme berntsjes sa forstjit:
 En Him dochs moatt' wy leauwe;
 Hy sei: „Hwet me oan in earme docht,
 't Is goed ef kwea ef krom ef rjucht,
 't Scil sûnder lean net bliuwe.”

„Sa is 't,” sei heit, „en dêrom bern
 Woe ik yn dizze saek ris sjen
 Ho't jimme tinke en leauwe.
 It wier al dalik myn bislút
 Dy berntsjes bleaun' d'r joun net út
 Mar scoene beide bliuwe.

Al tocht ik sa, doch praette ik oars,
 Mei opset sin al gâns in poas.
 Nou mei ik stellich leauwe:
 Myn bern dy hawwe in goede groun,
 Dat ha 'k nou dúdlik ûnderfoun,
 Wol altyd dêrby bliuwe.

Kom, rop dy beide bern mar yn”
 Sei heit, „'k wol ek myn falske skyn
 Tsjin hjar net fierder driuwe.
 En lûder as de earste kear
 Rôp nou it ynlik blide pear:
 „Gau bern! Jimm' kinne bliuwe!”

De berntsjes kamen onder dak,
 Hja koenen op in waerem plak
 By 't fjûr de hânnen triuwe.
 En heit en mem en beide bern
 Dy wierne bliid, dat wier to sjen,
 Dat de earme stumpers bleaunen.

Hwet waerms yn 't liif, de waerme hird,
 Dat ien en oar brocht Jan oan 't wird
 Mei de eale, brave ljuwe.
 Dan praette er dit, dan wer hwet oars,
 Mar dûrre dat al gâns in poas,
 't Koe doch net lang sa bliuwe.

Hwent mem sei: „Berntsjes, hark ris, slacht
 De klok dêr siker al gjin acht?
 Hwer mei de tiid dochs bliuwe?”
 Hja brochten Jan en Tryn yn 't hea,
 Dy lieten hjar de himp'ne lea
 Der nochlik onder triuwe.

Do lústre Jan tsjin lytse Tryn:
 „'k Tocht jouns, wy komme er lang net yn
 Ik hie omtrint dy ljuwe
 Al hirde, bitt're wurden sein,
 Mar do kaem ta gelok it ein
 Fen 't spil, wy koene bliuwe.”

„O fij, hwet hiestû it dan bidoarn
 Sei Tryn, hwent och, hwet ha wy 't skoan
 By dizze brave ljuewe.
 De boer like earst sa wreed en hird,
 Mar miende fen syn praet gjin wird,
 Oars liet er ús net bliuwe.”

„O né” sei Jan, „ik hie 't net tocht,
 Mar ien joech yn dit tsjuster ljocht.
 Dou meiste 't feilich leauwe:

Bigien mei ús earmoedich lot
 Joech nou de ljeave, goede God:
 Dat wy hjir beide bliuwe.

Né, Hy forjit syn berntsjes net.
 Ho slim in earne 't soms hjir hat,
 Wy moatte op Him fortrouwe
 En altyd om Him tinke, Tryn;
 By ûnwaer en by sinneskyn
 Him altyd tankber bliuwe.

Nou slute wy ús eagen ta.
 Earst moatt' wy 't joungebedtsje ha,
 Wylst wy elkoar in handsje jowe.
 O God, forsoarger fen Jins bern,
 Wol fierder ljeafdryk op ús sjen,
 En altyd by ús bliuwe."

Do joegen se hjar ta sliepen del
 It dûrre in amerij, in tel
 Do hjar de skiep ûntdreaunen,
 Hja tochten om gjin wyn ef waer,
 En om gjin neden ef gefaer,
 Do hjar dêr feilich bleaunen.



DE FLOK FEN DE SJONGER.

BALLADE.

MADZY.

Nei L. UHLAND.

Forjit my net, 1900.

Dêr stie yn âlde tiden in slot sa heech en great,
 't Blonk fier oer alle lannen yn kâlde pracht en steat;
 D'rom hinne leinen tunen mei 'n skat fen blomt en grien,
 En springende fonteinen, mar noft hie dêr gjinien.
 Hwënt sjuch, der wenne in kening, sa greatsk en wreed en hird,
 Hy siet dêr op syn troane en sei hast noait in wird.
 Hwet hy oertocht wier eangstme en hwet hy die, wier kwea,
 Hwet út syn eagen ljochte, dat wier de grime dea.
 Hjir teagen ienkear hinne twa sjongers, d' iene blier,
 En jong mei goud'ne lokken, de oare griis fen hier.
 De âldste siet op 't hynzer, en goed en gol fen aerd
 Stapt neist him mei de harpe syn jonge kammeraet
 En d' âlde sei tsjin d' oare: Meits dou dy ré, myn soan,
 Bitink ús moaiste lietkes, slach oan de folste toan.
 Doch nou dyn bêst, en sjong strak fen wille en fen smert,
 Wy wolle hjoed formurvje des kenings stiennen hert!"
 Dêr stean de beide sjongers sa eal fen geast en liif.
 En op de troane sitte de kening en syn wiif.
 De kening, freeslik prachtich as 'n bloed'ge Noardljochtskyn,
 De keningin, de ljeave, as 'n blomke, tear en fyn.
 De âldman grypt de snaren, en toanen rein en klear,
 Dy rûzje troch de seale, sa ljeaflik yn elts ear.
 De jongste sjongt sa helder en himelsk swiet der by,
 En as in koar fen geasten bromt sêft de âlde mei.
 Hja sjonge fen maitiid en ljeafde en fen de âlde tiid.
 Fen frijdom, memmeljeafde, fen trou en bange striid.
 Hja sjonge fen al it swiete en moaije op 'e wrâld,
 Hja sjonge ek fen ilinde, fen minsken hird en kâld.
 It hôffolk om hjar hinne forleart nou alle spot,
 En 's kenings greatste krigers, hja bûge hjar foar God.
 De keningin hjar eagen, dy binn' fen triennen wiet,

Hja bidt de jongste sjonger om yet sa'n ynmoai liet.
 De kening, bleek, grimmitich fen lilkens út forset,
 Keilt nou syn flymskerp swird en it treft de jonge yn 't hert.
 — „Woestou myn wiif forlokje? dit is dan nou dyn lean.”
 En tsjin de grize: „Moast my opslach wer hinnegean.”
 Nou 't heech in bloedgjalp opspat, is 't dien mei alle noft.
 Foartstoud as fen 'e stoarmwyn is nou de hele kloft.
 En d'âlde nimt syn mantel en dekt de deade ta,
 En bynt him fêst op 't hynzer en wol gjin hântsjust ha.
 Mar foar de hege poarte hâldt d'âlde yetteris stil,
 Dêr nimt hy nou syn harpe, dy't net mear klinke scil.
 Dêr slacht hy hjar yn stikken, syn moed him hast ûntsinkt,
 En ropt dan, det it húvrjend troch slot en tunen klinkt:
 „Wé, wé! jimm' moaije tunen yn maitiids simmerljocht
 Jimm' tean ik dizze deade, myn stipe en treast en nocht.
 Jimm' moaijens scil forstjerre, it slot togruzelje yn pún,
 Wraekgeasten scille slûpe troch lân en hús en tún,
 Wé dy, dou wrede moardner! forgean scil al dyn pracht;
 Omdôch is al dyn skreppen om ear en rom en macht;
 Dyn namme wêz' forgetten, yn iiv'ge nacht forlern
 Dou scilste nea bisitte in mûtel, ljeaflyts bern!”

De âlde hat it roppen; de himel heard' it oan.
 De mûren binne fallen, 't is alles pún en sân.
 De kening hie gjin ûre fen frede mear en lok,
 Syn namme waerd forgetten; dat die des sjongers flok.



IN SNJEONTOJOUN.

T. G. v. d. MEULEN.

Swanneblommen, 1885.

'k Tink faek as nei in rige dagen
 De gouden sinne yn 't westen sinkt:
 De moaiste joun, dy't ús in wike
 Hjir jimmer brochte en weroan bringt,
 De moaiste joun fen alle jounen,
 Hjir op ús Fryslân's groun
 — Ik doar net út 'e frjemdte sprekke —
 Dat is de Snjeontojoun.

Alteast, ik wit in hearlik oarde,
 — Fries ef Friezinne folgje my —
 Wy scille in moaije Snjeontojoune,
 As wier 't hast op in skilderij
 Ofprinte fine en dernjonken
 As ús dat byld foldocht,
 Lit elk dan yn syn stân ek siikje
 Sok Snjeontojoune-nocht.

Gean nou mei my it doarp to'n einde,
 Dêr jinsen nei dat aerdich hûs,
 Umjown fen hagen, hikke en stekje
 En hege beammen by de rûs,
 Hwerfoar in klimmerbeam de mûrre
 Mei grien ek winters siert;
 Hwerefter 't reiden tek der skûrre
 Omheech rikt; — hwent dêr tiert

De golle freugde! — O alle dagen,
 Mar doch foaral op Snjeontojoun
 Dan wirdt der earst it frije libben
 Fen fikse, Fryske boeren sjoen.
 't Is by Kryn Luikes, en wy doare
 Wol daelk nei binnen gean
 De ljue, sa sindlik, gnap en trinten,
 Litte nimmen bûten stean.

Pas nou ris op! Dêr yn 'e hoeke
 Foar it frjeonlik barnend fjûr
 Dat yn 'e glêdde stander spegelt
 Sit yn 'e pakestoel de boer.
 Syn iene foet rêst op 'e draeitreeft
 Dat is dy man sa wend,
 Mocht earne soks de moade net dilde
 Dat 's Krynboer ûnbikend.

Dêr nêst, de frou oan d' ein der tafel
 Der krekt sa efter Krine rêch,
 Dat is syn wiif. Se is in boerinne
 Sa kras en kein men earne seach.
 Se is kreas forklaid en 't koe wol hjitte
 As wier de frou yet faem.
 En dochs joech hja foar tweintich jierren
 Kryn d' earste erfgenaem.

En dat, dat is in snipper famke
 Dêr njonken hjar. Ei, siz it my,
 O feinten, slacht by sok in oansjen
 Jimm' jonge hert net rom en blij?
 't Is Fokje, wis it moaiste famke
 En 't beste ek, fen 't gea.
 Hwa seach er moaijer holtsje en eagen
 Hwa kanter liif en lea?

Dêr nêst de faem, moai tsjok fen earmen
 Dy tsjinnet nou hjir by de ljue.
 Mar 'k leau, det mannich eigen berntsje
 It lang sa goed net hat as hiu.
 Hwet is se fleurich, hê? Fen iten
 Dan is 't by Krines skoan
 Mar nimmen hat syn liif ef mage
 Troch loit'rjen ek bidoarn.

De frou, dy sit oan 't appelsnijen
 De faem dy skylt de ierpels, mar
 Dat is for moarn. Der op 'e tafel
 Stiet nou it jounmiel klear for hjar.

Op Snjeontojoun is 't in stik iten
 Mei sealjemôlke ef sa;
 Men kin mei 't waerm miel sa'n joune
 Sa nin gedoente ha.

Fok kin towile in stekjen naeije,
 En 't naeijen handicht hjar sa skoan!
 Hja makket nou in siden skerldoek;
 Dat scil er sierlik bystean moarn!
 Net dat hja greatsk is, sikerwier net,
 Mar hja forsmyt it net,
 Det by in froede sin in famke
 Sin oan hjar selver hat.

Doch Fokjen is gjin iennich berntsje,
 It twade en lêste pyk út 't nêst
 Dat is dy jonge fen toalf jierren
 Dy't de oaren hwet tofoaren lêst.
 Dy sit dêr foar de hird, en, siker,
 Ho 'n oar der net fen praet,
 Kryn seit wol faek: ús Thys kin lêze
 As wier 't in abbekaet.

Hy lêst nou krekt in froalik stikje
 't Is út de Húsfrjeon, *d' Earste Kear*
 Fen Tsjibbe Gearts. Hja laitsje
 Soms hertlik om dat frjemd petear.
 Sels d' âlde feint yn d' oare hoeke
 Oer Kryn, dy laket mei.
 Howol m' allang seit: „Fromme Dûke
 Is op de rjuchte wei.”

En sounheit stiet hjir elk op 't wêzen,
 Elk hat hjir wille, freugde, nocht
 Men wit by 't smoken, praten, lêzen
 Sa wier net hwer de tiid hast fljocht.
 Mar 't stikje is út — hja laitsje yetris.
 — „Nou” — seit de frou — „'t is bryk!
 Ik wit net ho't se 't sa bitinke
 As 't barde, 't wier komyk!”

„Mar kom nou, Thys, wy moatt' wol ite,
 Doch lizz' wy earst de hânnen gear!"
 Stil binn' se, en mei in tankber herte
 Oanbidt en tanket men de Hear.
 't Is dien. Thys langt de brogge oan Dûke
 Fok jit de mûlk ris yn,
 En yetris praet men oer dit stikje
 Oer bou en waer en wyn.

Sa fljucht de Snjeontojoune hinne,
 Ho rêstich, hê? Sa moai as 't kin.
 Och dat se lang yet libje meije
 Dy Krynboer mei syn hûsgesin!
 Doch stil — der slacht de klok tsjien ûre.
 — „Tsjien ûre! is 't al sa let?
 Dan scil 't hast tiid fen bêdgean wurde"
 Seit Kryn, „'t forfeelt oars net."

En Dûke nimt nou de lantearne om
 De hynzers ôf to foerjen, en
 De frou langt elk it skiene himd ta
 Opdat er him forskienje kin.
 De faem dy wasket earst it thégud,
 Fok teart as wier se in skroar
 Hjar naeijen op. 't Fjûr wirdt biritsen
 En Kryn slút sels de doar.

En swiet scil him de sliep wis smeitsje
 Mei fromme, froede sin yn 't hert.
 God mei dan for syn ginstfolk weitsje
 En hoedzje hjar for fortriet en smert.
 Hwa hjir seis dagen ivrich boddet
 En fris is, flink en soun,
 Romt tankber for Gods segeningen
 Mei my sa'n Snjeontojoun.



MYN [^]ÂLDERS [^]HÛS.

M. MIEDEMA.

De Bijekoer, 1889.

Ja, âlderlike wente,
 Dou leist my tige heech.
 Al wiest mar 'n âlde klinte,
 Grif wiest yet tige dreech.

Al bist nou al forfearre
 En net mear as alear,
 Graech wol ik fen dy hearre
 'k Tink oer dy mannich kear.

Dan leist yet yn myn tinken
 As dingen jister bard.
 Dan sjen 'k de âld skoarstien blinken,
 Mei 'n wippe tige swart.

Hwet haw 'k my wol formakke,
 Net to forjitten went!
 Ho'n bulte wille smakke,
 Hwet bliere dagen kend.

De blomkes seach ik bloeien
 De flinters sprong ik nei
 Mei laeitsjen, boartsjen, djoeijen,
 Dêr fleach de tiid mei wei.

'k Sjuch noch dy smoarde pannen,
 En reade op 't efterein,
 Dy mûrren — yn gjin lannen
 Sa dreech — hwet grien fen rein.

In griene doar wier 'r foare
 Mei 'n izeren ring moai swier.
 Dan kaem men by in oare,
 De middendoar, ja wier!

Dat wier de doar nei 't foarhús
 Dêr't frijhwet romt' yn wier.
 Sjuch, dêr formakken wy ús,
 En songen dat 't hwet die.

Dêr stie in hege treppen,
 Dy gie nei boppen ta,
 Dêr brocht ús heit syn skeppen
 En mear sok ark nei ta.

Dan folge er in portealtsje
 Mei spyntsjes, — âlde trant —
 Dêr birg ús mem hjar skealtsjes
 En diggelgûd oan kant.

Hja hie dêryn hwet thégûd
 En ek hwet âld porslein.
 In klontsjepot en yet hwet
 't Waerd inkeld brûkt op Snein.

Dan kamen we yn 'e keamer
 In tige rommen-ien.
 Gjûn matten leine er jimmer.
 De flier wier griene stien.

In Earnewâldster matte,
 Dêr stie ús tafel op.
 In rounen-ien? Né, hwette?
 In fjouwerpoat, net slop!

Oan eltse kant in bedstê,
 Yn 't mids de keamersdoar.
 It iene laei for ús ré,
 For heit en mem it oar.

Hy skynde hwet nei 't géle,
 Us keamer mien ik nou,
 Net glêd! dat koe net skéle,
 Glâns wier der gau wer ôf.

Dêr boppe doar en bedstê
 Wier 'n brede richel lâns,
 Mei 'n rige bonte pannen,
 En dêrop laei wol glâns.

Ja, swiid wier 't ho't se glommen,
 Mei rântsjes om 'e kant,
 Mei blauwe ef reade blommen
 Biskildre yn 'e âlde trant.

In âlde Joustêr spine,
 Dy tsjin 'e mûrre oan stie,
 Dêr't for de magepine
 Brea, bûter, tsiis yn wier.

En op dy Joustêr spine
 Stien' pannen giel en moai,
 En tsjeppe reaukes, fine,
 Presint fen Ybel-moai.

En yn 'e hoek by 't finster
 Ef twisk'n 'e finsters yn
 Stie jamk it wielewaeltsje
 For och sa'n lyts segryn.

Ja, âlde wilewale!
 Ienkear bifettest my.
 Mem sei: 'k Wie 'n hoalefoale
 En danich lik der by.

Twa broerkes ek fen mines,
 Dy roeike 'k wol yn dy.
 Mar God dy foardre sines.
 Hja boarten faek mei my.

En dan ús wide skoarstien,
 Dêr rûsde 't soms op ta.
 Dêrfor wie 'k faken skrutel,
 't Wier 'n aeklik near gestin.

Dêronder stie 'n bankje
 Mei 'n fjûrpot tige great,
 By 't simmer! — Oars, né, tankje!
 Dan joech dat reau ús neat.

Né, winters fjûr yn 't hirdtsje
 En waerm de plaet mei mot.
 Dan praette heit in wirdtsje
 Ef mem fortelde hwet.

De skoarstienmantel hinge
 In learen kleedtsje om,
 Dêr stie hwet op itjinge
 Ik hast forgeat, sa dom!

Dêr waerd, leau 'k, merke op hâlden,
 Hja dounsen hân oan hân
 Mei frouljue, jonge en âlden,
 By beammegrien yn 't lân,

Dan stelde in bytsje fierder
 't Him foar: in hazzejacht.
 In houn, sa 't like, hied er
 Al ien, for him in dracht.

Us twade finster, siker,
 Seach op it efterút.
 Ik wit gjin moaijer, riker
 As 't útsjuch troch dat rût.

Hwent seach ik dêrtroch hinne,
 Dan wier it alles grien;
 Net beamt ef bleek allinne,
 Mar 't oar sawol as 't ien.

En yn 'e hoek by 't finster,
 Dêr hinge in waerhús brún,
 Mei 'n lytse marketinster,
 Mei 'n man, in âld skarlún.

Hja stienen yn in poarte,
 As 't twiskenbeiden wier.
 Hy bûten as 't hwet hoatte
 En hja as 't moai waer wier.

Dan 't kammenet mei krollen,
 Alhiel nei de âlde trant,
 Mei útsnijde ingelhollen
 En wjukken oan 'e kant.

Dan moaibiwirke doarren,
 Dêronder laden fyn,
 Dêr berge mem hjar snoarren
 En Sneinske klaijing yn.

Dêr nêst hinge oan 'e mûrre
 Ut memme fammetiid
 In doek mei letters floerre,
 In pronkstik tige swiid.

En dan twa skilderijen:
 Earst Abrams offerhân,
 Dan: 't frommins rêd út lijen
 Troch Salomons forstân.

En dan hwet drege stoellen
 Yet út 'e foarige ieu.
 Hja hiene do gjin prullen,
 Mar stevich gûd dat bleau.

In âlde turfbak yette
 Stie tsjin 'e âld skêrrem oan.
 Hjir koe 'k it nou by litte,
 Hie 'k ek de klok net hawn.

Dat wier in steartstik treftich
 Mei 'n skildre wizerplaet,
 Mei huzen tige defnich,
 Mei 'n wetter lâns it paed.

Dêr siet ien op to fiskjen
 Mei 'n angel yn 'e hân.
 En fierder in kloft minsken
 En kij en skiep yn 't lân.

En yette in skipkesylder
 Mei 't wite seil yn top.
 In greate weage spielde er
 Mei rûch skom op 'e kop.

Dou âlde tikker wiiste
 My faek in blide tiid
 Mar ek wol tyngedieste
 Fen hirde, bange striid.

Us heite lêste sike
 Seiste ús ek ienris oan,
 Dêr lietst ús do mei blike
 Ho hird hjir 't lok forroun.

Ek ienkear fêst, leau ikke,
 Wiist dan de tiid ris oan
 As komt myn lêste snikke,
 De dead syn kâlde hân.

Sa wierste in trouwe tikker
 Altyd by nacht en dei,
 By alle leed en wille
 By fallen en jûchhei.

„Foarút!” is fêst dyn wachtwird
 Fen stilstean hâldste net,
 As 't sûzen fen in slachswird
 Dou seist mar: „'t Is sà let!”

Mei ik fen dy mar leare
 Hofier it mei my is;
 Net ivich ploaije en teare
 Net stilstean! — oars is 't mis.

Nou moat ik dy forlitte
 Mei 'n stille ôfskieds-trien.
 Nea scil ik dy forjitte,
 Oant seiste: Nou is 't dien.

Farwol dan, âlde wizer!
 Farwol dan, trouwe frjeon!
 De tiid forbrekt hjir izer,
 Troch him wird' wy fordreaun.

Farwol, myn âlderwente!
 Farwol! rop ik dy ta,
 O nochlik-smoute klinte,
 Dêr't 'k folle nocht hawn ha.



GENEVRA.

R. POSTHUMUS.

Fr. Volksalmanak, 1850.

As j' oait yn Modena kom, hâld dan
 Oan in paleis, ticht by de poarte fen
 Reggio stil, dêr't ris by âlds ien fen
 Orsini syn famylje yn wenne hat.
 Syn moaije tunen, mei plein boppe plein,
 Ryk yn fontainen, bylden en ek yn
 Cypressen scill' jo lang ophâlde; — mar,
 Stap dat hûs yn, foardet jy geane, — forjit
 It net, mei ik jo bidde, en bisjoch dochs
 In skilderij dêr, lang en goedernôch.

't Is fen in jiffer, yn hjar ierste jeugd,
 De lêste út dat trochloftige geslacht;
 Fen Zampieri makke — dochs fen hwa
 Ek, siikje ik nou net. Hy dy't it bisjocht

Sjocht him sêd, komt, en komt al wer tobek,
 Opdet hy 't him forbeelde kin, fierôf.
 Lynjend' foaroer sit se, eft hja prate woe,
 Hjar lippen stean healwei op, omheech
 Stekt hja de finger eft hja sei: „Sjoch ta!”
 Hjar tabbert is borduurd mei blommen en
 Tagaspt fen top ta tean, mei in smaragd
 Yn elke gouden gasp. Der leit om hjar
 Foarholle, moaijer as in moarmerstien
 In krâns fen pearls.

Mar dan hjar gesicht,
 Sa minsum, en sa gútrich, sa fol freugd,
 Dêr 't hert fen oerrint, dat frij is fen skild
 Forskrikt my yett', ho lang 't ek is forlyn,
 As wyld muzyk.

Allinne hinget it
 Oer in stik mōgjend erf-húsrie, syn maet,
 In eken kast, fen wjirmen heal fortard,
 Mar ryk oan snijwrik fen Antonius
 Fen Trente, út de Skrift, út it libben fen
 Christus nomd, in kast út Venetië, en
 Hweryn dat hartochs mantels fen dy ef
 Dy foarâlder wierne opbiwarre wêst; —
 Dit yn 't foarbygean, 't sij dan wier ef net; —
 Forjit de skilderij mar net, en dou
 Scilst 't net: hear mar 't forteltsje, my forteld.

Hja wier in iennichst bern, en hiet Genevra,
 De freugde en rom fen in tajowend heit;
 En yn hjar fyftjind jier waerd hja de breid,
 En boaske in iennichst soan, Frâns Doria,
 Hjar spylfeint fen bern ôf, hjar earste ljeafde.
 Lyk as hja der yn hjar breids-pronk útsjocht,
 Wier hja âl frjeonlikens, âl fleurichheid,
 Hjar wyldsang 't ljeafste praet fen eltse tonge;
 Mar nou wier de dei komd, de dei en ûre,
 De âld faem, hjar minne, hûndert kearen swart
 Sjende en laitsjende, preket hjar fatsoen:

Yn al de glâns fen hjar jeugd, joech hja nou
Hjar hân mei hjar hert deryn, oan Frâns oer.

Great wier de freugd'; mar op de brillofts-dei,
Dêr't allen sieten, waerd de breid formist,
En nearne waerd hja foun! Hjar heit dy rôp:
Hja wol ús mar stelle op de ljeafde-proef!
En folt syn glês for allen; mar syn hân
Skodde, en foart roun fen gast ta gast de skrik.
In eagenblik wier 't mar forlyn, dat hja
Fen Frâns wier ôfgien, laitsjende en werom-
sjende en foartrinnend, hie hja him drukt yn
Syn finger hjar ivoren tosk-least yett'.
Mar nou, o jammer! waerd hja net mear foun;
Fen dy ûre ôf koe nimmen oars eat riede,
As dat hja d'r net wier.

Syn libben sêd,

Flucht Frâns foart nei Venetië en giet
Op 't oarlochskip en smyt syn libben wei
Yn 't fjuchtsjen tsjin 'e Turk! Orsini bleau
Yett' libjen, en lang wier hy as âld man
Der noch to sjen, omdwelmjende, as eft hy
Hwet socht, dat hy net fine koe, en dat
Hy ek net to goed wiste, hwet it wier.
Do't hy forstoar, bleau it hûs in set stil
En leech stean, en gyng oan frjemden oer.

In folle fyftich jier forlyn, do't al
Dy ljue forgotten wierne, foel ris op
In liddich dei, in dei hwerop men yn
De gaelderij de âld rommelboel trochsocht,
De fammen dy formôge kast yn 't each.
En ien, sa jong, sûnder neitinken, as
Genevra sei: „Hwerom nimm' wy him net
Ut syn skûlherne? En it wier sa gau net
Sein, eft it wier ek dien: mar ûnderweis
Briek hy en foel útien: en sjedêr.... in
Geramt mei hjir en dêr in pearrel, en

Mei in smaragd, in gouden gasp, fêst gaspjende
 In lape goud. Forgien wier al 't oare, op
 In trou- en lytse segelring nei, dy't
 Hjar mem hjar tamakke, en hwerop snijd wier
 In namme, it wier de namme fen hjar twaën,
 Genevra. Dêr foun hja dan så hjar grêf!
 Hja hie hjarsels forstitsen yn dy kast,
 Fen freugde dronken, 't lokkichste fen al
 De lokkigen; do't in springslot, dat dêr
 Siet yn in hinderlaech, hjar for altyd
 Dêr fêst delsette.



TROU.

J. B. SCHEPERS.

For Hûs en Hiem, 1891.

Yn Godes namme farre wy,
 God scil ús Helper bliuwe
 Yn lêst en leed
 Yn ûnk en need,
 As wy oan Him ús jowe.

Yn Godes namme farre wy,
 Hwet lot ús jinsen wachtet:
 Do bliuwst him by
 Yn stoarm, oan lij
 Dy Dyn geboden achtet.

Fen Juwsma's hechte, reade stins
 Klunk lâns it Fryske strân
 Dit ynlik krústochtsliet yn 't roun:
 Juw teach nei 't Hill'ge Lân.

It skip laei ré; it waeide flink
 It krús blonk fen hjar klean
 En mennich famke skriemde lûd
 En rôp: „Och, wol net gean!”

Mar ho 't ek mannichien it hert
 Drôf klopte yn it boarst,
 It Easten rôp hjar, Jezus' grêf;
 Hja fielden det it moast.

Ek Ava, Juwsma's edel wiif,
 Hie 'n trien yn 't sêft blau each,
 Mar moed spriek hja de ridder yn,
 Dy't stil oer 't wetter seach.

Gjin eed fen trou hie Ava sward;
 Ek hy joech net syn wird;
 Mar yn hjar beider herten stie
 De trou oan egen hird.

Ik scil omheech, en los it tou!
 De weagen krûze om 't skip
 En drôvich seach hja 't hinnegean
 Fordwinen as in stip.

Help ús Marije,
 Hear nei ús winsken!
 Help ús, o mem fen
 De Heilân der minsken.

Sjuch der Dyn fijan!
 Hjir rêst Dyn soan!
 Knibbeljend scille wy,
 As wy him deije, Dy
 Tankje op it hillich plak
 Hwer det Hy stoar.

Sa klonk it foar Jeruzalem.
 It leger blonk fen stiel;
 De wyn helle oan en wolken kearden
 De gleone sinnestriel.

It sân waeide op, en de Arabier
 Foel mei in lûd gegei
 De Kristenridders yn 'e flank
 Fen efter hichten wei.

„Hear, help ús!” rôp de Kristenhelt,
 En stried for God en 't liif;
 Mar jouns leine ridder dêr en feint
 Utskodde, bleat en stiif.

Juw Juwsma dy waerd finzen nomd
 En oan in kjetling boun;
 Mei oare slaven moast hy 't lân
 Bisiedsje, fen hwa't woun.

De sultan smakke nei dy slach
 De frede dûbeld swiet;
 Hy joech syn ridders feest op feest
 En 't kostlikste geniet.

Dêr songen sjongers fen hjar Hear,
 Hjar helper Mahomet;
 Gjin liet, dat dêr net leane waerd;
 Nei sang stie Sultans hert!

In jier fleach hinne, Juwsma kaem
 Net nei syn stins werom;
 Do hearde Ava fen 'e slach
 En tide bleek en stom.

Gjin wird for hjar, gjin wink fen him
 Joech rêst oan hjar gemoed;
 En faek socht hja hjar treast yn 't liet:
 It sjongen die hjar goed:

O, ljeave faem Marije
 Sjuch op Dyn tsjinstfaem del;
 Oansjuch hwet leed ik lije,
 It pleaget my to fel.

Lit my myn Juw wer krije,
 Forbûkje it herte net:
 Ik scil in gouden hert!
 O, golle faem, Dy wijer.

En einlings naem hja 't pylgerkleed;
 Hjar faem forliet hjar nea,
 En sjongend fen hjar drôvich lot
 Roun'n hja fen gea ta gea.

Hjar harp joech libbens ûnderhâld,
 Joech oertoht oer 'e sé,
 Hja lannen nei in bult geswalk
 Op Palestina's ré.

Marije, lit my fine
 Myn sinne, lit hjar skine
 Fol gloed wer yn myn each!
 Jow my dyn hân,
 Wiis my troch 't lân
 't Paed, hwer 't Juw hinne teach,
 O, det 'k him seach!

Al skroeide 't sân hjar seare foet
 En 't sinnefjûr hjar wang,
 Hja gong de griene palm foarby,
 Hwent hope joech hjar sang.

Ienkear, do't hja net fierder koe,
 Hjar tsjinstfaem like min,
 Foel 't pear yn 't skaed fen palmen del:
 Mistreastich wier hjar sin.

Mar dêr foel 't each op 't slavefolk;
 Hja seach en siigde del:
 Juw wier it, Juw! — Dy blydskip wier
 For 't ljeavjend hert to fel.

De sultan sit by 't fleurich feest
 It klinkt der lûd yn 't roun,
 Gjin Kristenleger pleaget him,
 Nou 't lêste is oerwoun.

Twa pylgers komme skruten yn.
 In harpe draecht de ien';
 Tel stean de gasten harkjend klear
 Mei 't wyld geraes is 't dien.

As earme mûntsen binn' hja klæid,
 Mar 't blauwe each fen de ien'
 Lûkt de eagen fen 'e hiele seal;
 Fier waerd syn lûd forstien.

Hy song fen Fryske trou, fen man
 En wiif, fen de egen hird
 En 't berntsje det hja efterliet,
 Trou oan it jowne wird.

Hwet klonk hy swiet, dy Fryske sang
 De Sultan yn it ear.
 En mei syn eagen frege hy:
 „Hwet's dêrfor dyn bigear?"

En Ava naem de Sultan mei
 En wiisde nei in man
 Dy't bodde yn it sinnefjûr
 Mei oaren yn it span.

„Jow my dy man!" sei 't freegjend each,
 Ien wink en Juw dy kaem;
 Hja kryg him swijend by de hân,
 Wylst hja hjar kape ôf naem.

Hja seinen neat, de kiel siet ticht.
 Mar einlings brocht er út:
 „Bistû myn ljeave Ava, siz
 O ljeave, jow gelût!"

Hy spriek hjar oan en frege frjeonsum:
 — „Hwet skeelt 'r oan, ho skriem jy sa?" —
 — „Men rint my om, myn jild is fallen,
 'k Haw my sa sear dien," kreunde hja.

'k Moast mei de trein en nou bliuw 'k efter,
 Och minsken! ik oerlibje 't net." —
 — „Gjin moed forlern! earst 't jild wer siikje
 En dan oer 't oare r's bired"

Sei de jongfeint, — hy socht en foun it,
 Hwet 'r oan ûntbriek, die 'r sels er by.
 — „Ho scoe it wêze," frege er fierder,
 „Kin jy yet gean? steun oars op my."

Hy laette hjar. Mei gauwens siet hja,
 En dêr fortelde hja him sà:
 „Ik bin in earme, âlde widdou
 En 'k scoe joun nei myn dochter ta.

Dy leit sa min, 'k mei 'r net om tinke,
 Hja is de ien'ge my yet bleaun.
 As 'k hjoed net kaem, dan scoe 't net bate,
 Dos ha se my to moarntiid skreaun.

Ik moaste treddel ûre rinne
 Oan stêd ta, ik koe 't hast net dwaen,
 En nou forgees! och, hwet is 't skriklik!
 Och Heare, wol dochs helpe jaen!

Hwer moat ik nou fen nacht bidarje?
 Mear as dit jild haw 'k net by my.
 'k Oerlibje 't net, myn ljeave dochter,
 'k Scil hjar net wersjen, fij, o fij!"

Sa klage hja. — „Hwer moat jy hinne?"
 — Nei Ryp, twa ûren is it wol
 Hjir ôf, ik kin it nea birinne"
 Sei hja — „'k hâld 't gjin ketier mear fol.

Sa wirrich bin ik, 'k wit gjin rie mear."
 „Wel," and're hy, „gjin moed forlern,
 Ik kin foar moarn nou dochs net fierder,
 'k Wol sjen eft 'k jo ek helpe kin.

Bliuw stil hjir sitten, 'k helje in rydtúch."
 Hwet sloech se do in tankber each
 Omheech. Wer skriemde hja, mar fen blydskip
 Nou hja sa'n útkomst foar hjar seach.

In toarn dêrnei hie hy it reau al;
 Holp hjar dêryn, foart rieden hja,
 Hy sels de leije, en mei foarsje
 Gyng 't nou op 't lytse doarpke ta.

De widdou fielde net mear pine,
 Hja wier fen sok in frjeonsum dwaen
 Alhiel ûntdien. Ho! frjemden woenen
 Dos bystean en sa'n helpe jaen.

It is golhertich, net to leauwen —
 Sa tocht en mym're se ûnderweis.
 En folle earder as hja rekk'ne,
 Wiern' s' al oan d' ein komd fen 'e reis.

Hjar dochter foun se aerdich better,
 Hwet hie dy 'n langst nei mem; gjin drank
 Koe hjar sa'n goed dwaen as mem's kommen,
 Fen alle kanten wier 'r tank.

En de jongkeardel, dy sa kreftich
 For hjar hie yn 'e bresse stien,
 Hy moast hwet by de ljuwe toevje,
 Dêr 't hy sa'n bulte hie for dien.

En do't er foart scoe, en 't âldminske
 Him yetris hertlik „tankje" sei,
 Spriek hy: „Ik bin genôch bileanne
 Troch hwet er yn jins eagen laei.

Det 'n fieling yn my wekker makke
 For mem. *Hjar* eagen hawwe jou,
Hja seach my oan, do't jy m' oanseagen,
 Ik *moast* jou bystean, wit je 't nou?

Mem wennet hiel fier hjir fendinne.
 Nou foartoan tink ik faek yn my:
 'k Haw fen myn mem fier yn 'e frjemdte,
 Ek hwet fen *hjar* hjir tichteby."

En d'âlde frou griep beide hannen
 Fen him, en sei mei 'n tankb're snik:
 „Foartoan bidde 'r twa memmeherten
 For dy — dyn bêste mem en ik."



DE TSJERKGONG.

A. J. SMEDING.

Swanneblommen, 1884.

't Wier Sneintomoarn, de klokken letten;
Hja rôpen: „Kom! nei tsjerke ta
 Ta bea en tank, ta earnstich tinken,
 Ta treast for dy't se nedich ha.

En op dy ropstim gyngen folle
 't Ienfâldich, kreaze tsjerkjen yn
 En ûnder dy ek in jong wyfke.
 Forskate wiken wier 't al lyn,

Det *hja* ek opgong as dizz' moarntiid:
 't Wier do s' *hjar* earste tsjerkgong die
 En *hja* *hjar* bern to doopjen oanbea.
 Hwerom s' er letter net wer wier?

Hwerom? och, 't koe net, hwent hjar berntsje
 Dat woe net dije, 't bleau sa tear;
 Hja wist nin plak hast as by 't widske;
 Dat frege hjar mar jimmer mear.

Så by hjar bern, — dêr wier hjar tsjerke,
 Hwet hie se faek de hânnen gear.
 Dan bea s' om help for 't ljeave boike,
 Om krêft fen d' iiv'ge Himmelhear.

De Maitiid kaem, en alles griene
 En woun yn fleur fen dei ta dei;
 Mar mei hjar berntsje woe 't net winne,
 Alhiel net, 't kwynde sûntsjes wei.

Dochs hope hja by 't minste glimke:
 't To missen — 't tinkbyld makke hjar gik;
 Mar 't kaem sa fier, de koarts helle oan en
 Dêrmei... it freeslik eagenblik.

De swakke libbens-tried wier britsen;
 Hjar bern wier wei!... mar ek it bern
 Ut wé en smert en krimmenearjen,
 Sa pynlik faek om oan to sjen.

Nou wier 't oer al syn lijen hinne,
 Bifoardere ta heger tier,
 Mar 't missen bleau fen 't mûtel berntsje,
 En hwet is for in mem mear swier?

Wy brochten op in stille jountiid
 It lykje nei it tsjerkhōf ta:
 Nin klokken letten, alles swijde
 Doch 't wier net minder ernstich sa.

En nou giet hja wer op mei 't tsjerkfolk,
 Mar d' eagen dwale wiles ôf
 Sa gau it koe, sa lang it mochte
 Nei 'n plak dêr op it hege hōf.

Nei 't modderheapke dêr, dêr jinsen.
 It lytse grêfke fen hjar pop;
 Ta oan de yngong fen 'e tsjerke —
 Né, nearne wier hjar each oars op.

Ho graech scoe hja net oer it grien nou
 Dêr nei dat yndjûr plak ta gean
 En den by 't grêfke in eagenblikje
 Alhiel allinne mym'rjend stean!

En sels do s' oandien yn hjar bank siet
 Wier 't krekt allyk hjar as it each
 Neat oars ek as it griene tsjerkhōf
 En dêrop 't lyts swart grêfke seach.

It preekjen, sjongen, gyng hjar earen
 As klanken sûnder sin foarby;
 Mar dochs ien wird: „Gods dwaen is ljeafde
 Yn jaen en nimmen,” hearde sy.

En do se wer de wirge holle
 De jouns dêrōp to rêsten lei,
 Do wier 't, det hja mei mear birêsting
 „Jins wil geskied’, o Fader!” sei.

En foar hjar each hie hja noch 't grêfke,
 Mar yette hie se in oar gesicht:
 In Ingeltsje sa blier fen wêzen
 Dat treau hjar sêftkes d' eagen ticht.



IT HÛSKE OAN 'E SEDYK.

M. G. STIENSTRA.

Sljucht en Rjucht.

It skip glied út 'e haven
En strûsde it ségat yn;
It skipsfolk wie sa fleurich,
Yn 't seilwrik song de wyn.

En twisken hege mēsten
Dêr wiuwde in lytse hân,
Om d' ouskiedsgroet to bringen
Oan syn ljeaf heitelân.

Der siet it jong matroaske
Dy't neat as mymrjen die
Oer 't ynljeaf âldershûske
Dat oan 'e sédyk stie.

Hy tocht om mem dy't siik wie
En skriemde do 't er gong,
En oan de moaije sangkjes,
Dy't — lang forlyn — hja song.

Hy seach de popelierbeam
Mei 't hôfdounēst er yn,
Syn túntsje mei sa'n blommen
En de âlde hazz'-kleur-knyn.

Fier boppe him wie immen
Mei 'n sêft meilijend each:
It wie de bleke moanne
Dy't tear nei 't feintsje seach.

It skip skau troch de weagen,
It gyng nei mem wer ta,
Leed, soargen wier'n forgetten....
It gyng op hûs wer ta.

Deselde koe 'r net bliuwe,
In trien wâlles út syn each
Do 'r einliks 't iizren anker
Oan lân útsmiten seach.

Der stie noch 't frjeonlik hûske
Yn jountiids sinnegloed
As wachte it op it feintsje
En hie 't de pronk oan hjoed.

De foardoar stompte er iepen
En wachte do in hoart....
Hwet nou?... hy sjucht... hy siket...
Ho's dit...? is mem nou foart?

De lêste sinnestrieltsjes
Forljochten 't lyts krûp-yn,
Mar hy doarst net wer freegje:
„Is mem er net mear yn?”

Hy gyng mar wer nei bûten,
Hy wie sa near en raer...
Hy gyng op 't hiem oan 't sneupen,
Mar waerd gjinien gewaer.

Och, mem wie al op 't tsjerkhôf,
't Wie mei hjar lijen dien.
Der jinsen op it terpke
Der rêste se onder 't grien.

De wyn bliesde yn 'e seilen.
It skip gyng do werom....
Gjin ien tocht om 't matroaske,
Dat yn it touwrik klom.

In greate stjirre loaitse
Troch 't skiere swirk him oan,
As 't memme-each dat skriemend
Sims delseach op hjar soan.

Hy gyng krekt as in fûgel,
 Dy't oan 'e wjuk biseard
 Yet bloedrich 'n eintsje fladdert
 Mar noait nei 't nêst wer keart.

It hûske stiet forlitten
 En útsloerd al en bryk;
 Fol ontúch leit it tûntsje
 Forwaerloaze oan 'e dyk.



ALD RUERD-OM.

M. G. STIENSTRA.

De Bijekoer, 1878.

Ho faken wirde âlde ljue
 Net omke ef moaike neamd
 Troch lyts en great, al binn' se yen
 Dan oars ek fûgelfreamd.

Sa haw ik yn ús earmhús ek
 In âlde Saskmoai kend.
 't Wier altyd Saskmoai foar en nei
 Hja wier fen elk dat wend.

As immen koartwei Saske sei
 En dêrby 't bliuwe liet,
 Dan rekke 't minske fen 'e streek
 En tocht, det der hwet siet.

Dan Pibe-om út de wide steech,
 Dy't mei in stokje gong,
 En yn 'e tsjerke Sneins altyd
 Sa heech en noatfêst song.

Dan Simkmoai fen de greate wâl
 Dy sindlik as de brân
 Yn 't gasthûs yet to lânne kaem
 Mei hjar toknofle hân.

Dan Jan-om fen 'e nije streek
 Dy't mei de thékoer roun
 En sa yet op syn âlde dei
 In earlik brogje woun.

Dan Riemkmoai út 'e bûterhoek
 Mei 't krukjen yn 'e fûst,
 Dy't daegliks frege, as de frou
 Ek moster hawwe moast.

Dan Pier-om mei syn klinkebuis
 En âlderwetske hoed
 Dy âldtsjes binn' nou lang al dea
 Mar kinnen haw 'k se goed.

Dan Ruerd-om út 'e Westerein,
 Mei kûrkes op 'e rêch,
 Dy't mei syn keapwaer woltomoed
 Hast oeral hinne teach.

In jakkert oan fen Ingelsk lear,
 In broek fen 't selde stik,
 En om 'e hals in blaudrukt doek
 Mei 'n greate dûbb'le strik.

Op 't styklich hier in rûge pet
 In stôk hie 'r fen komsa.
 Sjuch dêr to'n neistenby de man
 Sa 't ik him kinnen ha.

Hy sûtle mei syn kûrkespil
 Hiel Dongradiel wol ôf,
 Nei Wierum, Peazens, 't Moddergat
 Sims mei in hele sjou.

To Nes, dat wier in stielen wet
 En 't barde selden oars,
 Dan bleau er by Sjoerd nijboer meast
 Altyd in hele poas.

Twa, trije wike en langer wol
 Bleau de âlde stêfêst wei.
 Hy knúzle hwet yn 't bûthús om
 En holp in handtsje mei.

De boer, boerinne en de bern
 Elk hie wol mei him op,
 Hwent Ruerd-om hie in sêft bistean
 En noait gjin lûd gerop.

En as er einlings fierder moast,
 Nei Ruerd-oms fêst bigryp,
 Dan pakte er wer syn kûrkes op
 En reizge nei de Ryp.

Dêr wenne op in eigen spil
 In glêdde rintenier
 Dy 'r altyd wol hwet nocht oan hie
 As Ruerd-om by him wier.

Hwent Ruerd-om makke 't nimmen drok,
 Soks laei net yn syn aerd.
 De boaden holp er graech in hân
 As dat foreaske waard.

Ierappelskile en mear sok wirk
 Dat died er eltse moarn
 Dy 'm skamje mocht om dat to dwaen,
 Dêr hie 'r in hekel oan.

En tsjerksk? Ja wis wie Ruerd-om tsjerksk
 Hy miste 'r net in kear.
 Meast stie er dan by 't fjouwerkant
 Mei d' iene hân oan 't ear.

As hy dêr sa to harkjen stie
 Untkaem him net in wird.
 Hwent Ruerd-om hie in goed forstân
 Al like 't toar en hird.

„Net elk dy't Heare! Heare! seit”
 Sei âlde Ruerd-om faek
 Scil yngean yn Gods keninkryk,
 Syn wil to dwaen is saek.”

En Ruerd-om miende ek hwet er sei
 Ienfâldich from en froed.
 Tofreden yn syn heukrich lot
 Sei 'r faken: 'k haw it goed.

As hy sa jouns nei ôfdien wirk
 It miel bihimle hie,
 Dan siet er op 'e bûthûsbank
 To praten dat 't hwet die.

Nei skoalle hie 'r in bytsje gien
 't Wier do hwet oars as nou;
 It skoaljild dat do frege waerd
 Koe 'r altyd lang net ôf.

Yn 't âlfde jier do naem er al
 Hwet kûrkes op 'e rêch,
 Sadet er do, ho jong dan ek,
 Himsels to rêdden seach.

En dy't him frege, bin je ek troud?
 En haw je ek wiif en bern?
 Dy koe yn Ruerd-oms dompich each
 In trien twa blinken sjen.

— „Né” sei er dan, mei 'n djippe sucht
 „In wiif haw'k nimmer hawn,
 Mar wol in fryster kras en fiks
 Mei 'n tige skerp forstân.

As 'k oan hjar tink, dan skriemt myn hert
 Hwent yet dyselde moarn
 Do't ús de grytman trouwe scoe
 Is myn Marijke stoarn.

Mar sont dy tiid ha 'k noait in faem
 Mear nei de eagen sjoen,
 It houliks-lok dat 'k smeitsje scoe,
 Wier do for my forjown.

'k Bleau foartoan libjen as âldfeint
 En wenje by myn snoar.
 Mar selden fynt hja by my honk;
 'k Bin meastal by in oar."

Dan swige d' âlde en fage 'n trien
 Yet út syn eagen wei.
 Mar d' oare moarns die er 't wirk
 Wer tige fleurich mei.

Sa swalke Ruerd-om mannich jier
 Hast hele Fryslân roun,
 En waerd de kost, lyk as ik sei
 Him meastal sahwet jown.

In jier is 't amperoan nou lyn
 Do hat er for it lêst
 De ronte by syn frjeonen dien
 En yn ús krite wêst.

't Wier f'line maityd, mar och hea
 Hwet wier er rûpsk en tin.
 Dêrby hie 'r ek sa'n droege hoast;
 De teikens liken min.

Hy kochle meastal sahwet oan
 Ek wie 'r faek tige near.
 Sa gong er foart, mar dizze reis
 Wier 't ek syn lêste kear.

De mylde simmer roun to'n ein
 De hjerst kaem yn it lân
 En nimmen hie yn al dy tiid
 Fen Ruerd-om tiding hawn.

Der waerd wol gauris oer him praet
 En frege, ho scoe 't gean?
 Hwent elk tocht wol to neisten by
 't Scoe net to ginstig stean.

Oant hjir, foar hast in wike ef fiif
 In man mei kûrkes wier,
 Dy oan de ljuwe dêr't hy kaem
 Forslach fen Ruerd-om die.

Hy sei: „Jim sjugg' 'm hjir net wer;
 Hy s' Ljouwter merke al stoarn.
 Wy wierne bûrljue: o ik wit
 Dy dei yet bare skoan,

Det Ruerd-om sa ris tsjin my sei:
 'k Wit net ho wonder 't is
 Mar, 'k haw leau 'k dei oan dei de koarts,
 'k Fiel seldom my rjucht fris.

Mar bûrman, hwet ik winskje is dit:
 Moat 'k ier ef let hjir wei,
 Det dan myn siikbêd tige koart
 En treastfol wêze mei."

En 't barde sa, syn winsk kaem nei,
 Mar 'n dei twa hat er lein.
 'k Haw sels him mei to hōve brocht;
 Hy leit to Westerein.

Op sa'n menear brocht dizze man
 Dy drōve tiding ús.
 En wy, wy winsken do dy deis
 Us âlde frjeon in goede reis
 En ek in sillich thús.

OKKE.

M. G. STIENSTRA.

De Bijekoer, 1866.

Mistreastich, forbûke troch 't bitterst fortriet,
 Siet Thys-om swiersettich der hinne.
 Hy tocht sa de rin fen dit libben ris nei,
 Fen Okke, syn ljeafling, al lang by him wei,
 Hwer dy nou al swalke ef wol wenne!

En Rinskmoai, 't âld minske, seach Thys-om ris oan,
 En wreau ek in trien út hjar eagen.
 It wier hjar by tiden om 't herte sa bang,
 It dûrre mei Okke, hjar soan, ek sa lang,
 Det hja him wer thús kommen seagen.

Hwet hiene se in noed mei hjar Okke wol hawn,
 Syn lok wier it doel fen dy minsken.
 Mar nou, al hjar útsicht en wille waerd wei,
 De hope op syn wersjen forflaude eltse dei,
 Forydle wier 't wyt fen hjar winsken.

— „'k Tink faken,” sa sucht hja, „ho mocht er it ha,
 Ho koed er ús hjir sa forlitte?
 Wy mienden it beide mei Okke sa skoan,
 Mar drift en lossinnigens fytren him oan;
 Hy woe fen ús rieden net witte.

Gjin letter ef tiding komt mear fen him oer,
 Fêst hat er ús glêdwis forgotten,
 Is dat nou it lean, dat ús tametten wirdt?
 Is Okke syn hert nou sa wreed en sa hird,
 For ljeafde en for âldermin sletten.

Hy stie hjir, sa dreamde 'k fen nacht, op 'e dyk,
 Mar och, hwet wier Okke foroare,
 Hy seach sa forwêzen en skruten yn 't roun,
 En hwet ik mear aekliks oan Okke bifoun,
 Scoe 'k siker net bleatlizze doare.

Dêr s' Okke! sa rôp ik en fleach bûten doar,
 Myn Okke, hwer komste fendinne?
 Do waard ik towekker, mar 't leit my sont by
 As wier dy forskining in tiding for my,
 Det wy him gau wachtsjende binne."

— „Né, memke," sei Thys-om, „wy binne to âld
 Om oan sokke dreamen to leauwen.
 De moed, dy't ik hie for 't bihâld fen ús bern,
 Dy is my ûntgien en for altyd forlern,
 For altyd scil Okke wol bliuwe."

En bûten wier 't tsjuster, de wyn helle oan,
 De rein klettre fel op 'e glêzen.
 — „Och heden!" sei Rinskmoai, „hwet wirdt it in waer,
 It wier sa net iens sûnder libbensgefaer
 Om bûten allinne to wêzen.

Hark! waard dêr net kloppe? Hwet driuwt yn sok waer
 Sa let op 'e joun hjir ien hinne?
 To heit, doch ris iepen en sjuch ris, hwa wit
 As dy net yn lijen en ongemak sit
 En wy him fen tsjinst wêze kinne?"

— „Hwa is dêr? rôp de âlde. „Goed folk!" waard er sein,
 Doch ringen de doar for my iepen
 It is my ondwaenlik om fierder to gean,
 Ik kin op myn skonken fen wirgens pas stean.
 Och, jow my in plakje to sliepen."

De doar kaem fen 't kjetting, mar hwet in gesicht!
 Hjir wegert elk wird hast hjar helpe.
 It wier in oandwaenlik toaniel om to sjen:
 Dy frjemde dêr bûten wier Okke, hjar bern,
 Fen earmoed en lijen oerstjelpe.

Hy wier yette jong, mar syn oansicht wier bleek,
 Hy like sa âldsk en forfallen.
 It hier op 'e holle stie wyld en oerein,

Syn klean wierne stikken en wiet fen 'e rein
Djip wier hy, ontankbre, fallen.

Hy eren hjar alles, hjar lok op 'e wrâld,
Joech jong fen syn ondeugd al bliken.
It wirk hied er meastal in broer oan forlern,
Op feesten en merken dêr liet er him sjen,
Om fier boppe in oar út to striken.

Syn minderen gyng er heechmoedich foarby,
En moast er der al ris tsjin prate,
Den koe men sa sjen, det de feint him forbriek,
En dat it ynwindich syn heechmoed sa stiek,
Hwertroch elkenien him hast haette.

It frijen gyng ek sa mar net by de sleur,
De ryksten dêr teach er meast hinne.
Mar om 't sokken faem meast de gek mei him hie,
Omdet er sa'n greate lawaeimeitser wier
Koe 'r jimmeroan blaukes birinne.

't Kaem einlings sâfier det de fammen yn 't gea
Dy hiene him tige yn 'e rekken,
En teach er om utens, 't wier altyd hast mis;
't Is krekt as mei sokken gjin meilijen is;
Hwet siet er soms onder 'e gekken.

Dat stiek him yn 't krop en syn heechmoed dy sei:
„Ast hjir bliuwste rekkest forkâlden;
Dou moatste de wrâld yn, gean ljeaver op sé
Licht leit in oansjenlike post for dy ré
Dou kinst wol bûten dyn âlden.”

De reden hwerom hy syn âlden forliet
Wier neat oars as greatskens allinne.
Mar ho't er wer thúskaem dat ha wy al sjoen.
Hy hie hwet er sochte dêrjinsen net foun,
Mar kaem er yet earmer fendinne.

En letter wier Okke deselde net mear,
 Do wist er syn baitsje to lûken.
 Foarhinne lossinnich, nou stil en bidaerd,
 Foarhinne heechmoedich, nou needrich fen aerd,
 Yn alles wie 'r nochlik to brûken.

En einlings, do't 'r beide syn âlden forlear,
 En Okke syn oanhâld hjir miste,
 Do naem er ta stipe in treftich jongfaem,
 Dy wol mei gjin rykdom fen jild by him kaem
 Mar dêr men gjin kwea oars fen wiste.

En 't pear wier gelokkich, hja libben yn rêst
 It gyng hjar yn alles nei winsken,
 Hja bodden oerflitich for 't dageliks brea,
 En waerden as warbere ljue yn hjar gea
 Gâns heechachte en eard fen 'e minsken.



OAN 'E SÈDYK.

TINE.

Sljucht en Rjucht, 1911.

't Is foarjier. De lamkes hja springe
 En drave as pyjassen yn 't lân.
 D' âld skiep sjugge rêstich wearkôgjend
 Dat boartsjen en wyldjeijen oan.

En njunken it readstiennen hûske
 Yn 't skaed fen 'e beammen, dêr sit
 To boartsjen in aerdich, lyts jonkje,
 Det ek fen gjin soargen yet wit.

De pandiggels binne syn skiepkes,
 De stientsjes syn hynsders en kij,
 Syn stâl is in ôftanke stove,
 It lân is yn 't túntsje, tichtby.

De lamkes en 't boike, hja binne
 In byld fen it dertene nocht,
 De jonkheit sjucht alles yn 't libben
 Forgulde troch 't blier sinneljocht.

Dêr efter 'e sédyk, dêr leit hja,
 De wylde, de moardzjende sé,
 Nou slomjend en drôgjend fen 't foarjier
 As die hja gjin minske hjir wé.

De fiskerman swalket op 't wetter
 For him giet gjin ûre forlern:
 Joun moat er mei fisk yn 'e netten
 Thúskomme by wiif en by bern.

En jinsen, yn 't readstiennen húske,
 Omleech yn it lân oan 'e dyk,
 Is 't fiskerswiif ivrich oan 't breidzjen,
 Hja fielt hjar de kening to ryk.

For hjar is it libben in blomtún,
 Hjar bern is de ljeaflikste knop.
 Hy is er it sintsje yn 't húske,
 Fen heit en fen memke, de pop.

Hjar man moat syn brea sûr fortsjinje
 Op 't wetter, sa great en sa djip,
 En letter scil boi mei him farre,
 Syn libben forslite op it skip.

Faek stiet hja yn eangstme en fréze
 By ûnwaer to wachtsjen mei smert,
 Mar nou, né, nou fielt se hjar lokkich
 En frede hat went yn hjar hert.

't Lyts jonkje komt súntsjes nei binnen,
 Leit 't kopke tsjin memkeljeaf oan.
 Hja tilt him omheech op hjar skette
 En tutet en neamt him „myn soan.”

Mar loddrich knypt hy mei syn eachjes,
 Fortelt fen syn lamkes en skiep.
 It holtsje falt op memme earm
 En boi rekket stil yn 'e sliep.

Hy leit dêr sa rêstich en feilich
 En dreamt fen syn blierkop en mûs,
 En mem tinkt: Gjûn sê moat him hawwe,
 Hy heart yn 'e boerkerij thús.

* * *

't Is jountiid. De loft is bilitsen
 De wyn, niis sa sêft, boazet oan
 En 't wylde, wytskomjende wetter
 Warskôget op driigjende toan.

Ien sjucht 'r de deafijân kommen,
 En 't ljeavjende hert docht sa sear,
 Hja bidt for de heit fen hjar berntsje,
 Om 't bihâld fen syn libben, de Hear.

Wyls 't jonkje yn syn dreamen sims glimket,
 En memke treast fynt yn hjar bea,
 Swalket fier fen 'e dyk in lyts boatsje
 Dêr kampet in man mei de dea.

De stoarm is him hommels oerfallen,
 De wrede, hy liet him gjin tiid
 Nei feiliger oarden to fluchtsjen,
 Mar dage him út ta de striid.

En swier wirdt dy striid for de séman,
 De sé jowt net hastich forlern,
 Dochs 't offer hâldt d' eagen nei boppen
 En tinkt om syn wiif mei hjar bern.

Dat tinken jowt him nije hope,
 Hy wrakselt op nij tsjin 'e floed.
 Dêr sjucht hy twa blinkende stjerren,
 Hja lykje to roppen: „Hâld moed!”

* * *

It moantsje skynt blier fen omhegens,
 Biljochtet de moardzjende sé,
 Nou slomjend en drôgjend fen 't foarjier
 As die hja gjin minske hjir wé.

Mar djip yn hjar ûnmietbre skette,
 Fen soargen en sielesmert frij
 Sliept mennich de deasliep, wreed skoerd út
 It libben en 't húsgezin wei.

Dochs jinsen yn 't readstiennen húske
 Is immen ontkomd oan 'e dea.
 Dêr sit by de séman syn wyfke
 De Heare forhearde hjar bea.

De Himel brocht blydskip yn 't herte,
 De sé joech hjar striden forlern,
 It skip wirdt hjar búten, mar de fisker
 Wier sparre for wiif en for bern.

Nou stean se togearre by 't bêdtsje
 Fen 't boike, noch fêst yn 'e sliep,
 En memke fortelt fen syn boartsjen
 Mei keallen en lamkes en skiep.

Heit aeiket it mûtele wangkje
 Mei in triljende stimme seit hy:
 „Myn jonge, gjin sé scil dy hawwe
 In boer moat er waechse fen dy.”



DE ÛNWENNIGE BOER.

IN TRYNWALDSTER.

Fryslân, 1917.

As in gielgleone skiif gyng it sintsje omlegens
 En biranne rjue wolkjes mei 'n goudene seam'.
 Stadich krink'le de reek út de skoarstiens omhegens
 En fordwoun noardlik oan mei 'n ûnsichtbere stream.

Boppe blommen en grien swibben hearlike geuren,
 Dy't in twirke biwilen oer 't gea hinne bloes.
 Under 't beamt hongen tûzenen michjes to seuren.
 Fûgelliet harmonyearde mei blêddegês.

Alle wegen dy't om en nei de Amstelstêd rinne,
 Tilden yette fen wanlers, de stêdsdrokte ontroun.
 En dêr glieden swiid auto's en fytsen trochhinne,
 Men socht bûten fortier, 't wier in prachtige joun.

By 't hôf, dêr't de wolstân fen de Amstelske seamen
 Meast syn deaden bûerdget, dêr stie ien yn 't beamt,
 Dy't de greiden oerstoarre as forsonken yn dreamen.
 Hiel syn wêzen en klaijinge tsjûgen in frjemd.

't Wier in Fries: Rindert Jans, eren boer yn 'e Wâlden,
 Dy't it boerkjen mei 't stêdslibben wiksele hie,
 Dy't syn doarpke forliet en de pleats fen syn âlden,
 Do't syn soan yn 'e haedstêd studint wurden wier.

Mar it moeide him stom. Hwent mei Maeimoanne kommen
 Sjuch, do miste er syn fjilden sa rom en sa wiid.
 Al dy greiden en mieden fol stamfé en blommen
 Dêr't it fûgelte rôp, moarns al ier en bitiid.

En it slimste dat wier, it wier bard op syn driuwen,
 Hwent syn frou hie der tsjin wêst en hie yette sein,
 Om mar stil op 'e pleats yn hjar doarpke to bliuwen
 En mei tsjinnichheid wier hja nei Hollân ta tein.

Mar hja mocht der wol wêze, tominsten sa 't like,
 Hwent hja hie it der nea wer oer hawn, det 't hjar spiet.
 It minske liet nimmen ûnwennigens blike,
 Mar bywilen den hie hja in hopen fortriet.

Do't er thúskaem, siet Elske, syn frou, yn 'e slomme.
 Mar hja skrille towekker en sei mei in sucht:
 „O, bistou it! Ik tocht, hwa mei dêr nou yn komme,
 Hê, ik dreamde sa hearlik. 't Wier suver in klucht.”

„Soa,” sei Rindert. „Hwet dreamste? Wierst fier hjir fendinne?”
 „Ja, in ein,” wier 't andert. „'k Stie thús yn 'e daem.
 En ús bernsberntsjes boarten dêr ljeaf om my hinne;
 Ids, de feint stie by 't milhûs en pleage de faem.

't Wier in ynmoaije joun. Oer de greiden en mieden,
 Dy't yn 't jounsintsje glânzgen, rôp fûgelt en fé;
 Yn 't doarp geiden de bern en de klok hearde ik lieden
 't Wier in wytgjen: moarnier is der preek. Hâld dy ré!

Yn 'e five dêr sieten de mieren to harjen.
 En dat klonk yn 'e stilte sa moai en sa fier.
 Bijkes gounzen, drok dwaende om hwet huning to garjen
 En yn 't hôf floiten klysters fol wille en fortier.

Helder speeg'le de klearblauwe loft yn it wetter,
 En de beammen en blommen, as woechsen hja dêr.
 Mar in ein striik der yn — mei lûdroftich gesnetter,
 En de bylden fordwounen. Hja wigg'len wit hwer.

't Jonge brúntsje kaem wrinzgjend de swarte tomjitte,
Dy't de lytsfeint nei 't lân brocht. It rypjende hea
Spraette in hearlike geur en alhiel yn 'e fierte
Snúrre rott'ljend in spoar troch it drôgjende gea."

„'k Wol nei hûs ta! Nei Fryslân!" rôp Rindert ynienen,
„Nei ús pleats en it fé. Nei ús Aef en hjar bern.
Sjuch mar net sa forheard; siker, Els, it is mienen,
'k Wol ús gea, 't âlde doarp en 'e bûrljue wer sjen.

'k Haw myn nocht fen 'e stêd mei syn huzen as toerren
En dy stoffige strjitten sa eang en sa fol.
Alles jaget en fljucht hjir sa twisken dy mûrren
En dat ropt en dat raest, as to Ljouw't op 'e Brol.

Dat kryoelt hjir en woelt as yn eamelters nêsten,
En dat komt en dat giet mar sa'n gânsklike dei;
Ja, in hopen begjinne earst as 't tiid is fen rêsten
En hja geane nei hûs ta as 't daget binei.

Dat „mynhear" en „mefrou" as men ljue komt to sprekken,
Dat geniich en gebûch, ba! hwet walget my dat.
En dat klaeit hjar en draeit op 'e hakken as gekken,
En dat praet yen sa fierich, as binn' hja wit hwet.

'k Bin mar amper de doar út, dan moat 'k my al hoedzje,
Hwent dat rint en dat draeft hjir sa drok oer de wei.
Mei ús beiden dan doar ik it hast net to noedzjen.
En gjinien fen dy hûnderten seit yen goendei.

Thús dêr ken 'k eltsenien. Dêr kin 'k alles ûntwike
Hwet my tsjinkomt yn 't doarp. Dêr seit elts fen „dei boer!"
Ja de guds lit my jamk syn fornoegen yet blike,
Gean 'k it bûthús ris troch ef de yster ris oer.

'k Fiel my hjir yn 'e stêd as in ljurk yn 'e kouwe.
Al dy minsken dy meitsje my skruten en wea.
Né, ik wol wer nei hûs ta. Yn eigen lânsdouwe
Wol ik wêze, wol 'k wenje, wol 'k bliuwe oant myn dea.

DE SULTAN EN DE DREAMUTLIZZERS.

W. P. DE VRIES.

Fr. Volksalmanak, 1897.

De Sultan skrille wekker yn neare, tsjustere nacht.
 Hy fleach forheard it bēd út; lûd rôp er om syn wacht.
 In heap fen tsjinnars stoarme op 't roppen fen hjar hear
 Mei ljochten yn syn keamer en frege syn bigear.
 Dêr stie de greate hearsker, rydboskjend, heel ûntdien,
 't Swit kobble op syn antlit, kâld wier er as in stien.
 — „Om dokter! tel om dokter! fljuch! helje dokter dochs!”
 Rôp de earste fen 'e tsjinnars. — „Né, dāt is mar omdochs.
 Gjin dokter kin my helpe, né, praet my der net fen;
 Mar helje Abdul Hafiz, dat is in wize man.
 My pleagen tsjustre dreamen” sa spriek de greate hear.
 „Abdul scil my forklearje dy dreamen swier en near.”
 Tel fleagen tsjinnars hinne nei Abdul Hafiz' hûs
 En kloppen him to wekker út slommer en út sūs.
 „Kom, hastich nei de Sultan; dy sit yn eangstme en swit;
 Hy kin gjin rêst wer fine, net earder oant er wit
 Hwet fen 'e dream de sin is, dy 'm makke sa oerstjûr,
 Kom, ringen nei 't paleis ta; dêr 's goede rie nou djûr.”
 En Abdul Hafiz kuiere mei nei de Sultan ta.
 „Dit kin in foarntsje wirde, sa't ik komselden ha.”
 Sa tocht er yn him selme. It foarntsje krige er ek,
 Mar 't scoe him sûr opbrekke, lyk as de houn it spek.
 Hja kamen by de Sultan; do spriek de greate hear:
 „My pleage, Abdul Hafiz! in dreambyld swart en near.
 Ik drôge: út myn mûle ûntfoel my foar en nei
 De iene tosk nei de oare; op 't lêst wier alles wei.
 Nou wol ik fen dy witte hwet 'k dêr fen tinke moat
 Ik hoopje, det dit dreambyld for my gjin moeite ynhat.”
 Nou, Abdul seach hiel earnestich en diigre nei de groun;
 Do mike er nei de Sultan en sei: „O Hear, 'k ha 't foun.
 Jins dream, o greate Sultan, dy sprekt fen ûnk en leed.
 Dat oer jins holle hinget; de himel is jo wreed.
 De toskan, dy't j' ûntfoelen, dat binne jins frouljue en bern,
 Dy j' allegearre foar jo op 't tsjerkhōf scille sjen.

Ja, al jins migen scille...." Mar Abdul koe net mear,
 Hwent, 't antlit wyt fen lilkens, bigoun de greate hear:
 „Dou doogniet aste biste! sa'n onk foarseiste my?!
 Kinstou dyn eigen onk ek? foart rakkert! wei mei dy!"
 In wink — en tsjien pear hannen hien' ringen Abdul boun.
 De dea yn 't sâlte wetter, wier 't foarntsje, dat er foun.
 — „In oare dreamútlizzer! dizz' okse wit fen neat!"
 En ringen komt in oaren dy Sultan's dream oanheart.
 Dy sette in blide troanje en froalik klonk it nou:
 „Lok, greate hear! en segen foarseit dy dream oan jo.
 Lang scil ús Sultan libje, hwent klear is 't as de dei:
 Jins migen — 't binn' de toskên — gean all'gear foar jo wei.
 Jy scille hjar oerlibje; ho lokkich is ús lân
 Dat 'n lange rige jierren bistjûrd wirdt fen jins hân."
 — „Dou bist in man út tûzen, in master yn 'e kinst."
 Rôp bliid de greate Sultan; „for ivich hast myn ginst.
 Swiid wol ik dy bileanje; siz op, hwet woste ha?
 Al is 't ek noch safolle, ik siz 't dy dalik ta!"
 — „Heil, heil! ús greate Sultan!" sa klonk it lûd yn 't roun,
 In lange rige jierren fen Allah's hân him jown!"
 Ien fen 'e tsjinnars glimke en tocht: Nou is 't dochs bryk!
 Hja seien beide 't selde, *mar seijen 't ûngelyk!*



KRUSTOCHT TSJIN DE FRIEZEN.

WIERSMA.

Swanneblommen, 1885.

Yn oerâlde tiden do wennen der Friezen
 Oan d' igge fen 'e Eems, oan de Elbe deun ta;
 Hja minden de frijheit en 't rjucht wier hjar alles,
 Dat ginden se in oar, mar woen' sels it ek ha.
 Dat wierne de Stedingerljue en de Woarster,
 Dy wennen yn 't Noarden nei Denemark ta;
 Hja bouden hjar lân, diene nimmen nin oerlêst,
 Mar moast it, dan fochten se as liuwen ek ta.

Ik wol fen dy Stedinger Friezen hjir telle,
 Mûlk fjûrret it yette de iver hwet oan
 Fen 't Friezene slachte, fen âlden en jongen,
 For 't eabele stânfrysk, nou bynei forstoarn.
 Nou saun ieuwen lyn hast, do hiene dy Friezen
 Fen Bremen en Oldenborch lêst by de rûs;
 Dy woene hjar knipe en drilje by tiden,
 Mar 't Stedingfolk wekke by hiem en by hûs.

Yn toalfhûndert trettsjin do scoe 't lykwol wêze;
 De biskop fen Bremen, graef Burchart, dêr by
 Graef Herman fen Lippe, dy brochten al skielik
 In leger yn 't fjild fen „hwet-binne-jy-my.”
 De Stedingers teagen hjar fjinden to miette;
 Hja fochten as lieuwen, hja tsjinnen hjar lân,
 Det ringen do lieten de Bremers it sitte
 En Herman fen Lippe dy biet yn it sân.

't Wier d' oare deis Krysttiid; do hawwe hja songen,
 Do fierden hja feest en do tanken hja God;
 Do wier it ien blydskip by âlden en jongen.
 Dat lok wier it lêste yn it Stedinger lot.
 De biskop wier gleon, hwent it stiek him omreitsen;
 Wraek woe er en 't middel hie 'r tel by de hân;
 Hy hie mar dy Friezen ta ketters to meitsen,
 Dan fleach dêr de pauslike banflok oer 't lân.

In edelfrou gong yn 'e tsjerke;
 It wier der iensum, stil en koel;
 Hja koe nin inkeld minske merke
 As „hear-om,” sittend yn syn stoel.
 Hy siet dêr om de bycht to hearren
 En d' edelfrou gong nei him ta.
 Mar sjuch, dy hiele bycht mislearre,
 It kaem net ienris dêroan ta.
 De pater seach hjar oan, do struide
 De Kweade yn 't hert him 't kweade sied
 't Boarst gyng him op en del as weagens

Sa't hy de bychtstoel tel forliet.
 Hy bychte sels nou, dat syn herte
 Yn brân stoe for dy edelfrou;
 Hy spriek hjar fen syn djippe smerte
 En fen syn ljeafde fêst en trou;
 En do.... en do.... Hjir moat ik swije,
 Mar 't wyfke ûntwykt tel oan syn hân. —
 Hjar man wier pûr, scoe hy soks lije?
 Hy sloech him dea mei eigen hân.
 De biskop komt dy saek to hearren,
 Hy easket op dy dryste Fries,
 Om for it presterbloed to stjêren,
 Dat dy forgeat sa sûnder griis.
 Mar nimmen woe dêr eat fen witte.
 „Wy diene 't selde yn syn gefal”
 Seine hja, en lieten 't dêrby sitte.
 Sa kaem dy biskop dêr to pal.

Mar dat ropt om wrake oer de Stedinger lannen:
 De tsjerke fortrape! hjar prester forslein!”
 In brief wirdt de paus skreaun dy Friezen to bannen:
 It moat mei dy Stedinger ketters oan 'e ein.
 En Koenraed fen Marken bilekket de Friezen
 En skelt hjar foar 't tsjerkhaed as divels allyk;
 „Hja bidde de pod oan, krûpe dêrfoar yn 't slyk;
 Hja barne en moardzje rounom hwer't hja komme;
 In pleach en in lêst en oars neat is dat folk;
 't Is ûnkrûd yn 't noat, 't is in pest for de frommen,
 Fordylgje se, Fader! mei swird en mei dolk!”
 De paus skriuwt it banbrief; de krústocht wirdt preke,
 Men hellet mar alles hwet lik is der by.
 Heal Tsjutsklân komt op, sels út Nederlâns streken
 Tsjocht m' op tsjin dy Friezen sa dryst en sa frij.
 It krús op it skouder, dêr tsjogge hja hinne
 Mei Hindrik fen Brabân, Graef Floris sawier,
 En Diedrik fen Marken, safolle der binne
 Fen greaten en lytsen, fen hein en fen fier.
 Earst geane dy greaten yn Bremen nei tsjerke;

Men freget de seining fen God oer it wirk
 Om minsken to slachtsjen! — Scoe nimmen it merke
 Ho'n hún mei dat bidden dêr opstiicht nei 't swirk?
 It wijwetter hill'get de swirden en dolken
 Ta tsjinst fen Gods sake, sa jowt men 't de skyn,
 En fjirtichris tûzen út alderlei folken
 Dy tsjogge de Stedinger fjilden nou yn.

De Stedingers binne ien fen sin,
 Hja steane as mannen fêst,
 Hjar oantal is wol fierstomin,
 Mar dat is hjar gjin lêst;
 't Is âld ef jong, 't is wiif ef faem,
 Hja binn' der allegear':
 Hja witte 't, nou 't safier kaem
 Is 't winne hjir ef stjêrr'.
 By Alternesk dêr stean' hja klear,
 Dêr komt de fijân oan;
 Dy sjonge missen for de Hear';
 De Friezen hearre 't oan,
 En mannich roun de grize al oer
 Do't hy sa'n leger seach;
 Mar Bolke en Tamme, Friezen stoer,
 Mei 't frijdomsfjûr yn 't each,
 Dy witte fen nin skriljen net,
 En kreftich klinkt hjar wird;
 Dat flimet djip yn elkmes hert
 En 't makket ider hird.
 It folk gleon, mei flamjend each
 Forachtsje hja de dead,
 De fijân smyt' hja op syn rêch,
 Hja fjuchtsje en tinke om neat
 As „ljeaver dead as slaef binn' wy.”
 En ho't de oermacht kringt
 To feller stiicht hjar moed dêrby,
 Dy hjar ta fjochtsjen twingt.
 De graef fen Brabân hâldt gjin stân,
 By tûzenen der falle;

Graef Hindrik leit ek dea oer 't lân
By al dy tûzentallen.

't Wirdt joun; 't stiet jimmer så ef så;
Der komt graef Diedrik oan;
Syn hynzers fleane er gleon op ta,
Nou is de hoop forstoarn.
De nije striid wier 't lytse folk
To oermansk, en al to rêd
Oerkaem hja sokken tongerwolk.
En stjert hjar moed ek net,
Hja moatte wykje, 't kin net oars;
Ho 't hja hjar ek yet warr',
Graef Diedriks folk is hjar to boas,
Sa'n oermacht lit gjin kar.
Hja fljuchtsje foar dy stoarm, sa wyld.
By heapen wird' forslein,
Sa 't skielk it hele oarlochsfjild
Mei deaden is bilein.
Nin kampstriid is 't, in moardzjen is 't
Dat 't folk fornielet, deit,
Dat fen gjin oar kwea ea hwet wist
As dat 't for binlikheit,
For rjucht en frijheit doarst to stean.
Dêrom moast 't wei, alhiel forgean!
Dêrom moast men 't forgrieme!
Hwa scoe der net om skrieme!

Seis tûzen boeren lizze der
Mei wiif en bern omkâld,
En fjouwer tûzen ljue mei 't krús
Forlieten dêr de wrâld.
Sa binn' de Friezen dêr yn 't Noard
Fordylge troch de tsjerke.
Wol, lânsljue, ek út 't selde laech
Hjar namme oantink merke.
Hja fochten foar hjar hillich rjucht
Hja stoaren frij, dy braven;

Hjar dea wier 't segel op hjar wird:
 Yet ljeaver dead as slaven."
 O, ha wy yet in fonkjen oer
 Fen 't fjûr, dat hjar bisiele,
 Us frijdom, stean w' as hja dêrfor.
 Dy moat gjinien forniele.



HWET TRYNMOEI TOCHTE.

TABO WIGER.

Forjit my net, 1890.

Yn de Dokk'mer Wâlden
 Wenje Rients en Tryn;
 Rients het gnierkerije
 Winkeljen docht Tryn.

Alle Freden reizget
 Trynmoei nei de stêd,
 Om goedkeap to keapjen
 Hwet hja nedich het.

En hja reizget hinne
 Mei de âld foermans-wein
 Och, sa dydledeintsjend
 't Hiele lange ein!

Lêsten op in Freed siet
 Tryn net yn 'e wein;
 Mar hja stapte moedich
 Mei yn d' earste trein.

Men hie hjar forhelle,
 Det hja better die
 Mei de trein to reizgjen
 Om't 't goedkeaper wier.

To Feanwâlden kaem hja
 Do de jouns wer oan,
 En men frege ringen
 „Nou, foldie 't net skoan?"

Mar hja seach sa nidich
 En hja wier sa kwea,
 En fen kleare lilkens
 Skodden hjar de lea.

„Is my dat ek nimmen!"
 Rôp hja einlings út,
 'n Grouwe âlve stûren,
 Hast for neat joech 'k s' út!"

Mar in skytrich skoftsje
 Sit men yn sa'n trein,
 En wol trije ûren
 Yn ús foermanswein.

Is de trein goekeaper?
 Meits my dat net wiis!
 't Is skandalich nimmen,
 'k Siz, it is in griis!"

Ik forsiz it stêfêst;
 Nea wer yn 'e trein!
 'k Reizgje helte ljeaver
 Mei ús foermans-wein!"

Yn de Dokk'mer Wâlden
 Wenje Rients en Tryn
 Hy hat gnierkerije,
 Winkeljen docht Tryn.

Alle Freden reizget
 Trynmoei nei de stêd,
 Om goedkeap to keapjen
 Hwet hja nedich het.

En hja reizget hinne
 Mei d' âld foermans-wein
 Och, sa dydledeintsjend
 't Hiele lange ein.



SIMSONNE UTEIN.

A. M. WYBENGA.

Yn ús eigen Tael.

Dêr leit er yn 't ûnhurich gat
 Tofike fen 'e smert,
 De helt, foarhinne great en sterk,
 En nou in stobbe lyk.

Dêr kwynt er wei yn neare nacht,
 Yn tsjuster det noait wykt,
 Noait sjucht er 't gouden moarnljocht en
 De bergen Isrels wer.

Mar tsjienris tsjusterder as roet
 Is 't binnen yn syn hert,
 't Is him sa eang, sa wêmoedfol,
 In wylde lijenssé.

Hy snokkert om syn heislik lot,
 En 't walget yn him op:
 Det njirrebrod, det 'k jimmer stie
 Do 'k sterk wie, hat my nou.

Alear, o 'k die do hwet ik woe,
 'k Sloech eltse fijân del
 Ik sjoude Gaza's doarren wei
 'k Briek 't aldersterkste tou.

Né, 'k maei net ynjaen me yn dy dei
 Do 't ik foar 't earst hjar seach,
 Hja wie in Fillistynske, hja
 Bigûchle my alhiel.

„Forklearje my” o leidich kaem 't
 De ljeave lipkes út,
 En 't eachje blonk my loddrich tsjin,
 „Hwêr leit jou sterkens yn?”

Ik skoarre yn 't earst tsjin 't andert oan,
 'k Forryfle faken hjar;
 Hja toarnde en parse my sa lang
 Det ik 't geheim hjar sei.

„Honear men my myn lokken snijt
 Bin ik as ider minsk,”
 En op hjar skirte waerd ik skeard:
 God naem de krêft my ôf.

De Filistinen wierne oer my
 En bounen me as in laem,
 Hja stieken my myn eagen út
 En 'k wie mysels net mear.

O yslik waerd myn neare nacht!
 Mar dych dy pine ek sear
 Mear as it ljocht fen d' eagen mis
 Ik 't ljocht fen God omheech.

Hwet bin ik al tiden yn hjar macht!
 Ho krûpe d' ûren om!
 Is God sa hird? né stil myn siel,
 Ik dych mysels myn leed! —

Ja wier, hy suchtet hjir al lang
 Yn boeijems, tsjûk en swier;
 Mar ek is yn dy lange rek
 Syn hier wer woechsen, gânsk.

En yn syn ieren trillet sims
 In fonk fen d' âlde krêft,
 It is in ljochtstriel fen syn God,
 De dage nei de nacht.

O, as! mar né, hy tinkt net mear
 Scoe hy, de knotte beam
 Nij útsprute en wer wûnders dwaen?
 Dêr is 't to fier fen ôf!

Dêr krast wer 't hirde wird troch 't hûs:
 „Oerein! 't is tiid, oan 't wirk!
 't Giet op in dreamen, meits dôchs oan!”
 — Simsonne drôge is wei!

Men skoert him foart, men triuwt him oan,
 Hy mealt de mounle wer,
 En trillet ek syn herte oerstjûr
 Syn haters merke it net!

* * *

In freugdesang, in jubelliet
 Giet oer it hiele lân,
 't Rûz't jûchjend troch fen stêd oant stêd
 't Brûz't weagjend oer it strân:

„De Filistyn is fier de baes
 Oer 't delbûke Israël
 Dy frjemde ynwrotters binne nou
 Der glêd forslein by del.

„God Dagon hat dit wûnder dien
 En oan syn tsjinders tocht!
 Hy weitse oer ús, mei 'n blide geast
 Oan him nou d' eare brocht!”

De greate dei brekt oan, dy't elk
 Fen freugde opspringen docht,
 It bloed fen d' offers streamt troch 't rom,
 't Folk balt it út fen nocht.

Al d' oersten mei de foarsten binn'
 Yn Dagon's hûs byien,
 Yn d' alderwyldste sangen wirdt
 d' Oerdwealskens útring dien:

„Júch reuzesoannen, Dagon ta!
 Hy joech ús macht en ear,
 Wy binne great, wy bliuwe great,
 Gjin fijân twingt ús mear!

Wy wierne liep en Simson foel
 En Isrel is forslein.
 Krûpt yn der bergen hoalen wei
 Syn krêften binn' to'nein!”

't Folk dounset dronken foar syn God,
 Ropt: Simson moat der by!
 Wy woll' de bline mealder sjen!
 't Jowt wille en nocht op nij.

Dêr bringe hja de finzene yn,
 Men liedt him by de hân,
 En nimmen ûnder al dit folk
 Sjucht him meilijend oan;

Elk spot mei d' earme sa 't er wol,
 Hy kin net ien werstean,
 Mar einlings suchtet er: „och lit
 My nei de pylders gean!”

Dêr stiet er den, ho siedt him 't bloed;
 Troch eigen skuld yn 't leech
 Sa tinkt er, mar mei stjûrt syn hert
 In bea ta God omheech.

„O sterke Heare, tink oan my,
 Tink oan myn kwea net mear,
 Ho sûndich ek ik faken dych
 Help my dizze iene kear.

Jow my, det ik hjir mei ien rok
 De fijân delslaen mei,
 Jow 't njirrebrod in iv'ge smaed
 Jins folk in iv'ge dei!"

Nou saeit yn him dy wûndre krêft,
 Hy 's helt, hy 's d' âlde wer,
 En gjalpt: „myn hân bringt my de dea,
 Mar ek jimm' allegear!"

Hy grypt de beide pylders oan
 Dêr 't hiele hûs op rêst,
 Hy dûkt him, set him skoar.... ien slach!....
 De timpel hat er west.

Ien needgjalp en de tûz'nen ha
 D' ein fen hjar húnjen foun,
 Mids ûnder pún en grús; in sé
 Fen bloed streamt oer 'e groun.

Sa reage Simson yn syn dea
 De Filistinen del,
 Gods haters krigen 't lijen thús,
 't Lok riisde oer Israël.



DANIEL BY DE LIUWEN.

A. M. WYBENGA.

Yn ús Eigen Tael.

„O Kening, wy bûgje ús hjir del foar Jou troan,
Wy fiele hwet wjirmkes wy binne!
Ho sieret Jou holle de hearlikste kroan,
O libje troch d' ivichheit hinne!

Hwet binne Jy great, oan 'e Goaden allyk
Dy heech by it stjirreryk wenje;
Wy witte ús Jou tsjinders, dy tins is ús ryk
O lit ús Jo ivichlik tsjinje!

Oan Jo ús to jaen, is it ljeaflikste nocht
Us mear as sardonix yn wearde,
We oanbidde Jo, lyk men it Goadendom docht;
Det elk Jo sa ynlik ek earde!

Jow dêrom bifel, det gjinien yn Jou ryk
Yn 't neistkommend tritichtal dagen
It weaget, oan God of oan minske in forsiik
Den inkeld oan Jo, foar to dragen.

Dy 't hjir net nei docht, foar de liuwen mei him!
Hwêrom tsjin Jou macht him to setten?
Dit mei net wer oars, it gebod hâldt syn klim
Nei Medyske en Persyske wetten!”

De flaeijerts sjugg' noeg'jend Syn Majesteit oan.
It keninklik hert stiet yn flamme
En mei in fen heechmoedens skodzjende hân
Bikrêftigt hy 't stik mei syn namme.

Yn syn went mei sielesuchtsjen
 Knibbelt Daniël,
 Heger den Darius wurden
 Stiet him 't Godsbifel,
 Scoe hy fen syn Hear net witte
 Yn it frjemde lân?
 Hy Jeruzalim forjitte
 Earder as syn rjuchterhân?

„God, o God! wy bin fol sûnden,
 Unrjucht haw wy dien;
 Goddeleaslik hat ús foarteam
 Yn Jou wei net stien!
 Dûbeld wirdich bin we al 't lijen
 Yn Jou wet biskreaun;
 Jo bin jimmer yn 't kastijen
 Binlik, rjucht en Godlik bleaun!

Heare, nei Jou greate ginsten
 Harkje nei myn stim:
 Kear Jou lilkens, kear Jou grime ôf
 Bou Jeruzalim!
 Lit oan ús Jou antlit skine
 Lyk yn 't blide alear,
 Wol ús wer oan Jo forbine
 Om Jou eigen Namme o Hear!

Net om ús gerjuchtichheden,
 Dy binn' suver neat,
 Mar wy pleitsje op Jou genade
 Op Jou ginst sa great;
 Harkje o Heare en sjuch Jou lân oan
 Fier ús út it nau,
 Bied Jou folk Jou sterke hân oan
 Om Jou eigensels: forjow.

Jy witte ek myns fijans wrotten
 Mei it kwea-gebod,
 Stypje my om ivich Jo to
 Tsjinjen as myn God.

„Darius de Kening fen 't Persyske ryk
 Oan alle de folken en tongen:
 Jimm' frede sij ivich de stjirren allyk
 Jimm' heil fen gjin lijen forkrongen!

Oan jim myn bifel, ûnforoarber gebod:
 Sa fier dit myn Keninkryk sribbet
 Elk sidderje en beve for Daniëls God
 De Foarst, dy't yn ivichheit libbet!

Nimt alles op ierde mei gauwens de wyk
 Moat greatheit en machtigens skiede,
 Dy God bliuwt bistindich en ivich Syn ryk
 Hy hearsket oer himmel en ierde.

Hy redt en forlost; dy't Him oanropt yn need
 Is frij fen yn 't lijen to bliuwen
 Syn sterkens is einleas, Hy holp Syn profeet,
 Forlamme 't geweld fen de liuwen."



DE HAMILTONS of DE HIERLOKKE FEN MARIA STUART.

Nei Theodor Fontane.

A. M. WYBENGA.

Yn ús Eigen Tael.

Lord William laei op syn stjerbêd
 Lord William Hamilton,
 Hy spriek tsjin syn soan yn syn uterst:
 „Ien wirtsje ta ôfskie, Sir John!

Ik lit dy myn hûs en myn goed nei
 Us namme en ús fierspraette rom,
 Mar heger skat ek, dizze lokke
 Myn ynljeaf, myn djûr heilichdom.

„Ik seach dizze lokke delwyndrjen
 Ho kriesde de skjirre me yn 't ear!
 Do d' eale Maria sêft bidde
 Kleau sêft ek myn bea nei de Hear.

„Do haw ik yn stillens dit wird sein:
 Yn lijen en freugd gietstû mei
 Ik draech dy by jubel en triennen
 Oan 't boarst my sa ynlike nei.

„Ik haw ûnder triennen hjar droegen
 Ik skied yn 'e dea earst derfen;
 To libjen en stjerren for Stuart
 Det wêze ek libben, Sir John!”

Lord William hie syn wird lústre
 Sir John naem it op yn syn hert
 Earst birch er wêmoedich de lokke
 Do gúlde er yn stillens fen smert.

En tweintich jier droech er de lokke,
 Do bried ek syn skiedingsûre oan,
 En rikte er mei heite lêst' sizzen
 It heilige hier oan syn soan.

De soan ek droech deun oan it boarst hjar,
 Ek 't bernsbern yn nocht, leed en drok
 Hjar erve wie trou oan de Stuarts
 De lokke brocht heil hjar en lok.

En wylst op it blinkende hynsder
 Jakobus nei Londen ta ried,
 En do 't Kening Karel op 't heislik'
 Op 't swarte skavot 't libben liet,

En do 't oan de swetten der Boyne
 „For Stuart!” it striidgerop klonk,
 De Hamiltons bleaunen de trouwen
 Al wie 't det de dea ek hjar' wonk.

En ek op it fjild fen Culloden
 Wiern' hja, do 't hjar glinsterjend each
 De stikelbanier, de biminde
 Noch ienkear heech wapperjen seach.

Wer wie 't dêr in Lord William
 En noch mar in bern wie Sir John,
 Mar 't bern focht sa f'leindich as d' âlde
 't Echt bloed makke it feintsje ta man.

En heech swaeide d' âlde syn striidris, —
 De fijan yn 't bloedrich sân biet, —
 Oant in Ingelske kûgel mei spaesje
 De strider fen 't hynsder ôfsmiet.

Hy joech oan syn soan yn syn tomljen
 De lokke trochlitsen fen bloed
 Hy hie gjin mear krêft hwet to sizzen,
 Mar stammre: „biwarje hjar goed!”

Hy hâldde it djûr erfstik fen d' âlden
 Fêstklamme oan syn hert mannich jier,
 't Jongfeintsje waerd âlder en âlder
 Mar 't herte bleau trou lyk as 't wier.

En do 't op it ein fen syn libben .
 De siken hast gyngen him ôf
 't Birjucht kaem: yn 't Suden fier brocht men
 De lêste der Stuarts to hōf, —

Do spriek er, bilitsen fen 't oantlit
 En rikte de lokke oan syn soan:
 „De Stuarts binne útstoarn, — ús trou net
 Dêr kinne hja jimmer op oan.”

Sa bleaunen de Hamiltons hâlden
 Troch d'ieuwen hjar fierspraette rom
 Mar ien ding giet hjarren boppe alles:
 De lokke is hjar djûr heilichdom.



JOHANNES DE DOPER.

A. M. WYBENGA.

Yn ús Eigen Tael.

Yn 'e krêften fen Elias
 Mei Elias geast bidield,
 Wylst er 't klopjend herte baernend
 For de tsjinst Jehova's fielt,
 Stiet yn 't gleon, toskroeid woastynsân
 Sacharias greate soan,
 En syn stimme seit it Bounfolk
 't Glansryk kommend' wûnder oan:

„Alle dalen wurde folle,
 Alle bergen falle wei,
 Krûme wegen wurde rjuchtlein
 Hwent Gods Keninkryk is nei.
 Ider skepsel scil Gods greatens
 Scil Syn sterkens eare dwaen;
 Fier oer 't ierdryk scil Gods skynsel
 Ljocht yn tsjustre herten jaen.

„Folk fen Isrel, 's Hearen erfskip!
 Bliuw net dodzjend op jimm' sté;
 Op! ûntweits út sliep en drôge,
 Meitsje 's Hearen paden ré;
 Hy, Dy 't jim fen âlds ôf laette
 Bliuwt Syn djûr ûnthjitten trou;
 Bring jimm' hert Him, bring Him fruchten
 Fen bikearing en birou.

„Lit it kweade en kweadwaen slûpe
 Siikje it heegre, o Irels team!
 'k Sjuch de bile al hotte lizzen
 Oan de woartel fen 'e beam:
 Elke beam, dy 't kweade frucht draecht
 Wirdt omkappe en wijd oan 't fjûr;
 't Skynmoai fen 'e sûnde is leedzjen
 't Bringt jim yn des Satans kloer.”

't Wie, eft berch en heuvels skrillen
 't Wie as 't kôkjen fen de sé,
 En de minsken himen, trillen
 Fielden djip it sûndewé,
 En hja fregen, near fen binnen:
 „Lizze ús út, hwet moat wy dwaen?
 Ho scill' wy Gods grime stilje,
 Him wjerhâlde om ús to slaen?”

En 's profeten eagen glinstren:
 „Lit jimm' sûndetsjinjen nei,
 Súvrje jim fen ûnrjuchtdriuwen,
 Set it herte op Goades wei!
 Wûndre dingen stean to kommen,
 God scil Syn Biloafde jaen!”
 En hy doopte, dy 't him leauden
 Yn it wetter der Jordaen.

D' oersten fen it folk der Joaden
 Stean forbjustre en glêd forslein
 Litte freegje: „hwa dôchs bin jy,
 Is jins komst alear foarsein?
 Binne jy de Kristus mûglik?
 Mei we yn jo Elias sjen?”
 „Né”, is 't andert, „'k bin Gods stimme
 'k Siz, hwet komt, oan Isrels bern.”

'k Sjuch Him al yn 's folks formidden,
 Him de Hege yn earme klean,

'k Bin Syn dimmen-froede tsjinstfeint,
 'k Mei sels yn Syn skaed net stean;
 'k Bin oerlokkich, det 'k de Heilân,
 Det ik Masters lûd fornim!"
 Ja, hy seach de Langforwachte
 En de Doper doopte ek Him.

Ut de hege himmelseale
 Saeide foar Johannes each
 As in dou de Heilige Geast del,
 — Seinjend bidde er do 't er 't seach! —
 Machtich klonk de Keningstimme
 Fen Dy 't sit op d' iivge troan:
 „'k Haw yn Him Myn wolbihagen,
 Harkje nei Myn ljeave Soan!"

Né Johannes scil net trure
 As syn oanhang mindreseart,
 „Jongren" — seit er — „ik forbliidzje
 My yn 't klimmen fen Syn steat,
 Hy is 't Laem fen God ús tastjûrd,
 Det ús sûnden op Him naem,
 Det des minskdoms wounen hilet,
 Det om hjir to goeddwaen kaem.

* * *

Yn 'e tsjustre finznishoale
 Mei in izren keatling boun,
 Leit de trouwe Godsgesante,
 En hy stoaret wyld yn 't roun:
 Hat hy den net trou syn plicht dien,
 Do 't hy oan Herodes sei:
 „Mei Jins tsjuster hanljen kom jy
 Gods en 's minsken ear to nei?"

Kin Jehova him forjitte?
 Lit de Heilige Syn profeet
 Hjir forkwine yn lichemspine,

Hjir forslaen yn sieleleed?
 En is Jezus wol de Kristus,
 Hwêrom helpt Er my den net?
 O ik kin myn wei net fetsje,
 'k Bin alhiel út myn forset.

En it kôket yn syn binnenst'
 As in woast forbolgen sé;
 Yn syn twiivl'jen leit syn lijen,
 't Lytsgeloaf nimt sielefré.
 „Freegje,” hjit er oan syn jongren,
 „Freegje oan Jezus ef Hy is,
 Dy 't oan 't folk forlossing dwaen scil,
 Nei der Skrift ûnthjittenis.”

„Siz Johannes”, sprekt de Heilân,
 „Hwet jim sjugge en ho't Ik lear;
 Deaden libje, stommen sprekke,
 Blinen sjugge it deiljocht klear.”
 En des Dopers snokkrjend herte
 Grypte it heilsfyt mear en mear:
 Jezus is gjin ierdske Kening,
 Mar de greate Sielehear.

* * *

Yn 't paleis fen d' Iduméër,
 It mei skatten optúgd hûs,
 Fiert men luftich 's Kenings jierdei,
 Gûnzet lûd it feestgerûs,
 Galmt men oer Herodes bêstens;
 En al rêdder streamt it bloed,
 Wylder spat it fjûr út d' eagen,
 Heger kliuwt it dronkaertsmoed.

Yn 't paleis fol sûndetsjinders,
 Dounset ûnbiskromme in faem,
 't Is Salome, hwaem de sûnde

Alle frouljuesskamte ûntnaem;
 Byfalsgjalpen daevrje gysten:
 „Hei! hwet prûzich, dit slacht yn,”
 En de Kening docht ûnthjittings
 Yn 'e hetse fen 'e wyn.

't Jûcht yn 't keninginneherte:
 Langernôch hat hy my stien
 Langernôch my dryst fakseare
 Nou is 't den mei gauwens dien.
 „Freegje,” seit se, „'s Dopers holle,
 'k Haw myn slach den einlings slein!”
Wylst de wrâld yn dwylsang losbarst
 Komt de fromme oan 't droavich ein.

* *
 *

Ut de mûle fen 'e Heilân
 Klinkt it oer Johannes steat:
 „Dizze wie de heilbazúnder
 Boppe de profeten great
 Ja hy wie des Hearen Ingel
 Yn it Godswird lang foarsein,
 Yn 'e krêften fen Elias
 Is hy foar My hinne tein.”



DE SÈKOB BEN.

A. M. WYBENGA.

Yn ús Eigen Tael.

De hjerst is wer harren
 Mei slinend fortarren.
 Nou diizje de dampen oer 't dodzenjende lân;
 Hwer 't simmernocht sige
 En hjerstploaits fortige
 Stjurt ploechfeint syn ris nou mei doelfêste hân.

It blânk-blinkend izer
 Delset nei de wizer
 Snijt foerge by foerge yn 'e fetlike klaei,
 De silen hahuve
 De ploechgudsen snuve
 Hja witte yn 'e strengen hjar kreften sa taei.

Deun efter de ploege
 Is 't suver birûge.
 Fen fûgels, op wjirmen en fjildmûzen út.
 Hja kêklje en hja kraeije
 Hja swinke en hja swaeije
 En wyndrje om de ploeger al iesjend op bút.

't Bin' sékobben; kloften
 Swiere del út 'e loften,
 En graeije hjar groet oan 'e griemrige groun,
 Hja binne op ús kluten
 Net skou, fier fen skruten,
 Mar sliere oer hjar tafel sa derten yn 't roun.

Mar net to bisjitten
 Binn' se op 't net-to-mjitten
 't Al gromjende, skomjende en plomjende wiet;
 Dêr polskje hjar sinnen
 Fen 't wide to minnen,
 Dêr is 't eft de sé sels syn sin yn hjar smiet!

O, sjuch se der swaeijen
 Wyld tomljen en draeijen!
 Nou stean se as toppen rjucht oan tsjin 'e wyn;
 Den f'leindich forsjittend
 De weagen oermjittend
 Mei rimpene wjukslach en kriesend gegryn.

En hjir op ús lannen
 Omset as mei hânnen
 Hja wike for 't ploechspan mar kwealk út 'e wei,

Hjir hipkje se rintjes
 Sa njuet as de hintsjes
 En pandrje de ploeger, hjar frjeon, efternei.

'k Oanbidde yn hjar njuetheit
 Gods wûndere goedheit,
 Hy liedt ek de fûgels en wiist se hjar baen:
 Wy hawwe fen noaden
 Syn hillige boaden,
 Hja komme nei 't kustlân om goed hjir to dwaen.

Sa wit ek Gods Geaste
 De ûndogenst'-forkeardste
 To bûgen, to setten nei Godlike wil,
 Yn 't herte to reitsjen
 Syn tsjinder to meitsjen,
 It wylde en ûndimbre wirdt fredich en stil.



IT WIERNEN MAR TERHERNSTERS.

D. WIJMA.

Sljucht en Rjucht, 1910.

Yn 't wetterlân dêr wenje minsken
 Hwerfen men rounút sizze kin:
 Hja binne kerels op it wetter.
 Yn silen, roeijen lang net min.
 As stoarmen bylje, weagen gromje,
 Dan gean hja noch wol 't wetter oer;
 Elk wit syn wirk: it seil hat de iene,
 De oare hat de hân oan 't roer,
 Sa strûze hja dêr oer de poellen
 To melken, al is 't waer ek mâl,
 Der kin gjin skoft forsomme wirde:

Allinne as 't fé is op 'e stâl,
 Dan krijt it boatsje of de punter
 It rêstich, 't skipke hat healjoun.
 Yn 't skiphok leit it dan oan 't ketting
 Of mar allinne oan 't tou fêstboun.
 En doare mânljue 't tige weagje
 Mei silen ef mei roeijen, tink,
 De frouljue binne ek op 't wetter
 Net minder as de mânljue flink
 Tink mar ris oan 'e seis Septimber
 Fen fiif-en-njuggentich, is 't net bryk?
 Do setten twa noch jonge frouljue,
 Terhernster mânljue kras in pyk.

Sjuch, op 'e Geu, dêr swabbert Eisse,
 In fiskerman al tige âld,
 It waeit in hele stoarm, o freeslik!
 It hert yn 't liif dat wirdt yen kâld.
 Bitinkt men mar, hwet kin der barre!
 Hwent as er net gelokkich is,
 Syn punter scil omteare kinne
 En dan fordrinkt er, dat is wis.
 Hwent hwa kin mei dit waer him rêdde?
 It wetter is to wyld, o wé!
 Dêr teart er om, gjin mânljue doarre
 Him helpe, nimmen giet út 't sté.
 Moat nou dy earme man forsûpe?
 To mânljue, weagje it ear 't er sinkt:
 It is sa moai in minskelibben
 To rêdden, en as hy fordrinkt
 Den kinn' jim net mei wierheit sizze:
 Wy koene dêr net hinne gean.
 Hwet, doar Jim net? Jim binne stakkers.
 Sjuch, fammen doare it wol bistean.
 Marije en Jakobe, sisters,
 En bern fen Gerrit Jorwerda,
 Dy sitte der al oan 'e riemen,
 Dy doare wol nei Eisse ta.

It wetter spat, de stoarm mei raze
 Al slacht it boat ek soms torêch,
 Hja komme dêr't hja wêze wolle
 En ha d'âldman ek gau yn 't each.
 Hy hinge yet mar oan 'e punter.
 Hja grypten, de earste kear wier't mis,
 Mar 't waerd foart daedlik wer probearre,
 En do wier ek de greep goed wis.
 De man wier redden troch twa fammen,
 Noch beide jong, hwent dit is wier;
 De jongste telde sechstjin simmers,
 En de âldste wier mar achttjin jier.
 Hjar âlden werne yn Terherne,
 En wenje er noch; dy frouljue net;
 Hja boasken en hja teagen beide
 Nei oare plakken. Witt' jim net
 Hwer't nou hjar wenplak is? Nou harkje:
 Yn 't doarp oan spoar en Boarn, 't is wis
 Elkien kin wol ynienen riede,
 Det dat it fleurich Akkrum is.
 Dêr wennet Kobe, en hjar sister
 Marije is nei Wytgaerd ta tein;
 Mar dêrom is hjar hert en tinken
 Terherne net alhiel ûntflein.
 Sa nou en dan gean beide sisters
 Noch nei dat plak, hjar mem en heit
 Binn' beide al âld, de sisters witte
 Wol hwet 't tichst by 't herte leit.

En krigen se ek in earelintsje
 For hjar flink dwaen? Sa freegje jim,
 Och minsken! siz hwer scoe dat hinne!
 In lintsje oan frouljue? 't Is to slim!
 Dat kin dochs siker net, scoe 'k tinke.
 Né, fjuchtersbazen moatte ien ha,
 En hat men sims ris ryklik sinten,
 Miskien, mar 'k wol 't gjin namme ha,
 Kin dan ek immen ien bisette;

Mar dy't ien ha wol, ried ik oan:
 Nim tsjinst nei d' East en fjuchtsje tige.
 Ik wedzje er op, dan lokt it skoan.

In Amsterdammer makke in printsje:
 Och, hie dy stimper it mar net dien,
 Dan hie er ek, dit mei men sizze,
 Syn greate flaters net bigien:
 De beide fammen steane yn klompen,
 En hawwe in wite mûtse oer 't hier.
 Hwer sjocht men oait sa Fryske fammen?
 O teikenmaster! hiest it blier
 En frjeonlik kopke fen dy sisters
 Ris sjoen op dy Septimberdei,
 Dan hiest ús licht hwet oars sjen litten,
 Nou siz ik, dat ik dy bikle.

Ik bin oan 't ein, en frouljue! 'k winskje
 Oan jimme, dit is myn bislút:
 In tige lang en lokkich libben!
 Hjir is myn rymlerij mei út.



DE TURFKEAPMAN.

R. ZIJLSTRA.

Sljucht en Rjucht, 1911.

„Turf! Turf!
 Beste waar, koop ze maar,
 Puike waar, neem ze maar,
 Voor een beetje ben je klaar!”

Sa gyng Ate mei in karre
 Dei oan dei de bûrren troch,
 Hy hie turven yn negoasje
 Moatte jimme witte, sjuch!

Turven, dy't net barne woenen;
 Flantrich, en sims tige wiet.
 Mar dat koe de man net helpe,
 As men soks him witte liet.

Net allinne minne soarte
 Hied er folle, né, hy koe,
 Sa 't er sei, net bêst ûnthâlde,
 As er faek oan 't tellen woe.
 Dy't dan turf fen Ate krige,
 Krige meastal fiersto min,
 En as immen dêroer klage....
 Dan wier 't kommen by forsin!

Master hie ek hûndert krige;
 Him bilytse syn getal.
 „'t Lijkt toch vreemd” sei hy tsjin jiffrou,
 „'k Heb geen honderd.... ben je mal!”
 Master en syn oare helte
 Telden do de hûndert oer.
 Krigen do mar fiif-en-sauntich....
 Minsken, hwet in pik yn 't fjûr!

„Turf! Turf!
 Beste waar, koop ze maar,
 Voor een beetje ben je klaar!”

Sa wier Ate wer oan 't sjongen,
 Yn 'e bûrren mei syn turf.
 Nearne dêr't hy him oan steurde,
 Né, de keapman wier net skurf!
 Mar in stapkemannich fierder,
 Dêr stie masterske yn 'e doar.
 En hja wonk al gau oan Ate:
 „Kom eens even bij mij voor!”

Ate kaem, en naem heel frjeonlik
 't Petsje for de jiffrou ôf.
 't Minske seach mar frijhwet brimstich;

Ate sei: „Hwet is 't jiffrou?“
 — „Wel“, sei jiffrou, „minne turven
 Krijg ik van je.... ja, en dan....
 'k Heb in plaats van honderd kregen,
 Fijf-en-zeventig, man!“

— „Hwet seit jiffrou?“ andere Ate,
 „Ja fensels, dy turf, oars bêst,
 Is hwet wiet troch 't folle reinen;
 'k Kin 't net helpe; 't is in lêst!
 Mar dat oare dat jy sizze....
 „Jiffrou, dêrmei binn' jy mis!
 Lit mysels dan yetris telle,
 'k Leau det dat in ljeagen is!“

„Goed,“ sei jiffrou, en de keapman
 Telde do de turf wer oer,
 Hy moast dat hwet snoad bilizze,
 't Waerd oars licht in minne toer.
 Ate telde: „Ien, twa trije,
 Hwet is 't himmel waer, jiffrou!
 Njuggen, tsien en ien is âlve,
 Telle.... ja, it stekt hwet nou?“

Sauntjin, achttjin, njuggentjin, tweintich,
 Ien en tweintich, ja, och, sjuch,
 Saun-en-tweintich, acht-en-tweintich,
 Dizze turf is neat to droech!
 Mar 'e.... fensels, saun-en-tritich,
 't Is ek slim, hwet hat it reind,
 Fiif-en-fjirtich, seis-en-fjirtich,
 Saun-en-fjirtich... 'k Ha 't al seind!“....

Acht-en-fjirtich, njuggen-en-fjirtich,
 Mar ik kin der neat oan dwaen!
 Jimme kinne, twa-en-sechstich,
 My dêroer it leksum jaen....
 Trije-en-sauntich, fjouwer-en-sauntich,

Sjuch, ik sit er ek net yn!
 Fiif-en-tachtich, seis-en-tachtich,
 't Hinget ôf fen waer en wyn!"

Twa-en-njuggentich... Mar 't giet sa,
 Wy krije dan in komplemint
 Fen omreitsen, trij-en-njuggentich,
 Fen in teapert ef serpint!
 Hawar, fjouwer-en-njuggentich
 Fiif-en-njuggentich.... 'k Sjuch yn
 Masterke, da's seis-en-njuggentich
 Jy binn' mis, jy binn' hwet blyn!"

Saun-en-njuggentich ha'k jiffrou!
 Sjuchris hwet in turven — fjûr!
 Acht... al njuggen-en-njuggentich
 Hat jiffrou it yn 'e loer?
 Ien er by, nou haw ik hûndert....
 Dus jiffrou, jy binne mis!
 Kom nou op mei al jou praetsjes.
 Sjuch jou dat it tal der is!

Jimme kinne my wol danich
 Oer de strjitte bringe sa!
 Hwet ha 'k mei dy praetsjes nedich,
 Dy't gjin groun fen wierheid ha.
 Ik haw jiffrou dit to sizzen,
 Sizze jy soks tsjin in oar....
 Dan haw 'k hjir de plysjemannen
 Hastich by jimm' foar 'e doar!"
 De frou sei: „'t Liket my sa ta
 Ik moat fen jo gjin turf mear ha."



54b26
 —
 908

